

It geheim fen 'e stratosfear

Hein F. Faber

bron

Hein F. Faber, *It geheim fen 'e stratosfear*. Brandenburgh & Co., Sneek 1937

Zie voor verantwoording: http://www.dbnl.org/tekst/fabe002gehe01_01/colofon.php

© 2014 dbnl / erven Hein F. Faber



De bitingsten, dy't nedich wierne.

Do't master yn skoalle de jonges for 't earst hwet oer algebra fortelde, seach Jelle ris nei Haeije en dy seach fensels Jelle ris oan.

It wier net sa slim to rieden, ho't Jelle oer al det moais tocht, hwet master dêr fortelde. It wier krekt eft er sizze woe: 'Al wer hwet nijs, mar net folle goeds.'

Hy tocht det nou wol, mar hy sei it net.

En, om't Jelle det tocht, tocht Haeije it ek, hwent Jelle wier for Haeije de man, dy't nea gjin ûngelyk hawwe koe; det bistie net.

De oare man fen 'e trijekaert, reade Wibe, hie der alhielendal gjin erch yn, hwê't master it oer hie, hwent âldergewoante siet er wer heal ûnder 'e bank hwet to binifeljen, det al syn oandacht easke, sadet der for master syn útlizzerij fen a en b neat fen syn oandacht oerbleau.

Do't Jelle nei skoaltiid thúskaem, fortelde er syn Heit daliks, hwê't master it oer hawn hie.

'Tink nou ris oan,' sei Jelle, ' $a + a = 2a$ en $a \times a = a^2$ en det is mei b krekt allyk en mei alle oare letters ek. Men scoe sizze, net? Ja, wy hawwe hiel hwet leard fen 'e moarn. $a + b = a + b$ en $a \times b = ab$. Nou, hwet seit Heit dêrfen? It is by my noch healwizer, as jiertallen!'

Mar Jelle syn Heit, dy't stjûrman wier op 'e greate feart, tocht der al efkes oars oer.

‘Jelle,’ sa hie syn Heit sein, ‘dêr kinst net gau tofolle fen leare. Det is in part fen wiskinde en sûnder wiskinde wier der fen de hiele technyk net folle tolânne komd. Nou kinst det noch net goed ynsjen, mar ik ried dy àl oan, om dêr tige dyn bêst mei to dwaen. Sa botte folle wirk scilst der wol net fen hawwe, hwent Friezen hawwe ornaris goede wiskindekoppen.

Om't Heit for Jelle wier, hwet hysels for Haeije bitsjutte, hie er tige syn bêst dien.

Hiel hwet jierren binne yntwisken forgien en Jelle is der in earsten baes yn wirden. Haeije hat yn dy tiid ek sjoen, det it dochs net sa gek wier as 't yn 't earst wol like, en Wibe hat útfoun, det nifeljen en wiskinde skoan togearre gean kinne.

Troch de minne tiden hawwe se it noch net yn praktyk bringe kinnen, oars net as for hjarsels. Mar ho raer as it ek lykje mei, hie ien fen de boppesteande dingen net sa west, den hie dit boek nea skreaun wirden.

Haedstik 1. *Seinen út 'e Stratosfear.*

Neidet de Sudersé yn Sudermar foroare is, komt it waed net mear ûnder wetter: en is it nou in ûnbidige sânflakte wurden. Sa fier as min sjen kin, oars neat as ien greate plaet, sa't it liket, sa sljucht as in biljertlekken. Men sjucht der neat as de tûzenen skulpen, dy't wyt blikkerje yn 'e sinne op 'e rêggen.

Mar né, dochts net al hielendal neat. Ticht oan de wettersigge, op in hege rêch stiet in houten húske, mei in eintsje der ôf, oan 'e waedkant, in hege peal. Fen dy peal nei det húske rint in tried; in antenne.

Yn det húske, det mar út ien keamer bistiet, sjucht it der tige geheimsinnich en geleard út. Oeral oan 't lewant hingje frjemde apparaten en ek op de planken, dy't for tafels tsjinst dogge, steane nuvere mesyntsjes.

Dit is nou it laboratorium fen Jelle.

Trije jongkeardels sitte dêr op eigenmakke stoeltsjes, elk mis mei in koptillefoan oer 'e earen.

‘Hearst al hwet, Jelle?’

It is Haeije, dy't det freget. Hy is achttjin jier, net oerdiedige great, mei in goedlik gesicht, klare blauwe eagen en steil, ljocht hier.

Jelle, in great, bonkich jongkeardel, mei in great

bosk ljocht krolhier, sjucht efkes op, mar seit neat. Hy kipet efkes nei in boerd mei mjitynstreminten flak foar him.

De wizers fen al dy ynstreminten wize elts hwet oars oan mar allegearre byinoar fortelle se him, det syn apparaetsjes yn oarder binne en det it dêr net oan leit, det er neat heart.

Hy sjucht efkes nei Reade Wibe, dy't fen itselde slach is as Haeije, mar mei in bosk hier dêr't er syn bynamme oan to tankjen hat, dy't mei in lytse moator oan 't pielen is.

‘Ho fier bist, Wibe, kin 't hast hwet wirde?’

Wibe faget him it swit fen 'e foarholle en seit:

‘Wêz dochs net altyd sa pûr hastich, ha mar efkes gedild, 't is daliks klear.’

Wibe arbeidet fierder en 't is wer stil yn 't frjemde keammerke.

‘Klear!’ ropt Wibe op 't ûnforwachtst.

‘t Scil tiid wirde,’ gnoarret Jelle.

Hy hellet in skeakelder nei him ta en foartdaliks heart men it gounzjen fen in elektryske moator.

Det is tige frjemd, elektrisiteit sa mar oan 'e kant fen it waed, flak by sé.

It is frjemd, mar net for Jelle en syn maten. Jelle brûkt de druk fen it wetter fen 'e Sudermar for syn moator, dy't hy mei de help fen syn beide maten yn elkoar set hat. Maklik hat det net west, mar hja hawwe trochset, en nou rint de moator.

Jelle sjucht nei in mjitter op it boerd wylst syn hân in knop forskout. Hwet mear hy de knop foartskout, hwet heger de wizer fen de mjitter omheech kliuwt.

De oare beiden hawwe hjar tillefoan ôfdien en binne der by kommen to stean. Inkeld Jelle hat nou noch de tillefoan op 'e holle.

Alle trije sjugge se nei in mjitynstremint.

‘Sa scoe 'k mar ris ophâlde,’ seit Haeije, ‘aste sa trochgiest, forbarnst strak de hiele boel noch.’

‘Ja,’ falt Wibe him by ‘de spanning is nou heech genôch, sa kin it wol.’

‘t Moat noch folle heger kinne,’ seit Jelle en sjucht nei in blêd pompier foar him, dêr't in hiel soad formules op steane.

‘Mar, it is wier, it kin sa wol. Ik scil ris bisiikje, eft ik Amearika ek to pakken krije kin. Hastû de antenne goed neisjoen, Haeije?’

‘Ja, dy is yn oarder, dû hiest it sels net better dwaen kinnen. 'k Haw him krekt sa makke astû my sein hast, alhiel neffens dyn birekken.’

‘Nou, dêr giet it hinne,’ ropt Jelle.

Hy drukt op in pear knopkes en trije lampen bigjinne to gloeijen. Nou taest er nei de seinkaei, dy't flak by syn rjuchterhân oan de eigenmakke tafel fêstskroefd is.

De oare beiden sette gau hjarren tillefoan wer op.

Jelle seint. Syn hân giet linich op en del en stjûrt de morseteikens de antenne yn, dy't der for soargje moat, det er se de ether ynslingert.

As Jelle op 't lêst ophâldt, harkje se alle trije skerp yn hjar tillefoan eft se ek hwet hearre as andert op Jelle syn tillegrafearjen.

Efkes is 't wer stil.

‘Ja,’ ropt Wibe ynienen, ‘ik hear hwet.’

Nou hearre de oare beiden it ek.

Hastich skriuw Jelle op, hwet der troch de ether op him takomt. Hy heart it as stippen en streken, mar hy forstiet it skoan. As er wer ophâldt mei skriuwen, seint er noch efkes en skeakelt den de boel ôf.

‘Yn oarder, jonges,’ seit hy tofreden. ‘Wy hawwe Amearika hawn. Myn systeem wier goed. Ek de moator hat it bêst dien. Mar ik haw greatere plannen as in bytsje getillegrafear ef getillefonear mei Amearika.’

Ynienen hâldt er op en bisjucht mei oandacht, hwet er dêr krekt opskreaun hat.

‘Frjemd,’ seit er en skodhollet.

‘Hwet is frjemd!’ freget Haeije.

‘Det ik wer andert krige ha fen de Greate Unbikende, fen X. Salang as wy nou oan 't bisiikjen binne, is hy stêfêst by dyjingen, dy't ús oprop hearre en andert jowe.’

‘Ja,’ seit Wibe, ‘det is tige nuver; dy skynt op alle weachlangten to harkjen. Dû hast dochs nou wer in oare weach brûkt?’

‘Wis al,’ andert Jelle, ‘ik seinde nou op 'e achttsjin sintimeter.’

‘Nuver,’ komt Haeije nou ek, ‘ho kin dy fint nou krekt wer op achttsjin sintimeter sitte. Ik bigryp der neat fen!’

‘Ik tink,’ andert Jelle him, ‘det dy man, ef hwet it den ek mar wêze mei, folle fierder is as wy en det hy harkje kin nei alle weachlangten, dy't mar for radio yn gebrûk binne.’

‘Ja, mar,’ giet Wibe der tsjin yn, ‘hy kin dochts mar op ien weachlangte tagelyk harkje.’

‘Miskien,’ seit Jelle, ‘hat hy in apparaet, det automatysk oanjowt as der seind wirdt op weagen dy't ornaris net yn gebrûk binne. Mar, ho den ek, X. is sa nijsgjirrich as in hin mei in glêzen gat. Hy freget my tominsten it himd sahwet fen 't gat. Hokfor ynstallaesje ik brûk, hofolle stream yn 'e antenne, hwêr't ik krekt sit, hwet for lânsman ik bin en hwet it doel fen myn seinen is. Ik wit net ho't it komt, mar it leit my mar sa by, det dêr net alles is sa't it heart. Der sit hwet mear efter as sljuchtwei hinne en wer.’

‘Witstû krekt hwêr't hy sit?’ freget Haeije.

‘Né, hy jowt ek nea gjin goed biskie.’

‘Kinst him net peile?’ freget Wibe.

‘Dêr seist sahwet!’ ropt Jelle bliid, ‘as er syn formogen opjaen wol, scoe ik it wol útrekkenje kinne, tink ik. Foart mar ris bisiikje.’

Wibe set de moator wer oan, wylst Haeije en Jelle in kaske foar 't ljocht helje dêr't in lytse, draeibere raemantenne op stiet.

Haeije is al gau drok dwaende mei forskate triedtsjes fêst to meitsjen oan batterijen, dy't er hjir en dêr by elkoar siket.

Jelle sjucht ûndertwisken nei eft alles noch yn oarder is mei 't apparaet sels. Syn ûndersiik liket goed út to fallen, hy glimket tominsten foldien en ropt: ‘Alles klear?’

‘Ja,’ anderje syn maten.

‘Haeije, den dû oan de rjuchtingsiker. Tink derom, detst him goed peilst, wylst ik mei him

dwaende bin. Mar wêz foarsichtich, foaral net peile as ik oan 't seinen bin, hwent den forbarnt de hiele boel. Bigrepen?’

‘Yn oarder!’ jowt Haeije ta biskie, dy't ûndertwisken de tillefoan al wer opset hat, lyk as Jelle ek al, dy't nou foar de kaei sitten giet.

Foardet er bigjint, seit er noch tsjin Wibe: ‘Sa gau as ik ophâld mei seinen, foart de moator útskeakelje. Scilstû dêr goed om tinke?’

‘Wis al!’ anderet Wibe, dy't al mei de hân oan de skeakelder stiet.

‘Klear!’ ropt Jelle, ‘t giet oan!’

De moator bromt en gounzet. Fûnken dounsje twisken de kontakten fen de seinkaei.

Fierder is alles stil yn 't keammerke.

Haeije en Wibe sjugge fol forwachting nei Jelle, dy't mar oan 't seinen bliuwt. Oan ien tried wei tikket de kaei... duut-da-duut-duut... duut-duut-duut... da-da-duut... da-duut-da...

Einlings en to'n lêsten is er klear.

Floep, hellet Wibe de skeakelder oer. De moator rint noch efkes troch en swijt den.

Haeije draeit mei de raemantenne en siket om de teikens fen de Greate Unbikende.

Jelle harket.

Nei in skoftsje stekt Jelle de finger omheech en seit: ‘Dêr is er wer.’

Gau sjucht er noch efkes nei Haeije: ‘Tink der om, nou moatst him net misse.’

Jelle skriuwt wer hastich op hwet er heart. Den grypt er nei de kaei.

Wibe jowt Haeije in teiken en set den de moator wer oan.

Jelle seint wer efkes en harket wer.

Sa giet det in skoftsje; seine, skriuwe, skriuwe en seine. Op 't lêst hâldt er op en docht syn tillefoan wer ôf.

Wibe skeakelt de moator wer ôf en it gounzjen hâldt op.

‘Hast him fine kinnen?’ freget Jelle tige binijd oan Haeije.

‘Nou, forgoed,’ andert dizze, ‘ik haw him wol fiifkear peild, en de peilingen kamen allegearre op itselde del. Sjuch, hjir hie ik him, suver noard. Men scoe hast sizze, det er op de Noardpoal siet.’

‘Prachtich!’ ropt Jelle optein, ‘en my hat er opjown ho great syn formogen wier dêr't er mei arbeidet en ek it systeem fen syn ynstallaesje. Nou wol 'k den dochs ris sjen eft wy net útrekkenje kinne, hwêr't X earne úthinget.’

Hy nimt pompier en potlead en bigjint to rekkenjen. It skynt net ta to fallen, hwent faken moat de rekkenliniael der oan to pas komme. Hy sjucht greate tabellen nei fen formules, dy't hy sels makke hat.

Wibe en Haeije sitte der by en sizze neat, hwent se witte wol, det er net steurd wirde mei. Helpe kinne se dochs net folle, hwent mei dy wiskestige birekkeninge komme hja dochs lang net oan Jelle ta. En hja witte, det it net maklik is, hwet er dêr nou ûnder hannen hat. Der moat mei alles rekkening hâlden wirde.

Om mar ris hwet to neamen. Mei de wjerkeat-

sing fen de koarte radio-weagen tsjin de Haevyside-laech, in soarte elektro-magnetyske spegel, neffens Jelle syn birekkening sahwet hûndert Kilometer boppe de ierde. Om't de radio-weagen, lyk as 't ljocht, rjuchtút geane, scoene se fensels al ringen fen de ierde ôfwêze, om't dizze roun is. Mar dy spegel stjûrt se wer werom. Det is ien. Den mei de absorpsy ef it opsûgend formogen fen det part fen 'e wrâld dêr't de weagen oerhinne reisgje. Fierder noch mei de tiid, hwent it is in great forskeel eft se by tsjuster ef by deiljocht troch de ether stouwe. En sa binne der in soad fen dy dingen. Mar Jelle is net forgees al sa lang mei syn ûndersikingen oan 'e gong. Fen in hiel soad forskynsels hat er tabellen makke, dy't him nou tige to pas komme.

Mar dochs dûrret it dizze kear wol hwet ryklik lang, foardet hy klear is. Al mar wer op 'e nij bigjint hy to rekkenjen. It wol, sa't it skynt, mar net goed útkomme. In djippe tear stiet rjuchtop twisken syn eagen, hwet for de oare beiden in dúdlik biwiis is, det der swier waer op komst is.

Den moat it noch gâns slimmer wêze as det sy tocht hiene, hwent Jelle is foartdaliks net fen streek.

Ynienen smyt Jelle lilc syn potlead op 'e tafel, springt oerein en hammert mei de fûst op syn birekkeningen om, sadet it pompier withwêrsanne stout. De oare beide krûpe for alle feilichheit mar in eintsje efterút, hwent Jelle is knap sterk yn 'e hannen en as hy him ris forsinde en ien fen hjarren for de tafel oanseach, den koe det wolris neat net noflik wêze.

‘Divel noch oan ta’, balt hy, ‘it is om út yens fel to springen. Tsien kear haw ik it oerrekkene en noch komt it net út!’

En den ynienen tsjin syn beide maten: ‘Stean dêr dochs net sa as in pear sâltsekken by. Kom hjir ljeaver en sjuch de boel ris mei my nei.’

‘Det kin wol’, seit Haeije foarsichtich, ‘astû tominsten earst de hannen yn 'e bûse stekst. Sa is 't my to noedlik.’

Efkes sjucht Jelle him lilck oan, mar bigjint den to laitsjen. ‘Dû hast gelyk, it is nearne goed for om my lilck to meitsjen. Dêr wirdt it noch mar minder fen.’

Hja siikje de pompieren wer byeltsoar en bûge hjar mei syn trijen oer Jelle syn siferwirk.

Yn 't earstoan snappe Haeije en Wibe der net folle fen en kinne hja der kop noch stirt oan fine, mar as Jelle it bigjint út to lizzen wirdt it hjarren swietsjeswei klear. Hja helje de tabellen der by en forlykje it iene mei it oare.

Bytiden wirde der snoade setten dien, mar 't eintsjebislút is dochs, det der gjin flater yn 't rekkenwirk to finen is.

Haeije komt oerein, set de hannen yn 't krús om himsels wer rjucht to bûgen en seit: ‘Der mankearret neat oan, Jelle, sa astû it útrekkene hast, sa is 't goed.’

‘Mar myn ljeave stakkert,’ seit Jelle ûngedildich en hâldt him beide hannen útspraet foar 't gesicht, ‘bigrypst den net, det it net goed wêze kin!’

‘En hwêrom den net?’ freget Wibe, ‘der mankearret neat oan; sa is 't, en net oars.’

‘O jimme greate oksen, it kin net! siz ik jimme, it kin net!’ ropt Jelle.

‘Ik scoe net witte, hwêrom net’, seit Haeije, altyd like kalm, ‘ik scil dy ris hwet oars sizze, it kin net oars wêze’.

‘Jimme binne stapelgek!’, bislút Jelle sûnder folle achting for it sounne forstân fen syn maten.

‘O tankje wol’, fâlt Wibe út, ‘mar hwêrom den!’

‘Omdet dyjinge, dy't wy peild hawwe, den net op ierde wêze kin, mar sawet sechstich ef sauntich kilometer derboppe. Dêrom!’

In hiel skoft bliuwt it nou stil. Wibe en Haeije binne forslein troch de ûnforwachte útkomst fen hjar rekkenjen. Hja wierne sa fol bitrouwen yn Jelle syn rekkenderij, mar nou kaem der twifel oan de krektens fen de bisifering, dy't hja sels noch mei neisjoen hiene. Op 't lêst sprekt Haeije syn twifel út en seit wifelsinnich: ‘Den scoe det seinen dos út 'e stratosfear komme moatte’.

‘Krekt’, komt Jelle foartynienen, ‘en Jimme scille nou wol bigripe, det soks net kin.’

‘It liket tominsten al hwet frjemd,’ bringt Wibe foarsichtich nei foaren, ‘mar hwet kin der nou tsjinwirdich net. Der hawwe dochs al earder gûds west. Prefester Piccardt bygelyks.’

‘Tja, dêr hast gelyk oan,’ seit Jelle, ‘mar den hiene wy der dochs wolris fen lêzen, det der wer de iene ef oare hinne scoe. Der komt den ek noch by, det de ljue, dy't dêr mei in ballon hinnegean, meas-

tentiids wol hwet oars to dwaen hawwe yn it koarte skoftsje det hja dêr binne, as hwet boarterij mei radio. Né, ik fyn 't in nuver spil. Unbigryplik!’

‘Ja, mar,’ komt Haeije ynienen yn 't sin, ‘dûsels hast niiskrektsa sein, det der hwet net alhiel yn 'e heak wier mei dy mynhear X.’

‘Goed, goed,’ jowt Jelle ta, ‘mar det wier mar sa'n gefoel fen my. Der wier alhiel gjin biwiis foar.’

‘Det mei nou al sa wêze,’ giet Haeije der tsjin yn, ‘mar my tinkt, det de Greate Unbikende oars al biwiis genôch jown hat, det er hwet mear kin as sljuchtwei hinne en wer. En hwêrom scoe er den net yn 'e stratosfear húsmanje kinne?’

‘Om't er dêr den forkeare moast yn in tastel, sa as der oan't nou ta noch net ien útfoun is,’ andert Jelle derop.

‘Nou, witstû hwet,’ seit Wibe smout, ‘dû kinst nea better dwaen as him der sels nei freegje, den witst it ynienen.’

‘Ja,’ giet Jelle der ernstich op yn, ‘as er tominsten andert jowt op myn frage. Mar hawar, wy scille it bisiikje. Wibe, set de moator wer oan.’

En wer ropt Jelle troch de ether om de Greate Unbikende.

Hysels leaut net, det er andert krije scil. It wol der by him net bêst yn, det it mooglik is, det der ien forkear mei him ûnderhâldt út 'e stratosfear.

Jelle harket skerp út nei de seinen fen X.

De beide oaren sjugge him fol forwachting oan.

Sjedêr, hy skriuwt wer. Skynt dos alwer forbining to hawwen.

Den opiens sjugge de beide maten Jelle syn gesicht foroarjen. Hy sjucht sa forheard, det it wol hwet bysûnders wêze moat, det er dêr heart.

En yndied, Jelle draeit him om en wiist hjarren forwêzen op itjinge hy dêr delskreaun hat.

Haeije en Wibe bûge hjarren oer it pompier en lêze hwet dêr op skreaun stiet. Den sjugge se Jelle mei greate eagen oan en 't is skoan to sjen, det se hjar neat to bêst op hjarren gemak fiele.

Sa sitte en stean se dêr in skoftsje by inoar en gapje elkoar oan, mar sizze neat.

Den opiens boarst Haeije út: 'Det is in grap fen dy, Jelle, dêr hast ús aerdich to fiter.'

Mar Jelle springt oerein en seit: 'Né, jonges, it is gjin grap.' En hy lêst lûdop hwet er dêr sa pas yn morseteikens fornômd hat. 'Your bearings are true. X.', hwet safolle bitsjut as: 'Jimme peilingen binne goed. X.'

'Det bigjint op tsjoenderij to lykjen,' seit Wibe, wylst er skruten om him hinne sjucht, as forwachte hy de Greate Unbikende by hjarren yn 'e keamer to sjen. 'Ho kin X. witte, det wy him peild hawwe?'

'Om't X. folle fierder is as wy en as hwa den ek. Nou leau 'k, det er dêr yn 'e stratosfear is. Nou liket my neat mear to raer ta fen dy Greate Unbikende,' en mei tige klam op 'e lêste wurden, bislút Jelle: 'Hy hat ús sjoen!'

'Den gean ik hjir wei!' ropt Haeije en springt oerein om mei-iens ta de doar út to fleanen.

Mar Jelle syn sterke hannen slute al om syn earms en plakke him op in stoel del.

'Hwet scille wy nou bilibje,' seit er hird, 'dû

wolst der útnaeije? En hwêrfor en hwêrhinne?’

‘Kin my neat skele!’ , bált Haeije, ‘mar hjir fortrou ik my net mear.’

‘Nou,’ seit Wibe hwet kalmer, ‘ik fyn 't ek wol hwet eang, det der earne yn 'e wrâld immen is, dy't ús hjir bikipet en krekt sjucht hwet wy dogge.’

‘Brûk jimme forstân,’ seit Jelle foars, ‘sa slim is 't net. X. kin ús, yn 't ginstichste gefal, allinne mar sjen as wy oan 't seinen binne. De Unbikende skynt in televisy-apparaet to hawwen, det er op ús seinweach ôfstimme kin.’

‘Det is ek al slim genôch,’ fynt Haeije.

‘Hwa wit, hwet dy keardel noch mear kin. Skielk stjûrt er noch deadzjende strielen op ús ôf, en den is 't dien mei Baeije. Né, ik moat der neat fen hawwe.’

‘Ik sjuch net yn, hwêrom't er det dwaen scoe, as hy 't koe, en hwet for bilang er der by hawwe scoe,’ mient Jelle. Witt' jimme hwet, jonges, wy scille mar nearne oer prate en al de kranten, dy't wy mar bisette kinne, neilêze, eft der ek hwet oer X. yn stiet.’

Nei noch in bytsje hinne en wer gepraet scil det den mar wêze. Se geane nei bûten, slute hjar húske ôf, hwêr't se krekt sokke nuvere dingen heard hawwe en swalkje oer it waed nei hûs ta.

Haedstik 2. *Aventûr op 'e Sudermar.*

Mei syn trijen sieten se yn de kano fen Kanadeesk model, dy't se yn 't foarjier mei eltsoar makke hawwe. Jelle en Haeije slagge mei foarse halen de koarte peddels yn 't wetter, hwêtroch de kano flink gong kriget. De koarte weachjes fen 'e mar klappe sa fûleindich tsjin de skerpe boech, det it wetter der oerhinne stout.

Wibe sit oan 't roer en digeret oer it sêft dynjende wetter. It is klear to sjen, det er mei syn tinzen net by 't farkjen is. Lokkich is det net sa botte slim, hwent de Sudermar is great en in fêst doel, hwêr't er op oanstjûre moat, hawwe se net. Se farre, om't se der sin oan hiene. De sinne stie sa strieljend oer it wetter, det hja it lokjen fen de mar net wjerstean koenen en foart it boat to wetter brocht hienen.

Haeije en Jelle dogge tige hjar bêst om sa goed mooglik tagelyk to roeikjen, krekt op 'e miette, om it boat sa hird as 't kin troch 't wetter buize to litten.

Mar Wibe is der net by; hy is tige ôfwêzich. Mar opiens sjucht er syn beide maten oan en freget alhiel ûnforwacht:

‘Hawwe jimme der ek noch ris oer neitocht?’

De beide oaren hâlde op mei peddeljen en sjugge

forwûndere nei hjar stjûrman en freegje den op hjar bar:

‘Hwêroan tocht?’

‘Nou fensels, oan X. út 'e stratosfear.’

‘Hwet oars, en net sa'n hiel lyts bytsje,’ andert Jelle. ‘Ik haw der sawet de hiele nacht oer lein to prakkesearjen. Mar hwet ik sizze woe, hawwe jimme ek hwet yn 'e kranten fine kind.’

‘Né,’ seit Wibe, ‘neat.’

‘Ik haw al hwet lêzen, mar eft it der hwet mei to dwaen hat, wit ik net,’ bringt Haeije yn 't formidden.

‘Soa, ju, en hwet mei det den wol wêze?’ freget Wibe gekoanstekkerich.

‘Ik haw lêzen fen in pear Russen,’ fortelt Haeije sûnder op Wibe acht to slaen, ‘dy't mei in ballon nei de stratosfear wierne en forûngelokke binne. Hwêtroch, det wit men net.’

‘Nou,’ seit Wibe, ‘is det nou sa'n wûnder, det dy minsken forûngelokke binne. In reiske nei de stratosfear bliuwt gefaerlik.’

‘Det is sa,’ jowt Haeije daliks ta, ‘mar dû moatst net forjitte, det prefester Piccardt der twa kear hinne west hat en beide kearen libben wer ûnder komd is. Dos koenen de Russen fen de ûnderfining fen de Switserske prefester brûkme meitsje.’

‘Dêr hast gelyk oan, Haeije,’ falt Jelle yn, ‘mar dochs bliuwt sa'n stratosfearreis tige noedlik, nei't my tinkt.’

‘Mar hwet woest dêr nou einlings mei sizze. Dû dochst krekt, as woest der hwet oars efter siikje.’

‘Ik wit net ho't it komt,’ forfettet Haeije, ‘mar ik kin 't mar net fen my ôfsette, det dy geheimsinnige ûnbikende der mear fen ôfwit.’

‘Dû bist net wiis,’ falt Wibe út, ‘dû bigjinst wrychtich al spûken to sjen op klearljochte dei.’

‘Ja, Haeije, ik leau nou ek, detstû to fier giest,’ falt Jelle Wibe by. ‘Det hat in ûngelok west en oars neat. Jonge, dêr kin sa'n soad barre. It kin bêst wêze, det hja to heech gien binne en det sadwaende it gas tofolle útset is, hwêtroch de ballon knapte.’

‘Det kin fensels net,’ giet Haeije hjir hastich tsjin yn, ‘hwent den hienen hja ommers it fentyl wol iepenlûke kinnen, sadet it gas, det se tofolle hienen, foartkomme koe.’

‘Miskien hat it fentyl wol net yn oarder west ef sahwet hinne. Né, jonkje, dû fantasearst. It wol der by my tominsten net yn,’ seit Wibe, wiis glimkjende.

Jelle fynt ek, det it wol hwet fier socht is. It wirdt den ek as ûnmooglik fen 'e baen skoud.

‘Nou, den net!’ seit Haeije, mar 't is oan syn toan to hearren, det er it sels net forsmyt.

It moat der den wol fêst by him ynsitte, as er oan syn eigen theory fêsthâldt, ek as Jelle sein hat, det it net kin.

‘Né,’ set Jelle it petear wer foart, ‘ik haw der alhiel neat oer fine kind. En nou haw ik ús Heit, dy't, sa't jimme witte, krekt thús is, der nei frege, eft der ek nijs wier fen de stjerrewachten. It is jimme fensels wol bikend det ús Heit in soad noft oan stjerrekinde hat en sadwaende wit er noch wol

ris hwet. Mar Heit wist ek neat gjin bysûnders to fortellen. Jimme moatte rekkenje, ik tocht sa, as der immen heech boppe de ierde omsweeft, den moat er dochs de iene ef oare kear foar de teleskoop komme. Mar, oan't nou ta alteast, is der neat fen bikend.'

'Wel,' sei Wibe, 'dy fint kin ús ek bêst foar 't soaltsje hawwe. It liket my ta, det wy in toarnder for in walfisk oansjuge.'

'Mar det er ús sjoen hat, do't wy him peilden, kinst dochs net ûntstride,' komt Haeije hjit. 'En det er ús altyd hat, as wy seine. Né, Wibe, ik leau izerfêst, det der it iene ef oare ûnhuere wêzen yn 'e stratosfear omswalket, ho mâl dy det ek taliket.'

'Detstû det leaut, nim ik daliks wol oan, dû bist nou ienkear sa'n fantast, mar det Jelle der ek al oan leaut, dy't oars nea hwet sûnder biwiis oannimt, giet my to heech.'

'Ik leau yn myn birekkening,' seit Jelle kalm, 'en dy...'

'Hark!' falt Wibe him ynienen yn 'e reden, 'hwet wier det!'

Wibe hat wol in tige skerp gehoar, mar de oare beide hawwe it dochs ek heard.

'Ho kin det nou?' freget Haeije forheard, se sjitte dochs net op 'e Sudersé?'

Fen hiel fier foart hienen se in skot heard. It wier hast krekt sa'n lûd as fen in myn dy't plofte, sa as se det yn oarlochstiid mear as ienkear heard hienen.

Alle trije sjugge se om hjar hinne, mar kinne de oarsaek fen it lûd net gewaer wirde. Dêr is it ge-

woane byld fen in simmerneimiddei op 'e Sudermar. In strieljende sinne oan ynblauwe loft oer sêftweagjend wetter. Gjin wolkje is der oan 'e himel to sjen.

‘Hark!’ seit Wibe wer en stekt in finger omheech, ‘ik leau, det wy in pûst wyn krije. 't Is krekt as hear ik fen fierren it gûlen fen 'e stoarm.’

De oaren harkje nou ek skerp en ja, sy hearre nou ek it floitsjende gûlen fen de stoarm troch tillefoanriedden, hiel fier foart.

It eangstige lûd wirdt sterker en sterker. It liket wol, eft it rjucht op hjarren ôfkomt mei in ûnbidige flecht.

Se kuere nei de loft, mar sjugge neat, det hjar in forklearring jowt fen it ûngewoane lewaei, det nou al flak by hjarren is.

‘In...’ wol Haeije sizze, mar makket it net ôf.

In eintsje fen hjarren ôf bigjint it wetter to stegerjen en to brûzen as gyng der in wetterhoas oerhinne.

‘Beethâlde!’ bált Jelle tsjin it lewaei yn, det nou mei kûgelsfeart oer hjarren hinne gounzet.

Jelle bidoelde it goed, mar it helle net folle út. It boat waerd as troch in reuzehân ûnderste boppe smiten en alles hwet der yn wier trûzele yn it wylde wetter fen 'e mar.

De jonges fleagen hals oer 'e kop it wetter yn. It wier mar gelokkich, det se alle trije as wetterrotten swimme koenen. Mar dochs foel it net ta, do't se hjarsels wer mei de holle boppe wetter arbeide hienen.

Haeije, dy't flak neist Jelle boppe komd is, wol

him hwet taroppe. Kwalik hat er de mûle iependien en sein: 'In...' ef in greate weach slacht him lyk yn 't gesicht, en spielt de wirden wer de iepen mûle yn. Hy kokhalzet, swolget en snúft en prúst den as in brúnfisk.

Jelle, dy't op en del slingere waerd fen 'e weagen, koe syn laitsjen net ynhâlde, ho'n rare set as hja krekt ek makke hienen. Mar it laitsjen dûrre net lang, hwent it gyng him al net folle better as Haeije.

Wibe, dy't in hiel ein fierder to lânne, ef ljeaver to wetter, komd wier, dûkte net fier fen de kano wer op, dy't ûnderste boppe op en del skommele. Hastich swimt er derhinne en bisiket der boppe op to kommen, hwet him ek al ringen slagget. Nou sjucht er ris út nei syn maten en sjucht se swimmen. 'Op en del mei wyn en weagen,' tinkt er by himsels.

Hy set de hân oan 'e mûle en bigjint to razen om hjarren de wei nei it boat to wizen. Se krije him noch al gau yn 'e gaten en sette foart op 'e kano ta. It dûrret den ek net sa malle lang, den sitte se kreas mei syn trijen op de omkearde kano.

Dêr sitte se nou en sjugge ris om hjar hinne om to sjen ho't it der op 'e mar foarstiet.

Nou is 't alhiel nuver. Oeral, sa fier as se sjen kinne, is it wetter sa kalm as 't mar kin, inkeld deun om hjarren hinne is it wetter tige oerstjûr.

Mei iepen mûle sjugge se eltsoar oan.

'Ik tocht earst, det it in simmertwirke wier,' seit Haeije op 't lêst, bliid, det er nou einlings ris sizze kin, hwet er oant twakear ta forgees prebearre hat.

Wibe wirdt hwet kiezzich om det ‘simmertwirke’ en seit: ‘Soa, tochtstû det! It like oars mear op in cycloan. Wy hienen wrychtich wol forsûpe kinnen. Ik leau, det 'k wol tsien meter troch de loft fleach. Hwa hat dêr nou ea fen heard. It wier noch folle slimmer as in tongerslach út in klearre loft. En det neamt hy “in simmertwirke”!’

‘It gyng mâl, dêr hastû gelyk oan,’ falt Jelle him yn 'e reden, ‘mar hwet mei it den wol west hawwe? Ik bigryp der net folle fen. Wachtsje ris,’ ûnderbrekt hy himsels, ‘dêr driuwe ús peddels,’ en meiïens sjit er it wetter yn om se der út to heljen.

As er wer goed en wol op 'e kano sit, seit er: ‘Nou kinne wy it boat tominsten wer nei ûndjip wetter bringe. Den keare wy de kano om en skeppe him leech. De blinder, it gyng my hast slimmernôch. En wisten wy nou mar, hwet it west hie. Net, det wy dêr nou droech fen waerden, mar 'k woe it dochs wol witte. It hat fensels wyndruk west, mar hwêr is dy út ûntstien. 't Is frjemd, 't is nuver! Sjuch!’ en hy wiist op it wetter, det al wer gâns kalmer is, ‘inkeld det lytse plakje hat er rekke.’

‘Ja,’ suchtet Haeije dramatysk, ‘en krekt op det lytse plakje wiernen wy, wylst de wyndruk de hiele mar ta syn foldwaen hie.’

‘Dû,’ seit er nou tsjin Wibe, ‘seist nou wol, det ik spûken sjuch op klearljochte dei, mar men scoe hjir ek bygelovich wirde.’

‘Det bin 'k net, mar it like wol eft dy hoas, ef hwet it den mar west hat, it krekt op ús foarsjoen hie. Hy kaem lyk op ús ôf. Hwêr't er bilânne is, wit

ik net, hwent det koe ik sa gau net neigean, om't myn earen, eagen en mûle do krekt fol wetter wiernen.'

'Ha dû der de gek mar mei,' seit Haeije lilik, 'mar ik fyn 't oars lang net yn 'e heak.'

'O, ljeave stakkert,' laket Wibe, 'op syn moaist jowst de skild hjirfen ek noch oan X. Det scoe krekt hwet for dy wêze.'

'Ik wit net, hwet ik hjirfen tinke moat,' komt Jelle nou twiskenbeiden, 'mar om it as in natûrforskynsel to forklearjen, is ek al like fantastysk as hwet Haeije dêr ornearret.'

'Jonge ja,' seit Wibe, 'jow dû him ek noch mar hwet foet, den is er mei koarten alhielendal net mear to hâlden.'

'Goed, den det mar!' makket Haeije der in ein oan. 'Mar lit ús nou earst sjen, det wy oan 'e kant komme, den kinne wy ús klean noch yn 'e sinne druije.'

'k Bin bliid to hearren, det dyn holle der net ûnder to lijen hawn hat,' pleaget Wibe him, 'det wier tominsten in teiken fen soun forstân. Jonges, lûke, ik scil wol stjûre.'

Fensels wier der net folle to stjûren, mar de oare beiden founen it alhiel net slim om de omkearde kano to peddeljen. Hwent it mocht nou tige moai waer wêze, mar dochs wirdt men huverich yn wiete klean op in omkeard boat. Hja peddelen, det it sahwet die, mar hja einden net folle, howol se sa njunkelytsen dochs wer aerdich op it waed ta skarrelen.

Unforhoeds dûkt Wibe it wetter yn. Sa ûnfor-

wacht en fûl springt hy der ôf, det de oare beiden alle prikken yn 't wirk stelle moatte om ek net yn 't wetter to bilânjen.

Hja binne den ek neat oer Wibe syn malle kinsten to sprekken en roppe him alderhanne ôfgryslke dingen efternei, dy't lykwols net in soad úthelje, hwent Wibe heart der dochs neat fen. Hy is ûnder dûkt en swimt mei klean en al in ein ûnder wetter troch, rjucht foar hjarren út.

Dêr komt er wer mei de holle boppe wetter. Hy swaait nei hjarren en ropt, det it oer it wetter davert: 'Kom hjir, jonges, hjir kinne wy it wer bidjipje en kinne wy de kano wer omkeare.

Jelle en Haeije skreppe wakker om dêr to kommen en sa gau as hja der binne, litte se hjar ek yn 't wetter glydzje.

Mei syn trijen keare se nou it boat wer om. Nou noch it measte wetter der hwet útskeppe en den kinne hja wer farre sa't it heart. Hja pjutskje al wakker mei de hannen yn 't wetter om, mar 't eint gjin byt. Hja hawwe der den ek al ringen hjar nocht ôf en stappe al wer yn 'e kano, as dizze noch heal fol wetter stiet. Wiet binne se dochs, dos dêrfor hoege se it net to litten. Mar it boat leit gâns djipper sadet it peddeljen in hûd fol wirk is. Op 't lêst komme se dochs wer op it waed en slepe de kano op it droege. Nou hawwe se him gau leech, hwent se hoege it boat nou allinne mar om to kearen, hwet se den ek foartynienen dogge. Den litte se de kano omkeard yn 'e sinne lizze, sadet dy wer alhiel opdruije kin. En nou sa gau as 't kin de klean út en wiid útspraet yn 'e sinne lizze. It sân fen it

waed is gleon, sadet se fen ûnderen en fen boppen droegje.

Sels krûpe se noch in skoftsje yn sé om nou to swimmen sûnder klean oan. Det foldocht hjarren gâns better. Se hawwe den ek in wille fen komsa en binne it hiele akkefytsje al wer forgetten. Hwêr scoenen se hjar ek drok oer meitsje. Se binne jong, sterk en frij. En den sok prachtich waer, as hienen hja it sels útsocht. Wetter en sân, safier as hja sjen kinne, binne ta hjar foldwaen. Se roppe, laitsje en sjonge, det it wech-ende-wear to hearren is. Mar der wier net ien, dy't der nei harke, ef it moast wêze de séhounen op 'e ein fen 't kanael, hwent de fiskers kamen meastentiids dizze kant net út en for de jagers wier der nou dochs neat to heljen.

Do't se hjar nocht derôf hienen, draefden se nei de klean ta om to sjen, ho't it der dêr mei foarstie. Dy wiernen al in hiel ein hinne droech, alteast sa droech wol, det se wer oankoenen.

Do nei de kano.

Dy wier alhielendal wer droech en koe wer opbirgen wirde, hwent sa yn 'e sinne lizze litte to brieden, koe fensels net.

Deun tsjin it húske oan wier it plak for it boat. It like wol in lange, platte doaze. Moai wier oars, mar 't wier tige geskikt for it opbergjen fen sa'n soarte fen boat. Se leinen de kano der kreas yn, do it lid der op hwê't it slot oan siet. Jelle draeide de kaei om en it boatsje koe wer bikomme fen it rare aventûr, det it meimakke hie.

De trije jongkeardels gyngen yn hjar hûs om de radio oan to setten. Jelle fimele der hwet oan om

en al ringen hie er, hwet er socht: ‘Dames en heeren,’ klonk it út 'e lûdsprekker, dy't hja nou yn 't skaed fen hjar villa delsetten, ‘Hier Hilversum, Holland. We vervolgen ons programma met...’

En do kaem der de namme fen it ien ef oare mezykstikje.

Loai joegen se hjar del by de lûdsprekker en smookten fen Jelle syn sigaretten.

Jelle sjucht de blauwe reekwolkjes nei, dy't tsjin it blau fen 'e himel mar kwalik to sjen binne. Efkes mar kin er se neigean en den binne se wei, krekt eft se nea bistien hawwe.

Jelle mimert.

Wibe en Haeije slûgje.

Ut 'e lûdsprekker klinkt in wals, dêr't de toanen fen forrane yn it rûzen fen de Sudermar.

't Is tige fredich om en by hjarren op dizze úthoeke fen 't waed en neat wiist der op, det dizze trije jonge minsken steane oan 't bigjin fen in striid, sa't der noch nea fen to foaren ien striden is.

Wibe tilt de holle omheech, sjucht earst nei Haeije, dy't yn 'e sliiep fallen is en den nei Jelle, dy't op 'e rêch leit mei de hannen ûnder de holle en stoareaget yn 't blau fen 'e loft.

‘Hwêr tinkst' oan, Jelle?’ freget Wibe.

‘Och,’ andert Jelle, ‘ik prakkesear noch ris oer det frjemde aventûr fen fen 'e middei. Ik kin der mar gjin goede forklearring for fine.’

‘Dû tinkst dochs net, det it hwet boppenatûrliks west hat, wol? It scil wol sa'n soarte simmertwirre west hawwe, sa't det om dizze tiid fen 't jier wolris mear foarkomt.’

‘Jawol,’ seit Jelle wer, ‘mar ik foun, det dit dochs wol hwet oars like. De twirre ef hoas kaem oanfleanen, roerde de mar, smiet ús efkes yn 'e gauwichheit yn 't wetter, en foetsy wier 't wer. Fynstû det ek net hwet nuver?’

‘Hwet scil ik der fen sizze,’ andert Wibe. ‘Ik haw it ris sjoen yn 't lân do't ik mei oan 't ûngetiidzjen wier, det der sa mar ynienen in opper hea de loft yngyng. Do koenen wy ek neat fen in hoas ef sawet hinne fornimme. It hea fleach wit ho heech de loft yn, waerd útelkoar litsen en draeide al mar yn 'e rounte. Min koe klear sjen, oan 't hea den fensels, det it in twirre wier.’

‘It treft tige, detstû det ris sjoen hast,’ seit Jelle, ‘sadwaende scilstû ek noch wol witte, eft der ek sa'n lewaei by wier.’

‘Dêr stiet my einliks neat fen foar, mar ik moat der by sizze, det ik der do ek net sa krekt om tocht haw.’

‘Den is 't klear genôch,’ fynt Jelle, ‘det it net sa west hat, hwent den hiestû it nou noch wol witten. Soks forjit men net wer, ek al tinkt men der net sa krekt om.’

‘Dû scilst wol gelyk hawwe, mar,’ oppenearret Wibe, ‘do mei dy ramp fen Borculo moat it in alderheisliksten lewaei west hawwe, neffens det ik der do fen heard en lêzen haw.’

‘Det wier do ek sa, mar det kinst hjir net mei forlykje,’ hâldt Jelle syn maet foar. Wol ik dy ris sizze, hwet myn earste yndruk derfen wier? Ik foun 't nou krekt, as waerd der in ûnbidich greate stien op ús takeild ef in kûgel...’

Ynienen hâldt er op.

Wibe sjucht him oan en wachtet, eft der net mear komt.

Mar hy kin lang wachtsje, hwent Jelle seit neat mear. Hy digeret oer 't wetter nei it plak, hwêr't se saps dy frjemde ûnderfining opdien hawwe.

‘Nou!’ seit Wibe op 't lêst ûngedildich, ‘en hwet mear?’

‘Och neat, ik tocht sa, it kin wol in meteoarstien west hawwe.’

Wibe fynt dit sa kemyk, det er omrôllet fen 't laitsjen. As er op 't lêst wer hwet bidarre is, seit er: ‘Mar ho ha 'k it nou mei dy, den scoenen wy dochs wrychtich wol hwet sjoen hawwe, hwent it wier tichtgenôch by, nei't my tinkt.’

‘Ja, fensels, det is sa,’ jowt Jelle ta, ‘mar in simmertwirre hat it likemin west... Kom,’ seit er der daliks efteroan, ‘ik scil mar ris hwet oars opsiikje, hwent hjir is ek net folle oan.’

En det is sa, hwent it mezyk hat ophâlden en nou is der in man dwaende om de frouljue to learen, ho't hja itensiede moatte.

‘Bisiikje ris, efst net in amateur to pakken krije kinst op 'e ultra-koarte weach?’ freget Wibe.

‘k Scil ris sjen,’ jowt Jelle ta biskie, en fordwynt yn syn laboratorium. Wibe merkbyt al ringen, det Jelle op 'e ultra-koarte weach oan 't siikjen is. Alle mooglike lûden komme der út 'e lûdsprekker. Fluitsjen, gûlen, morseteikens, minskestimmen en brokjes mezyk.

Mar Jelle wol, sa't it liket, hwet bysûnders hawwe. Hy siket tominsten mar troch. Nou skynt

er den dochts hwet foun to hawwen, det nei 't sin is. Hwet der nou út 'e lûdsprekker komt, mei Wibe ek wol lije. 't Skynt in gramfoanplaet to wêzen. Fêst in mannekoar det sjongt yn in tsjerke ef sawet. De mesyk, dy't derby is, docht sawet Eastersk oan, tinkt Wibe.

Jelle komt wer nei bûten en jowt him by Wibe del.

'Ho fynst det?' freget er.

'Moai!' seit Wibe.

Se swije allebeide en harkje nei 't sjongen, hwê't se gjin wird fen forstean kinne. Mar det hoecht ek net, hwent ek sûnder det se it forstean, geniete se derfen.

De plaet is ôfdraeid.

'Witstû, hwê't dy plaet wol hwet op liket?' freget Wibe.

'Nou?' klinkt Jelle syn werfrage.

'Op 'e plaet: Yn in kleastertún,' seit Wibe.

'Ja, it hat der wol hwet fen wei, mar 't is dochts noch hwet oars.'

'Hark, dêr bigjint it wer.'

't Is dizz' kear gjin koar det der sjongt, mar ien inkelde manljuestimme. Den wer tige heech en den wer tige leech. It docht nuvere frjemd oan, mar dochts komme de beide harkers ûnder de ynfloed derfen. As it mezyk wer ophâldt, sizze se den ek neat, mar bliuwe stil lizzen, elts dwaende mei syn eigen tinzen.

Dêr klinkt ynienen in stimme út 'e lûdsprekker en dy praet Ingelsk. Mar 't is klear to hearren, det de eigner fen dy stimme gjin Ingelskman is en ek

gjin Amerikaen; dêrfor hat er in to frjemd aksint. Dochs is it dúdlik to forstean, hwent de stimme praet tige helder en klear. Om't de jonges goed Ingelsk forsteane, kinne se den ek wird foar wird folgje fen hwet der sein wirdt.

Mei ien sprong is Jelle op foetten en Wibe sit ynienen rjucht. Inkeld Haeije bliuwt lizzen. Alles hwet der bart, giet bûten him om. Hy sliapt en heart dos ek net, hwet de stimme seit, dy't earne, hiel fier foart, tsjin hjarren praet. Hwent hwet der út 'e lûdsprekker komt, is bidoeld for de trije jongkeardels op it waed.

'Hallo!' seit de klearre stimme, 'hjr is X., de Greate Unbikende. Ik haw my fen 'e middei tige mei jimme formakke. Mar ik kin jimm' dochs myn greate biwûndering net ûnthâlde oer jimme swimmen en oer de menear, hwêrop jimme reagearje op de nuverste forskynsels. Fortel det ek mar oan de soune slieper.

En den noch hwet. It scoe for jimme, dy't sokke tûke rekkeners binne, in aerdige opjefte wêze, om mei det, hwet Jimme nou witte, to bisiikjen út to finen hokfor wearde X. hat en him den yn de algemiene formule op syn plak to setten.

Solong!'

Ut wier 't.

Alhiel oerstjûr wachtsje de beide jonges, eft der ek noch mear komme scoe. Mar der komt neat mear, de lûdsprekker bliuwt stil.

'Hè!' suchtet Wibe op 't lêst, 'dit wirdt my mânskernôch, Jelle. Ik wird bang.'

Jelle seit neat. Hy giet hastich nei binnen en set

de radio ôf. As det bard is, komt er wer nei bûten en rint mar foar syn laboratorium op en del, op en del.

‘Jelle!’ ropt Wibe súntsjes, en as Jelle der neat fen skynt to hearren, noch ris: ‘Jelle!’

Jelle bliuwt foar Wibe stean, dy't noch altyd op 'e groun sit.

‘Hwet is der oan?’ freget er koart.

‘Scoenen wy mar net ljeaver mei dizze merakels ophâlde? Mei det pielen mei radio en al dy nuvere dingen, dystû foarelkoar prakkesearrest. Ik haw it der neat mear op stean, Jelle!’

‘Earst Haeije der ek ris nei freegje,’ seit Jelle en syn eagen stean stiif. Hy skoddet Haeije oan 'e earm hinne en wer, dy't kjel syn eagen iepenskoert en den bigjint to knypeagjen tsjin it felle ljocht.

‘Hwet moat det nou bitsjutte?’ freget er stymisk, ‘liz ik jimme yn 'e wei?’

‘Né!’ seit Jelle, ‘mar wy hawwe dy nedich. Biste wekker?’

‘Hwet tochtstû den, neidetst' my sahwet útelkoar skoerd hast. 'k Bin der noch biroerd fen.’

‘Det scil den noch wol slimmer wirde, forwachtsje ik, as ik dy fortel, fen hwastû de groetenisse ha moatst.’

‘Det scil wol raer wêze, fen hwa den?’

‘Fen X., de Unbikende!’

Haeije syn kin sacket nei ûnderen. Mar den springt er as de wjerljocht oerein en scil mei faesje út ein sette.

‘Ho!’ ropt Jelle, ‘kom hjir. Dû wolst der nou al útpike en witst noch net iens hwet der bard is.’

Haeije komt skruten wer werom en as er wer by it ploechje is, fortelt Jelle him krekt hwet der bard is en hwet se fen X. fornômd hawwe, en ek hwet Wibe foarslein hat.

‘Wy binne,’ sa bislút Jelle syn forhael, ‘mei syn trijen bigoun en scille ek mei syn trijen ophâlde ef... X. útfine. Hwet tochtstû?’

As Haeije den hwet sizze scil, stekt Jelle de hân op, om him to bitsjuten om noch efkes to wachtsjen.

‘Dit woe 'k noch sizze. As de mearderheit derfoar is, om mei ús ûndersikingen op to hâlden, scil ik my der by dellizze. Mar, mocht de mearderheit derfoar wêze om X. út to finen, den is de tredde altyd noch frij, om net mear mei to dwaen. Ik wol net, det der immen sizze kin, det er dêr ta twongen is. Bigrepen!?’

‘Skoan!’, fâlt Haeije daliks yn, en mei in skean each nei Wibe, ‘fensels bin ik der flak foar om...’

‘Sa gau mooglik to sjen om thús to kommen en nea wer nei dit spil hjir om to sjen,’ fâlt Wibe Haeije yn 'e reden.

‘Om,’ giet Haeije ûnforstourber troch, ‘mei dy, Jelle, X. út to finen, hwet it ek kostje mei en hwê't it ús ek bringe scil.’

‘Forhip,’ falt Wibe út; ‘dû bist ek in moaijen ien. Earst deabinaud en nou ynienen sa.’

‘Ja,’ seit Haeije en stekt de hân by syn polohimd yn as wier er Napoleon, ‘Jelle en ik scille dy mynhear X. wol ris efkes op syn fesje spuije. Jelle doart wol en ik bin net bang.’

‘Dêr forsinst dy dochs efkes,’ seit Wibe hjit, ‘sa maklik giet det net.’

‘O, né? Nou, det scilst den wolris sjen,’ seit Haeije great.

‘En dochs bistû mis, Haeije, det spylje jimme togearre net klear. Dêr moatte wy for mei syn trijen wêze.’

‘Sa mei 'k it hearre, jonges,’ seit Jelle, ‘as wy it mei syn trijen yn ús hirde fryske koppen sette om der mei klear to kommen, den rêdde wy 't ek wol. - Jonges,’ sa giet er den troch en stekt syn beide hannen út, ‘jow my de hân. Wy bliuwe by elkoar, hwet der ek barre mei; yn goed en tsjoed!’

Dêr steane se, trije sterke fryske knapen, dy't elkoar de hân derop jown hawwe om it wirk to folbringen, det se hjarsels oplein hawwe.

Maklik scil 't net wêze en folle slimmer as hja nou tinke kinne, mar hja hâlde fol, se kinne op elkoar oan en slagje scille se.

Haedstik 3. *Theory fen Jelle oer X.*

It stie fjouwer om 'e fiif en skjinne seis for Jelle en dy. Ho't se der krekt oankomd wierne, wisten se net sa lyk, hwent se koenen it oars lang net hâlde tsjin it partûr fen Tsjerk en dy. Mar nou bigoun it der dochts aerdich op to lykjen, det se it winne scoenen. Tsjerk waerd der tominsten al ûngerêst oer. Earst hienen hy en syn maten hjar safier komme litten, en nou scoe 't hjarren wrychtich noch ûntkomme. En det wier de bidoeling net. Se woenen it net forlieze. Dos noch efkes fiks de hûd der op.

Tsjerk moast opslaen en det koe er omraek. Hy roun nei de stuit en dêr sûze de bal al nei de krite.

Krekt oer de foarline; dêr siet loop yn.

Haeije, dy't foaryn stie, koe der den ek neat mei wirde en Jelle, dy't efter-ynse wier, krige gjin kâns om to slaen, hwent de bal rôlle, sa gau as er de groun roerde.

Det wier seis-twa.

‘Mear nei foaren, ju,’ seit Jelle tsjin Haeije, ‘krekt op 't streekje. As er dy oer is, den foaral net rikke, den kin ik der wol by. Wy moatte it nou net mear forspylje.’

Dêr komt al wer in bal oanfleanen, nou heechop efteryn. Jelle kin him noch krekt rikke en tikket de

bal in ljeaf eintsje út; omtrint oan 'e middelline ta.

Seis-twa en in keats.

Jelle en dy geane nou nei de stuit. Wibe moat opslaen. Howol hy lang gjin Tsjerk is, kin er it fen hjar trijen dochs fierwei bêst.

Hy nimt in oanloop en slacht in knappe bal op. Mar Tsjerk, dy't tige fûl is, om't er it net forlieze wol, reaget de bal oer alles hinne. Der is gjin kearen oan.

Seis-fjouwer.

Wer slacht Wibe op. Hy wol oer Tsjerk hinne, mar hy kin net earlik fier genôch, sadet Tsjerk de bal wer yn 'e hannen krijt, mar dochs net sa goed as de earste kear.

Krekt foar de boppe kin Haeije de bal keare.

Seis-fjouwer en in keats en wer moatte se forgean. 't Liket neat to bêst. In keats by de boppe en Tsjerk oan 'e bal.

Tsjerk syn bal gounzet wer oer 't fjild. 't Is sa'n echte smoarge bal, krekt yn 't lofter hoekje. Der is wer neat oan to dwaen.

Seis gelyk.

As Tsjerk en dy dit earst krije, den hawwe Jelle en dy al moai wis forlern.

Tsjerk scil 't nochris fûl bisiikje, hwent dizze slach giet der om.

Hy rint nei de stuit, wer tobek en wer nei de stuit.

De blinder, hwet in kûgel, der sit faesje yn. In echte pripper, dy't net to slaen is.

'Foar!', skreaut Haeije, dy't op 't streekje stiet. Fen pûre blidens makket er in sprong omhegens

en bûkelt den in pear kear oer 'e kop. Hwet hat er in wille. 'Woun! Woun!', âllet er, 'wy hawwe 't woun fen Tsjerk en dy!'

Tsjerk slacht himsels fen pûre likens op 'e knibbels oer sa'n greate stommiteit om dy bal foar to slaen.

'Nou ja,' seit er, 'jimme hawwe 't woun, mar det komt jimm' ek net wer oer. Ik haw earst hwet mei jimme boarte en nou is 't my ûntkomd. Wy hawwe jimme ûnderskat; to folle op ús eigen sterkens fortroud. Jimme scille tajaen moatte, det jimme sa sterk net binne as wy.'

'Ja, dêr hastû gelyk oan, Tsjerk, as jimme keatse, sa't jimme kinne, den krije wy gjin earst,' jowt Jelle grif ta, 'Mar sa sjuchst al wer, detst dyn tsjinpartij nea to licht skatte moatst. Mar skielk dogge wy 't noch wol ris oer, wy moatte nou wer foart. Kom, jonges!'

'In oare kear krije jimme gjin spil!' ropt reade Wibe noch pleagjend.

'En as ik in bytsje by 't spil bin, gjin seis om neat,' docht Haeije tige great.

'Wy scille wolris sjen!' ropt Tsjerk hjarren laitsjende efternei.

'Goeije!' roppe se noch en swaeije al om 'e hikke.

'Hwêr wolst hinne, Jelle?' freget Wibe.

'k Woe noch efkes op it waed sjen,' andert Jelle.

'Wolst noch ris mei de Greate Unbikende prate?' freget Haeije binijd.

‘Krekt, ik woe him efkes fortelle, det wy fen plan binne de som op to lossen.’

‘Soa,’ seit Wibe neat to blier, ‘mar hast wol bitocht, det in warskôge minske dûbeld telt.’

‘Jawol,’ andert Jelle, ‘mar fen X. forwachtsje ik krekt, det it mei him oarsom is.’

‘Ho det sa?’ freget Haeije, dy't der net folle fen bigrypt.

‘Nou sjuch,’ leit Jelle út, ‘wy meije nou wol aerdich mei technyk op 'e hichte wêze, ja, ik mei wol sizze, det wy gâns hwet mear fen in bulte dingen ôfwitte as de measten, mar by X. forlike, binne wy dochs noch mar bern. Det wit X. en dêr fortrout er op, lyk as Tsjerk sapas mei 't keatsen. Hy tinkt, det er sa sterk is, det wy dochs neat útfine kinne, as hy net wol. En dêr leit ús iennichste kâns, safier as ik it nou bisjen kin. Sa gau as er ús for fol oansjucht, hawwe wy neat mear yn to bringen. Mar salang as er op syn oermacht fortrout, kin er ús wolris oanwizings jaen, hwêr't wy hwet oan hawwe.’

‘Det hast knap bitocht,’ mient Wibe. ‘Sa goed as ik it bisjen kin, hast gelyk. 't Scil my ris binije eft wy útfiskje kinne, hwa't det is, dy Unbikende.’

‘Ja, en hwet er dêr boppe docht,’ seit Haeije der oer hinne.

Sa pratende wei kuijerje se it waed oer nei hjarren laboratorium.

As hja dêr oanlânne binne, geane se der yn en slút Jelle foart de doar ôf.

‘Nou bigjint it, jonges,’ sa bigjint Jelle. ‘Ik haw der de lêste dagen al mar mei omroun om to

prebearjen om hwet ljocht yn dizze saek to bringen. Ik haw alles neigien, hwet der bard is, neidet wy for 't earst fen X. heard hawwe. Det haw ik allegearre opskreaun en dêr in theory út opmakke. Dy scil ik jimme nou earst ris foarlêze.

Kom hjir hwet tichter by to sitten.'

Se skikke nou alle trije ticht om 'e tafel, hwêr't Jelle in stikmannich pompieren op dellein hat. Hy pakt in bôge pompier en bigjint to lêzen:

- 1 X. jowt andert op alle radio-oproppen dy't wy de wrâld ynstjûre, hwet for systeem, weachlangte ef energy der ek brûkt wirdt.
- 2 Nei opjefte fen systeem en formogen blykt út peilingen, det X. twisken de fyftich en sauntich Kilometer boppe de ierde, dos yn 'e stratosfear, syn forbliuw hat. Wirdt fen X. bifêstige.
- 3 In troch ûnbikende oarsaek ûntstiene twirre ef hoas smyt ús mei boat en al ûndersteboppe yn 'e Sudermar.
- 4 Harkjend op de ultra-koarte weach (12 meter band) nei Easterske ef Mongoalske muzyk, blykt it, det dy útstjûrd wirdt troch X., trochdet de Greate Unbikende, neidet de plaet ôfdraeid is, ús witte lit, det er ús yn 't wetter lizzen sjoen hat. Boppedet biwiist er ek noch, det er ús sjucht op 't selde stuit, det er mei ús praet, trochdet er Haeije lizzen sjucht to sliepen.
- 5 Noeget ús út om út to finen, hwa't er is.'

Jelle hâldt op en sjucht syn beide maten oan.

'Sa is 't dochs, net. 'k Ha dochs neat forgotten?'

'Né,' anderje de beide oaren, 'sa is 't krekt.'

‘Moai,’ seit Jelle, ‘en nou myn theory.’

Hy nimt in oare bôge pompier fen 'e tafel en bigjint wer foar to lêzen, hwet der op stiet.

‘Theory oer de ûnbikende X. - X. hat in automatyske koarte-weach-ûntfanger ta syn foldwaen, dêr't er alle weachlangten, dy't for radio-forkear brûkt wurde ef brûkt wurde kinne, mei krije kin. Fierder hat er in radio-útstjûrder, dy't yn o sa'n koarte tiid op alle mooglike weagen ôfsteld wurde kin. Systeem (for de 18 c.M. weach alteast) frijwol itselde as mines, op inkelde lytse dingen nei. X. hat in televisy-apparaet, det sterk ôfwike moat fen alles hwet der op 't stuit fen bikend is. Hy kin dêr alles mei sjen hwet er wol, om't er net boun is oan útstjûrde radio-weagen (draech-golven) lyk as de televisy-apparaten, sa't wy dy kenne. Systeem noch neat fen bikend.’

Hjir hâldt Jelle efkes op en sjucht syn beide maten oan.

‘Jimme sjugge,’ sa bigjint er, ‘det ik fen myn earste opfetting oer syn televisy-apparaet ôfstapt bin. Dy koe fensels gjin stân hâlde, neidet er biwiisd hat, det er ús sjen koe, sûnder det wy oan 't seinen wiernen. Nou komt de theory oer it forskynsel op 'e mar. It stiet by my nou wol fêst, det X. dêr ek de hân yn hawn hat.’

En Jelle lêst fierder.

‘X. hat in ynrjuchting, dêr't hy in elektryske stoarm mei meitsje kin. Dy stoarm moat it oansjen hawwe fen in bondel strielen, hwêr't syn útwirking op sa'n lyts plakje troch to forklearjen is. De elektryske strielen wurde by inoar brocht op hast de-

selde manear as de ljochtstrielen troch in lins.'

Jelle leit it pompier oan 'e kant en seit: 'Det is myn theory. Hwet tinkt jimme dêrfen?'

'Ik wit net ho't it is,' seit Haeije, 'mar det lêste wol my net rjucht oan. Ik sels wit der net in oare ef bettere forklearring for to jaen, mar ik ha sa 't gefoel, det it hiel hwet oars west hat.'

't Kin bêst wêze, Haeije,' andert Jelle him, 'det letter blike scil, detstû gelyk hast, ynsafier myn theory dêroer net goed is. Mar salang as der neat betters for yn 't plak komt, scille wy der oan fêsthâlde, om't wy dochs hwet hawwe moatte, om fen út to gean. Tidens 't ûndersiik kinne wy den wol de nedige forbetteringen oanbringe.'

'Goed, dêr bin ik it mei iens,' seit Wibe nou, 'mar hwet for forklearring hastû den for det skot, det wy hearden, flak foardet dy elektryske stoarm ús sa hals oer 'e kop yn 't wetter smiet.'

'Det haw ik wrychtich alhielendal forgotten, mar det scoe wol yn myn theory pasje kinne.'

'Ho den?' freget Wibe.

'Sjuch, dy plof scoe gearhingje kinne mei it ûntstean fen 'e stoarm. Ik forwachtsje, det er dy stoarm ûntstean litte kin, troch it frijmeitsjen fen energy út atomen, bygelyks radio-aktive stoffen. Det scoe dy plof forklearje kinne.'

'Kin det den?' freget Haeije, 'atomen-energy frijmeitsje?'

'Foarsafier as nou bikend is, noch net,' andert Jelle, 'mar der wirdt wol wakker nei socht en dos moatte wy der mei rekkenje, det X. safier al is. En det...'

Ynienen hâldt er op en sjucht syn maten oan op in manear, as wier him krekt hwet klear wurden.

‘En det,’ forfettet er nou, ‘scoe ús ek in theory oan 'e hân dwaen oer syn omswalkjen yn 'e stratosfear.’

‘Det kin bêst sa wêze,’ merkt Haeije op, ‘mar 't is my sa klear as kofjetsjok.’

‘Tige dúdlik is 't my ek net,’ jowt Wibe ta.

‘Ik stel my foar,’ giet Jelle nei dizze ûnderbrekking troch, ‘det X. dêr net forkeart yn in ballon ef sawet-hinne. Dy scoe net to stjûren wêze. En sa goed as wy X. nou kenne, leau ik net, det hy it dêrop oankomme litte scoe. Bliuwt dos oer in ding, det troch de loft gean kin en det hy alhiel yn 'e hân hat en bringe kin, hwê't er it hawwe wol. Dêr is in bipaelde energy ef krêft for nedich. Hwêr hellet hy dy wei.

Benzine-motoaren, lyk as by in gewoane fleanmesine? Det kin ik hast net oannimme. Om't de loft dêr sawet tsien kear sa tin is as hjirre, scoe de moator sawet tsien kear sa hird draeije moatte. Fensels scoe er den ek tsien kear sa hird fleane, mar ik tink net, det it him dêr yn 't foarste plak om to rêdden is. Dêr komt noch by, det wy him in kear as fiif op itselde plak peild hawwe. As er sa hird fleach as nedich wier om net nei ûnderen to knoffeljen, hie det fensels net kinnen. Dit's dos útsletten, foaral, om't er den sa'n macht benzine meinimme moast det der for oare dingen gjin plak mear oerbliuwe scoe, as er tominsten in skoftsje dêrboppe bliuwe woe. En wy witte bêst, det er dêr al in moai skoftsje is. Né, det is ûnmooglik.

It moat dos it iene ef oare loftskip wêze, det op in hiel oare wize yn 'e loft hâlden wirdt as troch benzine-motoaren. Yn benzine is for det doel neffens it gewicht fierstentomin krêft bisletten. It moat dos wol sawet wêze as ik niiskrektsa sei. As wy det tominsten oannimme, forklearret det in hiele bulte. Bigripe jimme nou?’

‘Bigripe en bigripe is twa,’ seit Haeije, ‘mar in bytsje dúdliker is 't my al wirdden. Ik snap nou tominsten, detstû derop út wolst, det hy ynpleats fen benzine hwet oars brûkt, det helte sterker en folle lichter yn gewicht is.’

‘Krekt,’ seit Jelle, ‘mar 't is net helte sterker, mar wol tûzen kear sterker. Fen de krêft, dy't der yn de atomen bisletten leit, hast alhiel gjin bigryp. Ik wit der tafallich hwet mear fen, om't ik der spesjael stúdzje fen makke haw.’

‘Is det den sa raer?’ freget Wibe nijsgjirrich.

‘Sa raer?’ herhellet Jelle Wibe syn frage, ‘dêr kinst dy gjin foarstelling fen meitsje. As X. det útfoun hat en hy makket it bikend, den bitsjut det in enoarme omkear for it minskdom. Kinst neigean. Alle stienkoaleminen wiernen mei ien klap gjin sint mear wirdich, likemin as de petroaljeboarnen. Den waerd it op ierde de greatste gekkeboel dy't hjir ea west hat, en det wol noch al hwet sizze, net? Alle arbeiders yn 't koal- en oaljebidriuw sûnder wirk, mei as neisleep in great part fen dy fen de auto- en mesine-febriken en hwet der mei gearhinget. Né, as er it útfoun hat, is 't to hoopjen, det hy it foar himsels hâldt en der hwet mei boartet yn

'e stratosfear. Dêr hat tominsten nimmen der lêst fen.'

'Det stiet noch to bisjen,' fâlt Haeije ynienen út.

'Ho det sa?', freget Jelle binijd.

'Bistû den dy Russen alwer forgotten?'

'Hm!', seit Jelle, 'salang as ik oars gjin biwiis ha as dyn gefoel, ho suver as det den ek wêze mei, leau ik net, det X. dêr de hân yn hawn hat.'

'Nou, tink ris om myn sizzen', seit Haeije sa oertsjûge, det syn maten him binijd oansjugge.

'Dû skynst der noch al wis fen to wêzen?', seit Wibe pleagjend.

'Ik woe 't earst net sizze,' seit Haeije nou, 'mar miskien is 't dochs better, as ik it mar fortel. Do't ik det fen dy Russen yn 'e krante lies, wier 't krekt as seach ik foar myn eagen, ho't det tagien wier.'

Efkes swijt hy en stoareaget rjucht foar him út. Hy tilt de hân omheech en flústert sa súntsjes, det de beide oaren hjar nei him tabûge moatte.

'Ik seach de ballon sweven, hiel, hiel heech, mar dochs ek wer tichteby. It wier for my klear to sjen, det de ballon tige spand wier.

Under oan dy ûnbidich greate ballon hong, as in drip wetter sa lyts, de stielen kûgel, dêr't de minsken yn wierne, dy't dêr dwaende wierne mei hjar ynstreminten.

Do, ûnforhoeds, hiel heech dêr boppe, sjuch ik in ding oandriuwen kommen. Né, oandriuwen is it wirdt net. It fleach as de wjerljocht sa hird oer de ballon hinne, mar sa heech der boppe, det myn forstân de ôfstân net fetsje koe. Mei, det it frjemde

ding der oer hinne skeat, sjuch ik ynienen de ballon út elkoar spatten, samar, samar, sûnder det der it ien ef oar barde, hwêr't út to sjen wier, det der eat net yn oarder wier. Hiel efkes hong de kûgel noch oan de touwen fen 'e fornielde ballon en foel do. It like my ta, det de kûgel hwet langer hwet mear gong krige. Ik seach omheech nei it frjemde ding, mar ik seach neat mear.'

Haeije swijt wer.

'En do?', freget Wibe, dy't de siken ynhâldt, sa grypt it forhael him oan.

'En do?', freget Haeije, 'en do; ja, do seach ik wer de krante. Do wier it foarby.'

'Mar ho seach det frjemde ding der den út?', freget Jelle mei oandrang.

'Krekt in greate glinsterjende snoek. Ik kin it nearne better by forlykje,' andert

Haeije.

Alle trije binne se nou stil. Elts tinkt op syn wize der oer nel, hwet er krekt heard hat.

Op 't lêst forbrekt Wibe it swijen troch Haeije to freegjen: 'Dû bist dochs net mei de helm op berne, wol?'

'Né, net det ik wit,' andert Haeije, 'mar ik seach it allegearre sa klear foar my, as wier ik der by.'

Jelle hat noch net folle sein, mar nou nimt er wer it wird:

'Wy hoege noch net bygelovich to wêzen om det, hwet Haeije ús krekt forteld hat, hwet mear bitsjutting to jaen as oan in sljuchtweiinne praetsje. It hat wol ris mear bliken dien, det somlike minsken, dy't it saneamde twade gesicht hie-

nen, hwet mear seagen as gewoane minsken. Sûnder nou izerfêst to leauwen, det it krekt sa bard is, as Haeije ús forteld hat, bin ik der dochs foar, om it net alhiel wei to siferjen. Miskien kinne wy it brûke om der ús theory mei to forbetterjen.'

'Krekt in silveren snoek, seistû?' freget er Haeije nochris.

'Ja, better kin ik it net úttsjutte,' andert dizze.

Jelle tinkt nei. Djippe tearen komme der yn syn foarholle. Den ynienen nimt er in stik pompier en in potlead en bigjint to teikenjen.

'Sjuch,' seit er den tsjin Haeije, 'sa seach it der dos sawet út!'

'Krekt. Ik koe klear de finnen en de stirt sjen en ek de eagen en de bek.'

Wer prakkesear Jelle in skoftsje.

'It scoe kinne,' seit er op 't lêst, 'de finnen scoenen den de draechflakken wêze, de stirt it roer, mar hwet de bek en de eagen wêze moatte, is my net rjucht dúdlik.'

'Scoe 't sa ek wêze kinne,' seit Wibe nou, dy't mei oandacht Jelle syn potleadkwatteltsje bisjucht, 'det de eagen in soarte fen teleskopen wiernen?'

'Dêr seist sawet,' komt Jelle daliks en jowt Wibe in klap op 't skouder, sadet er der omtrint hinnesiicht. 'Sa moat it wêze. Det scille de elektryske eagen wêze, dêr't er alles mei sjen kin, hwet er wol.'

'Mar de bek den?' freget Haeije, 'dy wier der ek, det haw ik fierstento goed sjoen.'

'Det sooe in kanael wêze kinne for raketten,'

andert Jelle, 'hwent det scil wol de manear wêze, hwêrop er himsels forpleatst, mei raketten.'

'Jonges!' ropt Wibe, 'wy komme al aerdich tichterby. Wy hawwe alhiel hwet oer dy X. útfoun.'

'Kalm oan,' timpert Jelle him in bytsje, 'alles hwet wy nou opsteld hawwe is noch mar, om in frjemd wird to brûken, hipothese. It kin wol hiel oars wêze as wy nou foar elkoar brocht hawwe. Ho, bygelyks, forklearrestû, det syn fleanmesine noch fen gjin minske sjoen is?'

'Det wit ik net sa lyk,' seit Wibe wer, 'mar dû moatst net forjitte, det it mar in alderskandalchst lyts stipke oan 'e himel is, dêr't men o sa maklik bytroch sjen kin.'

'Né, det kin de forklearring der net for wêze,' bitwifelt Jelle. 'As de sinne derop skynt, en det docht er, moat dy silveren snoek suver mei 't bleate each to sjen wêze, lit stean mei in teleskoop. Né, dêr sit hwet oars efter. Ik kin my inkeld net foarstelle, hwet det wêze mei.'

'Nou ja,' seit Haeije nou, 'wy kinne ek net alles ynienen útfine. Mar hawwe Jimme wolris oertocht hwêr't X einliks thúsheart. Nei't Jimme my forteld hawwe, praet er Ingelsk, mar mei in frjemd aksint.'

'Ik koe oan syn praet net hearre, hwêr't er wei kaem. Dû, Wibe?' freget Jelle.

'Né, ik ek net, mar as wy it muzyk, det oan syn praten foarôfgieng, meitelle, den scoe ik der út bislute, det it gjin Jeropeaen ef Amerikaen wier, mar in Mongoal ef sawet.'

‘t Is dochs mei X allegearre like frjemd. Koenen wy him mar ris sjen,’ mient Haeije.

‘Miskien,’ sa giet er troch, ‘bignúft er ús nou wol wer, sûnder det wy it witte. Hwet tinkstû, Jelle, scoe er ús ek hearre kinne?’

‘Det tink ik net,’ andert Jelle glimkjende, ‘mar hwet scoe det den noch?’

‘Nou, den koe er ommers alles hearre, hwet wy fen him sizze!’

‘Det is sa, hearre wol, mar mei 't forstean scoe 't wol in oar praetsje wêze. It scoe my tominsten tige nij dwaen, as X, ho geleard as er ek wêze mei, Frysk forstean koe. Né, Haeije, det kinne wy der wol op weagje. Mar witte Jimm' hwet, jonges, wy scille him wer ris oproppe. Wibe, setstû de moator efkes oan?’

Wibe giet nei de moator, wylst Jelle en Haeije allebeide in koptillefoan opsette.

De moator gounzet al wer en Jelle draeit oan in stikmannich knoppen en hellet in skeakelder oer. Syn hân leit al wer op 'e knop fen 'e seinkaei.

Earst harket er efkes en bigjint den to seinen.

Dizze kear dûrret it noch al in skoftsjje, foardet se X to pakken krije. Mar einlings, dêr is er wer.

De Unbikende skynt fen tillegrafearjen syn aerdichheit ôf to hawwen, hy tillefoneart tominsten wer.

Jelle freget tillegrafysk, hwet for in lânsman as er is, hwêr't de Unbikende hjarren op andert, det se det sels mar útsykje moatte.

Nou fortelt Jelle him, det se syn útnoeging, om út to finen hwa't hy is, oannommen hawwe, en

det se mei syn trijen hjar bêst dwaen scille om det út to sykjen.

‘k Hie it net oars forwachte,’ hearre se de stimme fen de Greate Unbikende yn 'e tillefoan. Ik scil jimme in jier de tiid jaen, ûnder bitingst, det jimme fen alles hwet my oanbilanget neat oerbrievje oan in oar. Dogge jimme det al, den is 't mei 't sykjen gau ôfroun.’

Jelle lit him dochs sa mar net bang meitsje.

‘t Is in hiele kinst,’ seint er, ‘om greate wirden to brûken.’

‘Oan hwet der mei jimme kano bard is, hawwe jimme sjen kinnen, det ik wol yn steat bin om detjinge to dwaen, hwet ik siz,’ klinkt it yn 'e tillefoan.

‘O.K.,’ seint Jelle, ‘mar dochs scille wy útfine, hwa't Jo binne.’

Neidet Jelle dit seind hat, hearre se X. yn 'e tillefoan laitsjen op in wize, dêr't hja dúdlik genôch oan hearre kinne, det er hjarren net sa botte swier nimt.

‘Hy gniist ús út,’ fâlt Haeije lil út. ‘Hy hat net folle for ús op 'e rekken. In jier tiid. Wachtsje mar, Heite, sa lang scil 't net dûrje, foardet wy dy yn 'e lampe hawwe. Gniist ús deagewoan út!’

‘Salang as er ús útlaket, is der neat om bang for to wêzen,’ seit Jelle ernstich, ‘mar sa gau ar er dêrmei ophâldt, wirdt it minder for ús. Mar ien ding witte wy nou alteast alwer. De stoarm, dy't ús boat omkypt hat, wier it wirk fen X. Sa moat it gean, den winne wy. Hy scil noch wolris mear in bal foarslaen. Mar alles byinoar nomd,

wirdt it in gefaerlik aventûr. Wy hawwe him nou de hânskoech tagoaid. Hawwe jimme der spyt fen?’

‘Né,’ seit Haeije, dy't noch pûr is, ‘hy hat ús útgniisd!’

‘Wy moatte winne!’ seit Wibe.

‘Den is 't goed, jonges; en tink der om, gjin inkeld dinkje oerslaen, al liket it ek noch sa lyts en al skynt it ek, det it der neat mei to meitsjen hat. Neat forswije!

Jonges, wy gean nei hûs, moarn is der wer in dei!’

Haedstik 4. *Jelle syn útfining.*

Haeije en Wibe wisten lang net, hwet se der oan hienen. Nou al mear as in wike kaem Jelle hast net mear foar 't ljocht. Eltse kear, as se him ôfhellen, skipe er hjarren by de doar wer ôf. It iennichste, hwet se dwaen mocht hienen, wier, al mar wer nei 't laboratorium swalkje, om den dit to heljen en den det. En as se him den fregen, hwê't er det allegearre for brûke moast, den die er mar tige geheimsinnich en sei net mear as er kwyt woe.

‘Ik bin hird oan 't wirk, jonges.’

En as hja den oanbeaën om to helpen, den wier it: ‘t Is tige moai oanbean, mar dit moat ik allinne opknappe, dêr kin 'k net by steurd wirde. Jimme kinne my àl tige helpe troch goed de kranten nei to sjen, hwent det haw ik nou net oan tiid. Oan't sjens!’ en den klapte de doar foar hjarren noas wer ticht.

Howol't hja der neat oer to sprekken wierne, swalken se nou den dochs mar gemoedereard der wer hinne, om to hearren, ho't it der mei stie. Kwalik wierne se by de doar, ef dêr wier Jelle al.

‘Kom der yn, jonges, ik moat jimme hwet sjen litte.’

Haeije en Wibe wierne gân's nijsgjirrich, mar hja woene it net skine litte. Hy hie hjarren sa faek ôf-

skipe, det se nou wol krekt dwaen moasten, as koe it hjarren net safolle skele, hwet for nijs as er hie.

Mar Jelle koe syn beide frjeonen wol en lake sa'n bytsje yn himsels, hwet Haeije de wirden ûntlokke:

‘Dû likest X. wol to gnizen.’

‘k Ha der sa njonkelytsen ek wol hwet fen wei,’ seit Jelle greatsk, ‘det scille jimme foart wol sjen.’

Jelle bringt de maten op syn keammerke, hwê't in hiele greate kas yn is, dy't hy for tsjustere keamer yn'rjuchte hat, om syn foto's to ûntwikkeljen.

‘Kom der mar yn,’ noaget Jelle en stapt tagelyk sels al yn de greate kas.

De oare beiden him fensels efternei. Daliks docht Jelle de doar efter hjar ticht, hwê'troch it nou ierdetsjuster yn 'e kas is. Mar Jelle drukt op in knopke en dêr floept in sterke elektryske lampe oan, mei in grien skermke derom hinne, om't it ljocht oars for de eagen to skel wêze scoe.

Wibe en Haeije sjugge ris om hjar hinne. 't Is hjir gâns foroare sûnt de lêste kear, det se deryn west hawwe. Do wier 't in tsjustere keamer en nou is 't in laboratorium. Der stiet in greate, swiere ynduksjeklosse, greate transformatoaren, glêzen buizen mei ynraende triedden en sa al mear. In stikmannich mjitters hingje oan 't lewant.

Flak foar him sjucht Haeije in greate mjitter, dy't er net earder sjoen hat en dy't der nei útsjucht, as hie Jelle him sels makke. As er nou nijsgjirrich nei de sifers op 'e wizerplaet sjucht, falt syn mûle yn 't kier, sa forheard sjucht er der fen op. Wibe merkby't det en wol ek ris sjen.

‘Ljeave stakkert,’ ûntfalt him, ‘det bitsjut noch al hwet. Fen 50.000 oant 500.000 volt ta. Hast dy brûke moatten, Jelle?’

‘Ja,’ andert Jelle, ‘en dêrom koe ik jimme by myn wirk wol slite. Det wier my to gefaerlik, sjuch. Nim de boel hjir mar ris goed op, den scille jimme sjen, ho goed alles isolearre is. Ik siz jimme, det hat gjin berneboarterij west. Mar ik haw foun, hwet ik socht en det woe ik jimme nou daliks sjen litte.’

‘Mar hwet bitsjut det?’ frege Haeije binijd en wiist op 'e souder fen de ûnbidige kas. Det liket allegearre wol koper.’

‘It hat der in soad fen wei, mar 't is klinkklearre brûns.’

‘Hwêr is det nou goed for?’ freget Wibe op syn bar.

‘Det haw ik dêr oanbrocht, om't brûns gjin magnetysk fjild trochlit,’ leit Jelle út.

‘Ofskerme dos,’ seit Haeije.

‘Sastou seiste.’

‘En hwêrom as ik freegje mei,’ freget Wibe wer.

‘Om forskate dingen,’ bigjint Jelle wer út to lizzen. ‘Foarst en foarâl, om't ik it der neat op stean hie om fen boppen ôf op 'e hannen sjoen to wiriden.’

‘O, dû mienst troch X,’ mient Haeije snoad.

‘Krekt’, giet Jelle fierder. ‘Det wier ien en oard woe ik net, det der immen efterkaem, hwêr't ik hjir mei dwaende wier. Jimme moatte net forjitte, det by spanningen fen oer de twa hûnderttûzen volt,

sa't ik se hjir hawn haw, in merakel sterk magnetysk fjild ûntstiet. Alles yn 'e omkrite hie magnetysk wurden; de klokken wierne stilstean bleaun en al sokke dingen mear, en det koe fensels net.'

'Né, det bigryp ik,' seit Wibe, 'mar hwêr bliuwst nou mei it spil, detst ús sjen litte woest.'

'Net sa hastich, net sa hastich, ik miende, det jimme der net sa folle bilang mear by hienen. Mar hawar, gean dêr mar ris sitten... Fensels, allebeide en wêz mar net bang, as 't in bytsje bigjint to rotteljen en sa.'

Wibe en Haeije geane op 'e oanwiisde plakken sitten en wachtsje fol ûngedild, mar dochs ek wol hwet ûnder de yndruk, op hwet Jelle hjar sjen litte scil.

Dy skarrelt hwet hinne en wer, set hjir in skroef oan en sjucht dêr noch ris in pear kontakten nei.

Unforhoeds floept it ljocht út. 't Is sa tsjuster as sieten se yn in fet mei inket.

'Tink der om, it bigjint,' klinkt Jelle syn lûd earne út it swart wei.

Se hearre in sûzjen as fen in benzine-lampe. Stadichoan wirdt it lûd sterker. In blau ljocht sjit troch ien fen de glêzen buizen. Efkes wier alles sa klear to sjen as op ljochtskyndei. Den is 't wer tsjuster, mar nou net for sa hiel lang. It ljocht sjit nou mei hiel koarte twiskenromten troch de buizen, oan't it op 't lêst in bliuwend, sterk blau ljocht wirdt.

Haeije hat de rjuchterhân yn 'e bûse en út 'e gewoante wei hâldt er syn knyft fêst. Hy tocht der net by, hy wier det sa wend. Mar hwet noch nea

bard is, bart nou. It mes bigjint to libjen en wrot him yn 'e hân om as woe it foart.

Haeije wirdt sa kjel, det er gysten de hân út 'e bûse skoert en dêrby âllet er, as waerd er formoarde.

‘Hwet is der oan?’ freget Jelle kalm.

‘Myn knyft libbet!’ ropt Haeije.

‘Meitsje dy mar net drok,’ seit Jelle, ‘en hâld dyn mes mar goed fêst, it scil dy neat dwaen. Hjir is op dit stuit sa'n sterk magnetysk fjild, det dyn knyft dêrtroch oanlitsen wirdt. Dêr is dochs neat gjin bysûnders by.’

‘Soa, fynst net,’ seit Haeije in bytsje noartich, om't er him sa gean litten hat, ‘ik fyn 't oars noch al hwet.’

‘Det falt wol in bytsje ta,’ seit Jelle gekjeijend, ‘mar tink der nou ris goed om.’

‘Sjugge jimme ek hwet twisken de buizen yn?’

‘Né, dêr is neat to sjen,’ roppe de beide taskôgers.

‘Det is sa, mar der is wol hwet. Pas nou op. Sjugge jimme hwet ik hjir haw oan 'e ein fen dizze lange glêzen stêf?’

‘Ja, in spegeltsje,’ andert Wibe.

‘Moai,’ seit Jelle, ‘nou bring ik det spegeltsje hwet langer hwet tichter by de buizen. Scille jimme it goed yn 't each hâlde?’

De beide maten sjugge fol spanning nei Jelle syn biwegingen. Hiel langsum bringt er it spegeltsje nei de buizen ta. It flikkert yn 't skrilte ljocht as wier 't in stikje fen 'e sinne.

Mar, sjeder, Wibe en Haeije knipperje mei de

eagen, hwent det, hwet se nou sjugge is hast net to leauwen. It spegeltsje wirdt stadichoan doffer, ho tichter it by it fûleindige ljocht komt. It forliest syn glâns, wirdt den in gewoan roun plaetsje, den in stikje glês, dêr't se dwers troch hinne sjen kinne, den liket it wol eft it reek wirdt en den... is der alhiel neat mear to sjen.

Mei in foarse hael hellet Jelle de glêzen stêf wer nei him ta en sjuch, dêr is 't spegeltsje wer.

Haeije sykhellet djip en seit: 'It liket wrychtich wol tsjoenderij.'

'Ho kin det, Jelle?' freget Wibe. 'Earst sjugge wy it weiwirde foar ús eagen en dêr is 't wer.'

'Det is nou myn útfining,' seit Jelle en skeakelt de stream wer ôf en it gewoane ljocht wer yn. 'Ik bin nou yn steat, alles hwet ik wol, ûnsjenber to meitsjen, trochdet ik de ljochtstrielen brek, sadet se der, om sa mar ris to sizzen, omhinne gean. Trochdet der gjin ljocht op fâlt, kin it ding, det ik yn 't elektrysk fjild bring, net sjoen wurde. Sjuch mar ris nei hwet der twisken de buizen hinget.'

De beide jongkeardels sjugge nei it oantsjutte plak en dêr hinget twisken de buizen in glinsterjende silinder.

'Hwet moat det foarstelle?' freegje se hast tagelyk.

'It model fen X. syn fleanmesine. Nou, hwet sizze jimme dêrfen?' freget Jelle greatsk.

't Is wûnderbaerlik,' sizze Haeije en Wibe út 'e groun fen hjarren herte.

'Mar ho bistû einliks op it idé komd?' freget

Haeije, dy't it allegearre sa gau net forarbeidzje kin.

‘Troch myn theory oer de Greate Unbikende,’ andert Jelle. ‘It koe net bistean, det syn loftskip net sjoen wurden wier, as it mei gewoane middels, dêrûnder rekkenje ik ek de fjerrekikers, to sjen wier. Der bliuwt dos neat oars oer, as det er net to sjen wier.’

‘Ja, mar,’ komt Haeije der tsjin op, ‘hy kin dochs net sa'n great fjûrwirk meitsje, lyk astû niiskrektsa dien hast.’

‘Wit ik wol, mar hy hat hiel oare middels ta syn foldwaen as ik. Hwê't it my om to dwaen wier, haw ik foun, nammentlik út to finen eft it mooglik wier, det min de stof ûnsjenber meitsje kin.’

‘Nou, 't is in wûnder, sje dêr. Ik ha 't nou foar myn eigen eagen sjoen en nòch kin 'k it mar kwalik leauwe,’ seit Wibe op 't lêst.

‘Sjesa,’ seit Jelle tofreden, ‘nou kinne wy ús theory al wer hwet útwreidzje. Wy kinne nou mar fêst oannimme, det X. yn 'e stratosfear omsweeft yn in tastel, det mei optyske middels net to sjen is.’

‘Ik fyn oars,’ kin Haeije net neilitte to sizzen, ‘det soks ús net tichter by it wyt bringt. Nei't it my taliket, wirdt it dêr gân's biswierliker troch om X. út to finen.’

‘Dêr hastû for in part wol gelyk oan, mar dêr stiet tsjinoer, det wy nou al wer hwet mear fen him ôfwitte,’ leit Jelle der tsjin yn.

‘Hwet wy nou bisiikje moatte om út to finen is: ho kinne wy him to sjen krije?’

‘Scoe det überhaupt noch mooglik wêze?’ freget Wibe.

‘Nou,’ komt Haeije ynienen út 'e hoeke, ‘yn 't spektrum binne mear strielen as allinne dy, dy't wy sjen kinne.’

‘Hwet bistû ynienen wiis,’ pleaget Wibe, ‘ef hastû miskien fennacht mei 't natuerkundeboek ûnder dyn kjêssen sliapt.’

‘Né, det nou net, mar ik brûk bytiden myn forstân, hwet ik op dy foar ha,’ narret Haeije werom.

‘k Ha der oars faken oan twifele, efst' noch wol brein hieste. Det falt my al wer mei...’

‘Nou, jonges, sa kin 't yn 't earstoan al wer,’ makket Jelle in ein oan 't harrewarjen. ‘Mar dochs wiisde Haeije de wei, dy't wy gean moatte. Wy moatte sjen út to finen, hokfor strielen troch in magnetysk fild hinnegean, en ho't dy oan to wizen binne. Hwet tinkt jimme, scoene jimme det útfine kinne, togearre?’

‘Wy scoenen 't ris bisiikje kinne; hwet seist, Haeije?’ freget Wibe syn maet.

‘Weija, hwêrom net. Wy moatte dochs ek hwet to dwaen hawwe. Ik tink mar sa: “Zelfs het pogen is schoon,” mar hwêrom Wibe en ik. Hwêrom dochstû sels net mei, Jelle?’

‘Om't ik hwet oars bisiikje moat. Det scil wol net sa maklik wêze, sadet ik der al myn tiid en forstân wol for nedich ha. As jimme klear binne mei 't útsiikjen fen dy strielen, den kinne jimme my der moai hwet by helpe.’

‘Dû praetst der noch al maklik oer,’ seit Wibe: ‘as jimme klear binne. It kin bêst biteare, detstû

mei dyn wirk noch folle earder klear biste as wy.'

'Det moat ik sterk bitwifelje. Der is in great ûnderskie twisken ús baentsjes. Jimme witte de wei, hwêr't jimme lâns gean moatte om det to finen, hwet wy nedich ha. Mar ik wit noch hielendal gjin wei en wit net hokfor metoade ik tapasje moat. Né, jimme scille my der wol mei helpe moatte, ef, der scoe in wûnder barre moatte.'

'Den hast in goeije kâns,' seit Haeije smout, 'hwent de wûnders binne de wrâld noch net út.'

'Mar nou hwet oars. Hwêr scille Wibe en ik mei ús ûndersikingen bigjinne. Hjirre, op it waed ef by ien fen ús beiden thús?'

'Hjir hawwe Jimme alles hwet nedich is, alteast alles hwet wy hawwe, dos scoe 'k hjir mar bigjinne. Mines is dochs to'n earsten yn haedsaek rekkenwirk en det kin ik wol yn 'e keamer dwaen. Jimme hawwe den de hiele kas ta Jimme foldwaen. Mar ik scoe Jimm' àl oanriede om net al to hege spanningen to brûken. Det hat for Jimme ûndersikingen alhiel gjin doel. As Jimme earst mar dy strielen foun hawwe, dy't nedich binne, den kinne wy 't oare wol útrekkenje. Wy witte dochs net krekt de sterkte fen it fjild om syn fleanmesine, det scoene wy earst ek noch útrekkenje moatte. Mar det is 't slimste net. De strielen, dy moatte wy ha.'

Nei dizze oanwizings bringt Jelle syn beide maten op 'e hichte mei de ûnderskate ynstreminten en apparaten, dy't dêr stean. Den lit er Wibe en Haeije allinne en moatte se mar sjen, ho't se hjarren der mei rêdde.

Hysels giet yn syn keamer foar de tafel sitten en bigjint to siferjen. Det skynt net ta to fallen. Fen alles en noch hwet wirdt der byhelle. It iene boek nei 't oare forhuzet fen 'e kas nei de tafel en fen 'e tafel op in stoel en fen de stoellen op 'e flier.

As Jelle syn Mem der yn komt om de jonges in bakje thé to bringen, sjucht se hjar soan oer in stik pompier hinne bûgd, wylst der in knoarre boeken om him hinne struid lizze.

‘Mar, Jelle’, seit syn Mem, ‘kin det nou net hwet oars. Hwêr liket det nou op!’

‘Hwet sei Mem?’ freget Jelle en sjucht efkes op fen syn rekkenwirk. Hy hat der net folle fen heard fen hwet syn Mem krekt sein hat, mar, om't er hjar mei it thégûd sjucht, tinkt er, det sy it dêroer hie.

‘Set mar del, Mem’, seit er den ek, ‘den fyn ik it wol.’

‘Det kinstû maklik sizze, mar hwêr moat ik it delsette. Op 'e tafel is gjin plak mear en op 'e stoellen likemin. Moat ik it sims op 'e flier delsette?’

Jelle is der noch lang net mei de holle by.

‘O!’ seit er.

‘Hwet, o!’ freget syn Mem.

Nou sjucht Jelle pas goed op en bigjint to laitsjen, as er syn Mem dêr mei it thébledtsje stean sjucht, sûnder det se it earne delsette kin.

‘Sjuch, Mem!’ ropt er, ‘set it hjir mar del,’ en hy makket in great plak rom op 'e tafel, troch alles hwet der op leit, der mei de earm ôf to reagjen.

‘Mar, Jelle, Jelle!’ seit Mem sabeare lilck, ‘scilstû det den nea ôfleare. Hwa hat nou ea sa'n rommel sjoen. Men scoe der yn forslaen.’

‘Mar?’ freget se den ynienen, en sjucht alle kanten út, ‘hwêr binne Haeije en Wibe. Hastû dy nou al wer foartstjûrd ef binne se út hjarsels foartgien?’

‘Né, Mem! Pasje mar ris op.’

Jelle giet nei de kas en kloppet op 'e doar. In foarse klap, fjouwer lichte tikjes en den noch in licht tikje der efteroan. Det binne morseteikens en bitsjut: ‘thé’.

It dûrret den ek net lang ef de doar fljucht iepen en Wibe syn reade holle kipet om 'e hoeke fen 'e kasdoar.

‘Kom der út, Haeije!’ ropt er, ‘hjir is thé!’

Haeije komt efter Wibe oan út 'e kas weisetten. Hy glimket tige frjeonlik nei it thégûd.

‘Sa mei ik it leije,’ seit er, ‘det it spil sa kreas by yen brocht wirdt.’

Forheard hat Jelle syn Mem dy úttocht út 'e kas oansjoen, hjar mûle stiet der fen yn 't kier. Op 't lêst seit se:

‘Sa ha 'k it den dochs noch nea op 'e fioele spyljen heard. Slút syn gasten deabidaerd yn in greate kas op. It wirdt hwet langer hwet gekker.’

‘Och, Mem, sa moat men wol mei sok reau. Oars ha 'k mar mot om 'e teannen.

Mem skodhollet.

‘Ik gean mar wer foart. It wirdt my hjir langer to mânsk. Jimm' kinne jimm' sels wol rêdde, net?’

Mar tink derom, det jimme it spil net brekke, 't is net fen izer.'

't Komt yn oarder, Mem!' ropt Jelle hjar efternei, wylst hja ta de doar útgiet.

Den keart er him nei de jonge mannen en freget 'En jonges, scoe 't gean?'

'Ik wit net', andert Wibe, dy't it wird dwaen moat, hwent Haeije is mei de thésinkerij dwaende en mei net ôflaet wirde.

'Mar wy scille noch wol it ien en oar nedich hawwe, bin 'k bang. Wy hawwe al in stikmannich fen dy fotografyplaten der mei bidoarn, sûnder det wy der folle wizer fen wirde binne.'

'Hwet tinkst den, det jimme nedich hawwe?' freget Jelle wer.

'Leadplaten en in elektro-meter yn elts gefal', falt Haeije ynienen út by syn thépot wei.

Hy hie mar better neat sizze kinnen, hwent, trochdet er Jelle by syn útrop oanseach, seach er net nei de thé, sadet er dy, ynpleats fen yn it kopke sa't de bidoeling wier, oer 'e tafel geat.

'Pas dû mar ljeaver op dyn thépot, ynpleats fen dy mei dingen to bimoeijen, dy't dy dochs to heech gean', pleaget Wibe daliks.

Haeije set mei faesje de thépot del, sadet Jelle syn hert fêsthâldt, en ropt tsjin Wibe:

'Hwa giet det to heech? Tink derom, jonkje, aste myn maet net wierst, den...'

'Nou, hwet den?' freget Wibe.

'Den krigest gjin thé!' follet Haeije syn bidriging oan.

‘Det scoe mear as misdiedich wêze’, falt Jelle laitsjende yn.

‘Mar sûnder gekheit, leadplaten en in electroskoop, seistû. Ja, my tinkt ek, det Jimme dy wol nedich hawwe. Ik scoe sa sizze, wy fytse moarn mei syn trijen nei stêd. Dêr scille wy wol krije kinne, hwet wy nedich hawwe.’

‘It scil my ris binije, eft wy dêr in electroskoop krije kinne’, bitwifelt Wibe.

‘Dy meitsje wy den sels’, bislist Jelle, ‘as wy yn stêd de spillen derfor mar krije kinne.’

‘Mar ho fier bistû komd, Jelle?’ freget Haeije nou en set de spillen wer del omdat er se alle trije ynskonken hat.

‘Om earlik to wêzen, noch net iens sa fier as Jimme. Ik bin noch krektlike fier. Ik wit net eft ik it siikje moat lâns chemyske-, elektryske- er elektro-chemyske wei.’

‘Dêr neamst noch al hwet op’, seit Wibe. ‘Dû skynst noch al hwet fen plan to wêzen.’

‘Ja, it plan is der wol, mar eft ik der mei slagje scil, stiet noch to bisjen. Mar as 't alhielendal net wol, den scil ik my wol rêdde mei dingen, dy't al bikend binne.’

Haeije wol nou ek wol ris witte, hwêr't it einliks om giet: ‘Hwet wolst' den útfine?’ freget er.

‘Ik kin 't jimme ek wol sizze. Ik siikje ek sa'n soarte energy-boarne as de Unbikende.’

‘Nim nou ris oan, det der in wûnder barde, en detst sokssahwet fine scoest, hwet den. Hwet woest der den mei?’ freget Wibe.

‘Den woe 'k ek nei de stratosfear.’

Mei iepen mûle sjugge syn beide maten him oan. Nei de stratosfear! Krekt as wier 't mar hiel gewoan.

De thé wirdt forgotten.

‘Nei de stratosfear, hie 'k tocht’, suchtet Haeije op 't lêst. ‘Ho wolst dêr komme en hwet wolst dêr dwaen?’

‘Dû fregest gelokkich net sa'n soad tagelyk’ laket Jelle. Hy moat wol laitsje om de forbûke gesichten fen syn beide frjeonen.

‘Fensels wol ik X. yn syn eigen gebiet opsiikje. Mar ho? Det is in frage, dy't ôfhinget fen hwet ik fine kin en... fen hwet wy oan jild byinoar bringe kinne. Det scil ek wol in hiel great biswier wêze, bin 'k bang, hwent det scil wol in slompe jild kostje’.

‘Is 't al wer sa!’ falt Wibe noartich út. ‘Alles draeit om 't jild; nou by ús ek al. Den scil 't wol oergean moatte, bin 'k bang. Hwêr scoene wy in slompe jild weihelje moatte.’

‘Nou ja, mar foarlopich is 't noch safier net’, seit Jelle, ‘rekkenje mar, det wy de tiid noch hawwe, foardet ik sa'n krêftboarne ûntditsen ha. As 't earst safier is, kinne wy noch wolris sjen.’

‘Kom, jonges, nou earst thédrinke’, moannet Haeije syn frjeonen, ‘oars koellet it ôf ta de absolute temperatuer, 273 graden ûnder nul.

‘Det moat foaral net,’ fynt Wibe, ‘hwent den hiene wy hjir yn ús kopkes de leechste temperatuer, dy't men ea op ierde fêststeld hat.’

‘Det komt my ek wol hwet bot foar’, oardielt Jelle, ‘ik fyn it sa tominsten al kâld genôch.’

Dos jonges, moarn nei stêd en den full speed oan 't wirk.'

Haeije hâldt oermodich syn kopke omheech en ropt: 'Jonges, op ús oerwinning op de Unbikende!'

Haedstik 5. Dr. X.

Sa heech boppe de ierde, det it bistean fen de dampkring net mear oan to jaen is, driuwt it stielen skip fen de Greate Unbikende.

It is gjin sylskip det dêr driuwt, ek gjin steamskip, ja, it liket net iens op in loftskip, sa't se hjir oant nou ta bikend binne.

It sjucht der frijwol sa út, as Haeije sjoen hat, do't er it forûngelokjen fen de Russyske stratosfear-ûndersikers seach.

It is in ûnbidich greate stielen silinder mei koarte draechflakken oan beide siden. It skip rint fen foaren en fen efteren skerp ta, wylst oan de efterkant noch in pear útstyksels binne, dy't tsjinje for it stjûren fen it stielen mûnster. Efter dy flakken forditsen binne in stikmannich kanalen fen deselde soarte as se ek oan de foarkant binne. Dy kanalen dogge tsjinst by it ôfsjitten fen de raketten, dêr't de Greate Unbikende syn loftskip in fantastyske feart mei jaen kin.

Haeije hat wol goed sjoen, do't er sei, det it ding, det er sjoen hie, krekt in greate snoek wier. Twa greate eagen steane foar oan 'e kop. Sa't Wibe al oppenearre hie, wierne det de teleskoopeagen fen it mûnster. Troch in bûtengewoan fornimstich linzestelsel is it mooglik om dêr, lyk as by

in fiske-each, 360 graden mei to sjen, hwet dos sizze wol, det min de hiele rounte fen 'e horizon tagelyk sjucht.

Mar det is net de iennichste mooglikheit, ek binne it tagelyk de elektryske eagen fen Dr. X, dêr't er mei sjen kin, hwet er wol.

Det is, sa't it der fen bûten útsjucht. Fen binnen is der gâns mear to sjen.

Earstens is der it greate salon, mei in pear maklike stoellen, in leech bêd, det tagelyk as divan tsjinst dwaen kin, swiere kleden oer 'e flier en in stikmannich boekekassen, dy't fen ûnderen oant boppen fol steane mei boeken.

Oan 't lewant hingje hjir en dêr mjitynstreminten, dêr't Dr. X. (sa neamt de eigner himsels) op sjen kin, ho't it stiet mei de loft yn 't salon, mei de temperatûr en sa al mear. Yn it salon en trouwens oeral, yn 't loftskip, is deselde druk as op 'e ierde, sadet min oan neat merkbyt, det men safier der boppe is.

Rjucht tsjinoer it bêd is in wyt skerm oanbrocht, wylst boppe it bêd in skeakelboerd is, dêr't neist in knoarre skeakelders, mjitters en sa fierder, ek in mikrofoan oan hinget. Dêr boppe is in boerd, dêr't in lûdsprekker oan fêstmakke is. Oan 't foettenein fen 't bêd stiet in lange tafel, dêr't in hiel soad mesyntsjes op montearde binne, ûnder oaren in pear elektryske gramofanmotoaren.

For safier it salon. Rjucht dêrfoar is in keammerke, dêr't ek al wer nea sjoene ynstreminten en apparaten yn steane. Foar in tafel, dy't suver bisjide is mei in great forskaet fen mjitters, stiet in

stoel. Fierder binne der gjin meubels to bikennen. Dit is nou, hwet op in skip de kaartekeamer en de brêge is. Ut dit hokje wei, kin it hiele skip fen ien man bistjûrd wirde. Hjir kin de stjûrman sjen, ho heech as er is, hwêr't er hinne giet, ho great de flecht is en ho sterk de wriuwing is tsjin de loft, en for oer de mjitte greate feart, hofolle de hûd fen it skip waermer wirdt troch de wriuwing.

Hjirfendinne kinne ek de raketten bitsjinne wirde, dy't tsjinje moatte om it skip syn feart to jaen. Troch mear ef minder sterke raketten to brûken, hat Dr. X. hjir teffens de flecht mei yn 'e hân, dy't er it skip jaen wol.

Oan 'e oare kant it salon is ek in keamer, efkes greater as de stjûrkeamer. Dy hat de Unbikende ynrjuchte as laboratoarium en radio-keamer.

Hjir sjucht it der noch frjemder, gelearder en geheimsinniger út as yn de oare beide keamers by elkoar. It is ûnbigryplik, det der safolle ynstreminten, radio-apparaten, mesinen en sawethinne yn sa'n lyts hokje by inoar kinne, mar noch folle ûnbigrypliker is it, det der noch immen wiis út wirde kin. Mar Dr. X. kin it en hat der neat gjin moeite mei.

Yn dit laboratoarium stean ek de apparaten, dêr't er de atomen-energy mei frij makket, de tastellen for farske loft en dy for it opnimmen fen de forbrûkte loft en de ynrjuchting, dy't de druk yn 't loftskip op peil hâlde moat.

Hjir stiet ek it lytse mesyntsje, dêr't hy it skip mei om syn langte-as draeije litte kin, om net altyd mei deselde kant nei de sinne ta to lizzen.

Hwent as de sinne almaroan op ien kant stiet to brieden, scoe it der fierstento hjit wirde en ek de temperatuer yn it loftskip scoe pleatselik to folle forskete. Hjir blykte op 'e nij út it greate oerliz en de ûnbigryplike kinde fen X, hwent wol hie er de ljochtstrielen om it skip hinne bûgd, mar net de waermtestrielen. Dy hie er net ôfskerme en det koe fensels ek net, oars scoe er deafrieze yn syn stielen silinder, om't it op dy greate hichten sa kâld is as nearne op ierde. Mar om't er syn skip nei de waermtestrielen draeije kin, honear't er mar wol, kin er dêr de temperatuer mei regelje.

Nou scoe men tinke kinne, det troch it draeijen de hiele boel op kop to stean kaem. Mar dêr hat X. ek al wer hwet op foun, troch de keamers kardanysk op to hingjen, d.w.s. det dy sa yn 't skip oanbrocht binne, det, ho't de silinder ek draeit, de keamers altyd rjucht hingje.

Sa as it loftskip dêr hinget, heech, heech boppe de ierde, is der gjin biweging yn to sjen. Ek fen binnen is alles stil. Neat forweecht.

Yn it salon leit de Greate Unbikende X. en sliept. Kalm en rêstich leit er dêr.

Wibe hat it net sa min ret, it is in Mongoal.

Hwêr komt dy man, mei dy ûnbidige skedel, hwêr't gjin hierke op to bikennen is, wei? Ut hokfor hoeke fen it ûnmjitlik greate Asië komt dy man, dy't biskikke kin oer krêften, dêr't allinne it aldergeleardste part fen 'e minsken in lyts bigryp fen hat?

Hy, Dr. X., is berne yn it ûnbikende Thibet en greatbrocht yn in Lama-kleaster, hwêr't de wiis-

heit fen ieuwen en ieuwen troch de learde mûntsen biwarre en útwreide waard.

Hy learde dêr alles hwet men him leare koe. Ynwijd waard er yn de geheimen fen it libben en de natûr, en syn fluch bigryp naem alles like maklik op as in spûns it wetter.

Hy waard troch syn ûnbidige leardens lieder fen de mûntsen, oan't er op in dei ûntdiek, hwet alle leardens fen it Westen net fine kind hie.

Fen do ôf gyng er op 'e swalk en liet oeral, yn alle lannen fen 'e wrâld, in part meitsje fen it loftskip, dêr't er nou yn to sliepen leit. Oer hege bergen en troch de greatste woestenijen wier it spil brocht nei it plak midden yn 't ûnbikendste part fen Asië, det er dêrfor útsocht hie. Hjir liet er alles, ûnder syn eigen tafoarsjuch, yn elkoar sette en do't it klear wier, gyng er deryn om syn earste greate died fen forneatigjen to folbringen. Kalm gyng er mei it stielen tastel omheech, en do't er ryklik hûndert meter heech wier, smiet er in lyts kûgeltsje nei ûnderen, midden twisken it wirkfolk, det syn skip makke hie en det mei nocht stie to sjen ho moai it skip, det hja makke hiene, omheech kleau.

Suver op 't selde stuit stiek er in raket ôf, dy't it skip mei kûgelsfeart omheech twong. Fen de fornielende explosy fen it ûneachlike kûgeltsje hearde ef seach er neat, om't er stikken hirder fleach as it lûd. Mar do't er efkes letter syn televisy-apparaet rjuchte op it plak, hwêr't er wei omheech gien wier, koe er it net wer werom. De forwoesting, troch syn kûgeltsje towai-brocht, hie it hiele oansjen foroare. Gjin minske scoe mear

fortelle kinne, hwêr't er wier en hwet der fen him en syn fleanmesine wirden wier. Fen al syn helpers wier net ien oerbleaun.

Nou leit er dêr en sliept sa rêstich as in bern yn de hoede fen syn Mem.

Dr. X is de iensumste minske dy't der libbet. Alhiel allinne swalket hy yn syn wûnder tastel om de ierde. Eins is er al net iens mear fen dizze ierde hwent hy leit nou bûten de gryp fen 'e swiertekrêft. Syn skip wirdt net mear fen de ierde oanlitsen; nei ûnderen falle kin er net mear. Dêrtroch is it ek mooglik, det der nou gjin inkelde mesine arbeidet.

X wirdt wekker. Hy giet oerein sitten en hellet in lyts koperen kistke nei him ta, hwêr't er in sigaret út nimt. Mei in langsume biweging pakt er in metalen stêfke by it swarte hânfet en drukt op in knopke dêr't er op sit. It stêfke wirdt gleon. Hy hâldt it foar syn sigaret en hellet mei great geniet de reek nei binnen. It stêfke, det oan in tried bifestige is, lit er wer bingelje en hy komt oerein. Noch heal yn 'e sliep wei rekt er him út en seit by himsels: 'Wy scille mar wer ris hwet tichter by de ierde sjen.'

Hy rint nei de stjûrkeamer, giet op 'e stoel sitten en hellet in skeakelder oer. Suver op 't selde stuit sjit it loftskip foarút.

Hy hat in raket ôfsketten. De pof fen de eksplosy heart men net, om't der alhiel gjin loft is, dy't it lûd foartplantsje kin. Mar ek, al hie der wol loft west, den hearde men der yn it skip dochs neat fen, om't det folle hirder giet as 't lûd.

Hy sjit rjucht op de ierde ôf en it dûrret den ek net sa botte lang ef it skip komt wer yn de oanlûkingskrêft derfen.

Hy manipulearret hwet mei it roer en nou blykt, ho goed er it stiel en loftmûnster yn 'e hân hat. Stadichoan foroaret it syn rjucht nei ûnderen geande baen om dy op 't lêst yn in horizontale to foroarjen. Sa gau it skip dizze pesysje ynnomd hat, hallet X in oare skeakelder oer en in mesine yn it stjûrhok bigjint to gounzjen. De draechflakken oan beide siden fen it skip, dy't as propeller útfierd binne, bigjinne to draeijen. Efkes sjucht er noch op in mjitter, dêr't er op sjen kin hofolle de flecht fen syn fleanmesine troch de finnen ôfremd wirdt. Tofreden knikt er mei de holle, hwent hy wit nou, det nei koarte tiid it tastel sawet tsien kilometer boppe de ierde, stil yn 'e loft hingjen bliuwe scil.

Nou giet er wer werom nei syn salon, en 't earste hwet er dêr docht, is op in knopke drukke. Daliks komt der biweging yn de mesyntsjes op 'e greate tafel. Stiel en earms pakke in gramofonplaat fen in draaitafel fen in elektryske gramofon en lizze de plaat op in oare draaitafel. Sa gau as de plaat leit, bigjint de moator fen 'e gramofon to draeijen en in pick up, ef in elektryske ôfnimdoaze, wirdt automatysk op 'e plaat set. Foartdaliks komt der libben yn 'e lûdsprekker. In stimme seit yn it Ingelsk al it nijs det der de lêste ûren op lere bikend wurden is.

Dit is eins net in útfining fen X., mar in handich gebrûk meitsjen fen al biesteande dingen. Hy

hat in radio-apparaet, det östeld is op de weach fen in greate Ingelske útstjûrder, dy't al it nijs fen 'e wrâld omropt, lyk as it Algemien Parsebureau yn ús lân. Ynpleats fen in lûdsprekker is der oan det apparaet in pick up oansletten, dy't yn forbining mei in elektryske snij-ynrjuchting, al itjinge, det der útstjûrd wirdt, foart op in gramofaanplaet fêstleit. Sa gau as nou de Greate Unbikende it oan tiid hat, kin er dy platen wer ôfdraeije litte en sa dwaende altyd op 'e hichte bliuwe mei hwet der ûnder op ierde bard is.

De stimme fortelt nijs út Amerika, Ingelân, Frankryk en Dútsklân en fen de oarloch twisken China en Japan.

De eagen fen de Greate Unbikende bigjinne ûnheimlik to glinsterjen. 'Ha, ha,' laket er súntsjes yn himsels en lit syn giele tosken sjen.

As de jonges him sa sjen kind hienen, scoenen se hjarren noch wol tsien kear bitocht hawwe, foardet se mei him bigoun wierne. Unheimlik sjucht er der út. Syn eagen glinsterje sa fel, det it klear to sjen is, det syn geast net mear soun is.

'Ha, ha,' laket er wer, as er heart hofolle deaden der fallen binne.

'Wachtsje mar, oan't ik bigjin. Den scille jimme wol oars opsjen. Hwet wierne Dingis Khan, Julius Caesar, Alexander de Greate en Napoleon by my forlike. Ik bin de Hear fen 'e wrâld. Ik kin jimme oplizze hwet ik wol. En wé, wé, dy't net docht, hwet ik fen him easkje.

Jimme ierdwirmen, yn myn hân leit jimme bistan. As ik wol, is yn koarte tiid alles fornea-

tige, hwêr't jimme sa greatsk op binne en gjinien scil der oerbleaun wêze om de greate foroaring to sjen.'

Heech rjuchtet er him op, slacht mei de hân op syn boarst en ropt lûd: 'Allinnich ik, ik scil oerbliuwe.'

Hy wirdt wer hwet kalmer en harket fierder, mar de nocht is der ôf en hy skeakelt de boel wer út.

'Efkes by myn jonge frjeonen sjen,' seit er by himsels. Syn hân giet oer ien fen de knoppen op it boerd, boppe de divan.

In sêft rûzen yn de lûdsprekker wiist der op, det er in radio-apparaet oanset hat.

Boppe it skerm bigjint it to flikkerjen yn alle mooglike kleuren. Hy hat syn automatyske ûntfanger oanset en dy ljochtsjes fortelle him, op hokfor weagen der op ierde útstjûrd wirdt.

'Neat bisûnders', seit X., 'allegearre de gewoane amateurs, skippen en greate lânútstjûrds. Hwêr scoenen myn frjeonen tsjintwirdich sitte? Ik ha nou al yn gjin tiden hwet fen hjarren heard. Mar ris efkes sjen, eft se net yn hjar laboratoarium binne.'

Hy draeit oan in oare knop en op it skerm, rjucht foar him, komt nou in byld. Mar it is to dizich om krekt to sjen hwet it is. As er noch hwet hinne- en wer draeit, wirdt it byld al klearder. Op it skerm sjucht er nou de kalme weachjes fen in great wetter.

Hy draeit fierder...

Wetter, wetter en dêr... bigjint in lege stripe lân, dy't stadich út it wetter opkomt. Neat is der

op det lân to sjen, det allike forlitten is as it wetter. Skulpen lizze to glinsterjen yn de sinne, tûzenen en tûzenen. It is it waed. Fierder draeit er en ringen komt det, hwet er siket. It laboratoarium fen Jelle en syn maten.

Nou hâldt er op mei draeijen oan dy knop en bigjint oan in oaren ien. It byld wirdt efkes hwet ûndúdliker, mar den is 't wer skerp. Hy sjucht nou dwers troch it dak hinne yn it lytse húske op it waed.

Mar dy't er dêr siket yn it húske, binne der net.

‘Frjemd,’ tinkt X., ‘scoenen hja de striid nou al opjown hawwe, kwalik neidet se bigoun binne. Det liket my raer ta. It scoe my ek spite, hwent it wier in aerdich forssetsje, wylst ik boppedet ek wol ris witte wold hie, hofier as se it bringe kind hienen. Mar as se net wolle!’ raest er ynienen, ‘scil ik se twinge ef forneatigje!’

Mei greate stappen rint er syn salon op en dèl. ‘Ik bin de master,’ seit er foar him hinne. ‘Hwa kin my hwet dwaen? Gjin sterveling wol ik hjir boppe ha. Eltsenien, dy't it weaget heger to kommen as 10 K.M. is forlern. Krekt as dy Russen.’ Lûdop laket er, nou't er dêr wer oan tinkt. ‘Ha, ha, woenen de geheimen fen de Stratosfear útfiskje. Nou, se ha se foun!’

Haeije hat it dos wol goed field, det de Greate Unbikende der de hân yn hawn hie. En Haeije wier de iennichste, dy't yn syn ûnderbiwust wêzen it wiere aerd fen Dr. X. oanfield hie. Mar syn bitrouwen yn Jelle wier greater as it gefoel, det him warskôge for gefaer.

‘Ha, ha,’ laket X. en hy tinkt wer oan de jonges, ‘hwet leinen se dêr moai yn 't wetter to sparteljen, do't it sok fen myn skip hjarren ûndersteboppe goaide. Hja scille wol net bigrepen hawwe, hwet det west hat. En do hjar stomforbaesde gesichten, do't ik it hjarren fortelde...’

Ynienen hâldt er op en sjucht nei de flikkerjende ljochtsjes boppe it skerm. Ja, hy hat it goed sjoen. Mei koarte twiskenskoftsjes ljochtet der in grieneftich lampke op.

Hy giet op syn divan lizzen en draeit oan in knop en hellet in skeakelder oer. Foartynienen komme der morseteikens út 'e lûdsprekker. Hy ken de toan al en wit, sûnderdet er noch heart hwet der seind wirdt, hwa't der oan 'e gong binne.

‘Aha,’ seit er ‘dêr binne se wer, myn jonge frjeonen.’

Hy nimt de mikrofoan fen it boerd. Trochdet er det docht, wirdt syn útstjûrder oansletten. Nou sjucht er wer nei it skerm en wrychtich... dêr binne de trije maten wer mei de radio oan 't pielen.

Efkes wachtet er noch, oan't it seinen ophâidt en sprekt den yn 'e mikrofoan:

‘Hallo, hjir X. Ik tocht al, det jimme it mar opjown hienen, omdat ik yn sa'n skoft neat mear fen jimme heard hie. What's the matter!’

Daliks derop fluitsje der morseteikens wer út 'e lûdsprekker.

Dr. X. harket en sjucht wilens nei it skerm, hwêr't er krekt sjen kin, hwet de jonges dogge.

X. lûkt efkes in mâl gesicht, as er heart hwet Jelle seint.

‘Hwêrom scoenen wy ús drok meitsje? Wy ha de tiid en scille wol útfine, hwêr en hwet jo binne.’

Dit wirdt de Unbikende mâl genôch. Gjin minske scil útfine kinne hwêr't hy forkeart en hwa't er is. En nou fortelt sa'n aep fen in jonge dêr deakalm, det hy it wol útskykje scil.

‘Hallo,’ praet er wer yn de mikrofoan, ‘det scoe jimme wolris neat tafalle kinne. Ik bin oeral en nearne. Ik gean, hwêr't ik wol, al scoe 't ek nei de moanne wêze. Gjin minske kin my keare, hwent ik bin net to finen. Hjoed bin ik oan 'e Súdpoal en moarn oan 'e Noardpoal. Gjin minske hat macht oer my, mar ik ha de macht oer alle minsken. Det scille se merkbite, as de tiid dêrfor komd is. Nou wol ik jimme net mear sjen en hearre.’

Pang, slacht er de skeakelder oer en hinget mei in klap de mikrofoan wer to plak. Den drukt er noch in knopke yn en der is neat mear to sjen, wylst de lûdsprekker swijt. Allinne it gounzjen fen de mesine for de finnen wirdt heard.

X. jowt him efteroer del op syn divan en tinkt nei.

Hwet giet der om yn det brein, det mear kennis bifettet as der ea ien west hat? Hwa scil 't sizze?

Dr. X is de iensumste, geleardste en frijste man, dy't der ea libbe hat. Hy hoecht gjin minske nei de eagen to sjen; stiet fier boppe keizers en keningen, dy't altyd noch omtinken ha moatte for hjar eigen folts en for oare hearskers; hy is net boun oan de ierde, ja, hy is frijer as de stjerren, hwent dy is hjarren baen noch foarskreaun, dêr't se net fen ôfwike kinne.

Dr. X wit det allegearre en det is syn ûngelok. Sok witten is to swier for in minske, ek for de Greate Unbikende; syn forstân hat der ûnder lijd, syn geny is him oermânsk wirden.

Hy wit, det er de wrâld oerhearskje kin, mar allinne troch twang. Syn sterkens leit yn de ynoarme mooglikheden ta forneatigjen, dy't er hat. Hy kin de minsken de wet foarskriuwe, mar hy moat hjarren syn macht fiele litte. En det idé hat 'm by him fêstset. Hy scil de minsken syn macht fiele litte op grousume wize.

Ut 'e wittenskiplike mûnts, is nei de greate ûntdekking, in wittenskiplik mûnster woechsen.

Hysels is feilich yn it harnas fen syn wittenskip. Mar lyk as Siegfried fallen is troch ien lyts kwetsber plakje, det ûntstien wier trochdet der in blêd op foel, do't er baeide yn it ûnkwetsber meitsjende ôloed fen de fen him deamakke draek, sa hat ek Dr. X in kwetsber plakje, det him gefaerlik wirde scil, syn idelheit.

Hy hat kontakt mei Jelle en syn maten socht, om tsjin hjarren to pronkjen mei syn kinnen. En hja binne genôch ûntwikkele, om it ûnbidige harsenwirk det efter syn dieden sit, op wearde skatte to kinnen.

Haedstik 6. *It boek fen de Hadschji.*

‘Hast det lêzen, Jelle, det der yn Noarwei miljoenen tonnen rots yn in fjord tolânne komd binne?’ freget Haeije, dy't op Jelle syn keammerke de krante neisneupt.

‘Né’, andert Jelle, ‘k ha 't noch net oan tiid hawn om de krante nei to sjen.’

‘Ik al’, seit Wibe, ‘det moat der raer om en tagien wêze.’

Wibe sit op 'e flier en sneupt yn in soad boeken om, dy't om him hinne lizze.

‘Ja’, jowt Haeije ta, ‘det is sa. Trochdet der sokke greate stikken rots yn dy fjord foelen, is der in floed ûntstien, dy't in hiel doarp, det oan de kant fen 'e fjord stie, derwei spield hat.’

‘Ek deaden?’ freget Jelle, dy't alwer mei syn formules dwaende is.

Haeije sjucht him forbaesd oan.

‘Det kin ommers net oars, ju. Tochtstû miskien, as de Sudersé hjir strak mei gong oer de peallen setten kaem, det der den net in knoarre minsken by forsûpe scoene?’

‘Né’, ropt Wibe fen 'e groun.

‘Hwet né, dû greate okse’, falt Haeije tsjin him út, ‘tinkstû miskien, det de minsken hjir “waterproof” binne?’

‘Hielendal net’, andert Wibe, wylst er Haeije spotsk oansjucht, ‘mar hwetstû dêr seiste, kin fensels net...’

‘O né!’ komt Haeije hjit, ‘hwêrom hjir net en yn Noarwei wol?’

‘Omdet’, laket Wibe, wy hjir gjin Sudersé mear hawwe’.

‘Forhip, dêr hast my aerdich to fiter, mar ik krij dy wolris wer’.

Haeije wachtet nou mar net iens mear op Jelle syn andert en sneupt wer fierder yn 'e krante om.

't Is nou wer fredich op Jelle syn keammerke.

Mei de earmtakken op 'e tafel en de hannen ûnder 't kin sit Jelle oer syn rekkenwirk to brieden, wylst Wibe, plat út op 'e groun, drok oan 't lêzen is yn ien fen de boeken.

Haeije is de iennichste, dy't noch hwet leven makket. Hy teart mei de krante om, as wier in krante der allinnich mar for om omteard to wirden.

Hy scoe wol graech wer hwet sizze wolle mar Jelle sit sa djip yn syn prakkesaesjes wei, det er it mar net mear weaget.

Alwer teart er in blêd fen 'e krante om. Mar nou wirdt it dochs to slim en kin er him net langer stil hâlde.

‘Tsjonge, jonge’, seit er, ‘hwet giet det der tsjinwirdich raer omwei.’

Jelle sjucht op en freget: ‘Ho det sa?’

‘Nou, moast mar ris hearre. Foarst det dêr yn Noarwein. Twad is der yn Ruslân in ûnbidige greate daem trochbritsen, dy't noch mar krekt klear wier. Sa en safolle deaden. Trêd, yn Japan in

ôfgryslieke brân, dêr't ek wol in knoarre minsken by omkomd binne. 't Liket wol, eft it mar neat is.'

'Ho is det allegearre sa komd?' freget Wibe fen 'e flier.

'Der is alhiel neat fen bikend,' andert Haeije 'Yn Ruslân waerd earst oan "sabotage" tocht, mar it ûndersiik fen it matrejael hat útwiisd, det soks net koe.'

'Nuver,' seit Jelle sûnder folle oertsjûging, 'mar hast ek hwet oer X. yn 'e krante sjoen?'

'Né, neat.'

'Hm,' seit Jelle koart en giet wer oan 't wirk.

Wibe tinkt der ek net fierder oer nei en giet wer troch mei 't neisykjen fen syn boeken.

Haeije sjucht de krante noch fierder troch, mar syn oandacht is der net by. Hy kin it gefoel net fen him ôfsette, det efter al dy dingen hwet mear sit, as der yn 'e krante stiet. Mar hy weaget it net om syn gefoelens ûnder wiriden to bringen, om't er ljeaver net fen de beide oaren for healgear oansjoen wirde wol.

'Siz, Haeije,' seit Jelle ûnforwacht, 'ik moast dy nije mjitter al brûke, dy't wy fen 'e wike makke ha. Witst wol, dy't ik brûke woe op de ionisaesjekeamer. Mar nou leit er yn ús laboratorium op it waed. Scoestû dy net efkes helje wolle? Ik haw it alhielendal net oan tiid.'

'Jawol, fensels,' andert Haeije, 'k ha nou dochs neat omhannen.'

Hy leit de krante del en seit: 'Nou, den gean ik earst mar.' Foartynienen giet er oerein en is ringen op wei nei it waed.

't Is nou alhiel stil yn 't keammerke. Sa nou en den forleit Wibe in boek. Det is it iennichste lûd det der heard wirdt.

Jelle rekkent en sifert, hiele blêdden fol. Mar 't skynt net slagje to wollen. It iene blêd pompier nei 't oare, fol kwattele mei alle mooglike formules, sjiddet er oer de flier.

Wibe fornimt der net folle fen. Hy hat in boek foun, det, nei't it skynt, al syn oandacht ferget. Hjir en dêr lêst er in stikje, blêddert den wer hwet en lêst wer. Wer wol er in side omslaen, mar nou sjucht er, det er twa tagelyk omslacht. Det is de bidoeling net, hy wol ien omslaen om to lêzen, hwet der op 'e oare kant fen de blêdside stiet, dy't er krekt lêzen hat.

Hy kin der wol net sa'n soad fen lêze, alteast net fen de wirden, dy't der steane, mar de formules, dêr't it boek sahwet fol fen stiet, kin er dochs wol aerdich ûntsiferje.

It is in frjemd boek, det er dêr hat, hwent it is net printe, mar mei de hân skreaun. Ynboun yn in soarte fen lear, jowt it de yndruk, det it al gâns hwet jierren âld is.

‘Hast ek in mes for my, Jelle?’ freget Wibe.

Forbaesd sjucht Jelle op.

‘Hwet moatstû mei in mê?’ klinkt syn wjerfrage. ‘Wolst my dochs net strûpe, wol?’

‘Né, det nou just net, mar ik woe dit blêd iepensnije.’

‘Al myn boeken binne iepensnijd,’ seit Jelle en makket den ek alhiel gjin risselwaesjes om Wibe in knyft to jaen.

‘Den hast dit dochts forgetten,’ seit Wibe en hâldt tagelyk it âld útsjende boek omheech. ‘Hjir ha 'k tominsten noch twa siden, dy't oan elkoar sitte. Mar hwet is dit eins for in boek en hwêr hast it wei?’

‘Och,’ seit Jelle en sjucht efkes ûnforskillich nei it boek, ‘det ha 'k fen ús Heit krige.’

‘Hast der wolris yn lêzen,’ freget Wibe nijsgjirrich.

‘Né, allinne efkes ynsjoen.’

‘Ho scoe jimme Heit der oankomd wêze,’ freget Wibe fierder, dy't sa it skynt it naedtsje fen 'e hoas witte wol oer dit boek.

‘Ljeave stakkert, hwet in gejeuzel oer det âlde boek. Ik wit net, ho't Heit der oankomd is. O, ja, dochts, det hat er krige fen in Hadschji, dy't fen Arabië nei Palestina gyng. Yn 'e Reade sé knoffele Pytman oer board en ús Heit helle him der wer út.’

‘Det wier net sa maklik,’ fortelt Jelle fierder, dy't yn fjûr komt, nou't er wer oan 't forhael tinkt. ‘Dû moatst rekkenje, dy keardel skeat oer 'e réling en ús Heit, sûnder omtinken, der daliks efteroan. It skip gyng troch fensels, hwent it is gjin roeiboatsje, det sa mar stil leit. Mar forskate minsken hienen it sjoen en makken alaerm. Dû kinst wol neigean hwet det bitsjut op sa'n great skip. De skillen fen de tillegraef nei de mesinekeamer rinkelen: Heale krêft! Stop! Folle krêft efterút. Fensels fljucht sa'n boat den noch net sa mar efterút, mar de feart wirdt der úthelle op dy menear.

Nou, do't it safier wier, waerd der in boat útset,

dy't daliks om de twa wettermantsjes socht. Fensels moasten se in knap ein tobek roeije, det kinste wol neigean. Mar einlings en to'n lêsten krigen se ús Heit dochs yn 't fesier. Hy laei op 'e rêch, mei de Arabier boppe op him. De Hadschji yn syn lange, wite klean like wol in deaden ien, sa stil laei er dêr. Mar Heit sei: 'Dy komt strak wol wer by syn sûpenstút, ik ha him inkeld mar yn 'e sûs slein.' Det koe net oars, hwent de keardel wier sa malle bang fen it wetter, det ús Heit him net iens binei komme koe. As dy keardel ús Heit do to pakken krije kind hie, den hienen se al moai wis allebeide forsûpt. Dêr hie ús Heit fensels net folle sin oan en dêrom hie er him mar in trewinkel jown, dy't bêst útfallen wier. Nou, dû witst, det ús Heit wol hwet yn 'e bouten hat, det mei ien kear koe 't skoan ta. Do wier de man yn 'e sûs en sa noflik as in laem. Mar goed, hja kamen beide wer libben oan board en it skip koe fierder farre. Do't ús Heit de oare jouns op 'e brêge stie en de stjerren bistudearre, kaem de Hadschji by de treppen op en joech ús Heit it boek.

'Biwarje it goed,' sei de man, 'it is in tige kostlik bisit. It is it iennichste hwet ik ha en jo oanbiede kin.'

Heit woe it earst net oannimme, mar de man hâldde oan.

't Is better biwarre by jo, as by my,' sei er. 'Ik wol tige graech, det jo it oannimme, den is 't yn bitroude hannen.'

Om de man in plezier to dwaen, naem ús Heit it

do mar oan. Sa gau hie er it net oannomd, as de man wier wer foart.

Heit sloech net folle acht op it boek en lei it op it rak, dêr't de sékaerten en sa op lizze. De oare deis wier hy it boek al wer glêd forgotten. Hy krige it net earder wer yn 'e hannen, as do't er yn Rotterdam de kaartekeamer hwet oan 't oprêdden wier. Do foel it twisken in stikmannich kaerten wei. Heit naem it mei nei hûs en joech it my.

Sa, nou witst der alles fen, hwet ik der sels fen wit,' sa bislút Jelle syn forhael.

Wibe hat mei tsien pear earen harke en freget nou: 'Hat jimme Heit dy Arabier noch wol ris wer sjoen?'

'Ja, det is ek sa. Noch ienkear en det wier for 't lêst. In pear dagen, neidet Heit det boek fen him krige hie, waerd de man dea yn syn hut foun.'

'Dea?', freget Wibe forslein.

'Ja, dea, formoarde fen de Yogi's.'

'Yogi's, Yogi's,' bisint Wibe him. 't Is krekt as ik dy namme wolris mear heard ha. Is det net de namme fen de iene ef oare Godstsjinstige sekte?'

'Krekt,' andert Jelle, 'in sekte, dy't de Goadinne fen de Forneatiging oanhinget.'

'Mar as 't my goed foarstiet', seit Wibe, 'den moat dy sekte dochs earne yn Indië ef sa tahâlde.'

'Hast al wer gelyk.'

'Mar ho wisten de minsken den, det dy Hadschji fen de Yogi's formoarde wier?' freget Wibe, alhiel net foldien.

'Oan de menear, hwêrop hja him fen kant

makke hiene. Sy smoare hjarren slachtoffers mei in koarde', makket Jelle it him dúdlik.

'Prachtich skaei, dêrre', fynt Wibe. 'It liket my ta, det dêr ek hiel hwet banket. Hawwe se de moardner ek noch fine kind?'

'Né, det scoe al tûzen om trettjin wêze. Mar dy ljue binne net sa gemien, astû tinkst; se dogge det, om't hjarren Goadin det fen hjarren ferget, nei't se miene.'

Dêr moat Wibe earst noch ris oer nei-prakkeseare. It foldocht him allegearre noch net. Det mei nou sa wêze, det dy Goadin det ferget, mar den moat der dochs wol de ien ef oare reden wêze om samar ien fen kant to meitsjen. Krekt, det is it nou, hwet him yn it forhael net foldocht. It hwêrom?

'Dos dy man hie, sa't it skynt, it ien ef oar op syn kape', freget er den ek.

'Det scil't wol', jowt Jelle ta. 'Mar det wier dochs sa'n nuvere reis, hwent der waerd sahwet oeral ynbritsen, ek noch by ús Heit. Mar it alderfrjemdste wier, det der neat stellen waerd en det men nea net ien fen de ynbrekkers trapeare kind hat.'

'Ja, det liket my ek frjemd ta, hwent in skip mei nou great wêze, mar der binne dochs ek altyd in soad minsken op, det ik scoe hast wol sizze, men moat elkoar wol yn 'e wei rinne,' mient Wibe.

'Nou, sa slim is 't net,' laket Jelle, 'mar...' 'Hou ris', sa ûnderbrekt er himsels, 'fen de Yogi's wirdt sein, det se hjarren ûnsichtber meitsje kinne.'

Hjir swijt Jelle efkes en seit den rimpen: 'Jow

my det boek ris. Dêr ha 'k noch net earder oer tocht.'

Wibe langet him it boek oan, det Jelle nou mei oandacht bisjucht. Hy blêddet it troch oan't er op 't lêst by it earste blêd oankomt. Hjir is, op it foarblêd, in trijetine teikene, dêr't in namme, ef it ien ef oare wird, ûnder stiet. Jelle lit it Wibe sjen en beide bûge se hjarren der oer hinne en bisjugge it mei oandacht, sûnderdet se der folle wiis út wirde kinne, hwent it wird is net mei gewoane letters skreaun.

't Scil, for 't neist, wol Arabysk wêze', seit Wibe nei in skoftsje.

'Det scil't wol, hwent ik scoe sa wol sizze, det it ek fen efteren nei foaren lêzen wirde moat', andert Jelle derop.

'Hwet scoe dy trijetine bitsjutte moatte, scoest' sizze', seit Wibe wer.

'Ik wit net sa lyk, mar wachtsje ris. Jow my dy encyclopedy ris oer. Ik ha sa'n idé, det it mei de Yogi's to dwaen hat.

Wibe siket it boek op, dêr't Jelle om frege hat en langet it him oer. Jelle slacht it op en siket nei it wird Yogi.

'Sjuchst wol!' ropt er optein út. 'Hwet ha 'k dy sein. It hat yndied hwet mei de Yogi's to meitsjen. Dizze trijetine is it teiken fen Civa, dêr't de oanbidders fen Doerga, de Goadin, mei teikene wirde.'

'En sjuchst wol,' seit er, al mar lêzende en de rigels mei de finger oanwizende. 'De Yogi's biskikten oer geheimsinnige krêften, dy't hjarren yn âlde tiden in ûnbidige macht joegen. Sa koene

se gean en komme dêr't hja woene, sûnder sjoen to wirden en sa al mear.'

Jelle hâldt op mei lêzen en sjucht syn maet oan.

'De blinder, scoenen dy preesters safolle mânsk west hawwe, det se det klear spylje koenen en scoe dit miskien in hillich boek wêze, det de wei oanjowt, ho't dy toverkinsten fortoand wirde moasten?'

'Mar det boek kin ommers nea sa âld wêze, hwent it stiet omtrint fol mei wiskinstige formules yn gewoane sifers,' seit Wibe.

'Mar Wibe,' seit Jelle bilearend, 'witstû den net, det wy noch altyd de Arabyske sifers brûke en det der ûnder de âlde Arabieren forneamde wiskindigen wierne? Né, ik leau forfêst, det wy hjir hiel hwet oan hawwe kinne.'

'Nou, dû sikest it mar út,' seit Wibe, dy't der net folle each yn hat. 'Mar snij earst dy beide bledsiden den mar los.'

'Det koe 'k wol ris dwaen, ja!' jowt Jelle ta, wylst er syn knyft út 'e bûse hellet en de beide bledsiden lossnijt.

'Nou, sjudêr,' seit er fornuvere, 'der sit wrychtich noch in stik pompier twisken yn.'

It is sa. Twisken de tichte blêdsiden sit noch in los feltsje pompier, det alhiel biskreaun is mei lytse, fine siferkes.

Tige binijd nimt Jelle it der twiskenút en bisjucht it fen alle kanten. Mar fen de wirden, dy't der oeral twisken de sifers steane, kin er gjinien ûntsiferje.

'Ik ha sa'n gefoel,' seit er op 't lêst, 'det ik hjir

in great geheim yn 'e hannen ha. It is dochs in minske griis, det wy gjn Arabysk kenne.'

'Ja, det is sa,' jowt Wibe ta. 'Dêr hiene wy ek better om tinke moatten. Wy ha al hiel hwet leard, mar fensels, det hwet jy krekt nedich ha, ha wy oerslein.'

'Ha dû der de gek mar mei.'

'Né, wrychtich net,' falt Wibe him yn 'e reden. 'Ik mien it, hwent ik bin der siker like nijsgjirrich nei om to witten hwet der op stiet, as dû. Mar... miskien scoest der hwet wizer fen wirde kinne, ast' earst ris oan 't pielen gyngst mei det siferwirk.'

'Dêr seist sawet, det scoe ris to bisykjen wêze,' fynt Jelle ek. 'Foart mar oan 'e gong. 'k Leau net, det de tiid, dy't dêroan spandearre wirdt, forlern is.'

En wrychtich, hy lit al it oare wirk lizze en bigjint foart oan de formules op 't pompier, det hjarren op sa'n eigenaerdige menear yn 'e hannen komd is.

Hy is der noch mar amper mei dwaende, as de doar iepenfljucht en Haeije nei binnen tommelt.

'Hou, hou,' ropt Wibe, 'kinst earst net klopje, foardetst sa ta de doar...'

Mar as er Haeije syn troanje sjucht, hâldt er ynienen op.

Noartich, om't er op sa'n manear steurd waerd, hie Jelle him op syn stoel omdraeid. Mar hwet er sizze wol, bliuwt him yn 'e kiel stykjen. Mei iepen mûle gappet er Haeije oan.

Dêr is ek alle reden for, hwent Haeije sjucht der tige frjemd út. De eagen steane him suver op 'e

holle en syn oars sa reafallich oantlit is sa wyt as in lekken. Ek syn lippen binne suver wyt. Hymjend stiet er dêr en sjucht syn beide maten mei tige skrilke eagen oan.

Wibe en Jelle springe oerein.

‘Haeije, hwet skeelt dy; hwet is der oan?’ freget Jelle ûngerêst.

Haeije seit neat, mar stoareaget syn beide frjeonen oan mei in pear eagen, dêr't noch in great eangstme yn to lêzen is.

Jelle pakt him by it skouder en skoddet him forheftich hinne en wer.

‘Siz den dochs hwet!’ ropt er.

‘t Is freeslik,’ suchtet Haeije op 't lêst, ‘hwêr ha wy ús yn bijown.’

‘Hwêr hast it oer? Praet den dochs,’ seit Jelle, foarser as er eins wol.

‘X.’, seit Haeije en sjucht om him hinne as koe de Greate Unbikende sa yn 'e keamer komme.

‘Nou, gean earst mar ris sitten, bikom hwet,’ seit Wibe, dy't tagelyk in glêsk wetter for him ynskinkt.

Haeije giet sitten mar skout it glêsk wer foart, det Wibe him oanrikt.

Jelle giet rjucht foar Haeije oer sitten, bitsjut Wibe, det er ek sitten gean moat en seit den: ‘Nou Haeije, fortel nou mar ris bidaerd hwet der bard is.’

‘Hè,’ seit Haeije, ‘ik wier wol hwet oerstjûr mar 't wirdt al wer better. Nou den, ik kaem yn ús laboratoarium en naem de mjitter fen de planke om dy mei to nimmen. Tafallich sjuch ik efkes troch

de lins, dy't wy der op set hawwe, om to sjen eft de mjitter ek ûntregele is. En hwet sjuch ik? De mjitter wiist hwet oan, falt wer tobek en wiist wer hwet oan. Forheard seach ik om my hinne, om to sjen, eft wy miskien it iene ef oare apparaet oanstean litten hiene. Mar né, der stie neat ûnder stream.'

'De diveker,' tocht ik, 'ho kin det nou. Ik sjuch wer yn 'e mjitter en merkbyt nou, det dy bipaelde frekwinsjes oanwiist. Wachtsje, tink ik, ik scil ris hearre eft der miskien hwet yn 'e radio is. Ik sette de ûntfanger yn bidriuw en de tillefoan op 'e holle. En hwet hear ik dêr...'

'X!' ropt Wibe al, foardet Haeije sels syn frage bianderje kin.

'Krekt!' forfettet Haeije syn forhael, 'X. Hy wier tige praterich en frege my om ris goed to harkjen, hwet ik do fensels ek die.

En nou kinne Jimme nea riede, hwet ik do hearde. Ik scil it foartdaliks mar sizze. Ik hearde it nijs, det ik Jimme niiskrektsa út 'e krante foarlêzen ha. It wier útstjûrd troch Rugby-radio, mar al in hoartsje lyn, fensels.'

'Ho koestû it den noch hearre,' ûnderbrekt Jelle him.

'Omdet,' giet Haeije wer troch, 'it opnomd wier op in gramofanplaet en dy waerd wer ôfdraeid. Dúdlik koe ik bytiden it krassen fen de nidle hearre.'

'En moatst dy der sa oerstjûr fen meitsje?' freget Wibe.

‘Né, dêr net fen. Mar wol fen hwet der efteroan kaem.’

Haeije hâldt op en sjucht syn beide maten om bar oan.

‘Nou, hwet wier det den?’ freget Jelle ûngedildich.

‘De stimme fen X. Do't de plaet ôfdraeid wier ef tominsten it nijs fen dy rampen foarby wier, hâldde Rugby-radio wer op en bigoun de Unbikende. Ik hearde him wer laeitsjen. Mar nou klonk it alhielendal ôfgrysluk; ik waerd der kâld fen. En do sei er: ‘Hwet seist der fen, myn jonge frjeon; for in bigjin net ûnaerdich wol?’ En do mei in forheftige stimme: ‘Mar dit bitsjutte noch neat, by hwet ik kin. As ik der sin oan krij, kin ik de wrâld forwoestigje. Jimme meije wol aveseare, myn jonge frjeon.’

Det wier it lêste hwet ik hearde. Ik smiet de tillefoan yn 'e hoeke en bin hjir hinneflein. En hwet nou?...

De beide oaren binne ek alhiel forslein troch dit nijs. Soks hiene se yn de fierste fierte net forwachtsje kind.

‘Mar dit is freeslik,’ flústert Wibe einlings, ‘Jelle, hwet moatte wy dwaen?’

‘Middels fine om X to fornietigjen, foardet er it ús docht!’ andert Jelle fêst.

‘Scoene wy mar net ljeaver om help freegje oan de greate gelearden en sa?’ freget Wibe wer.

‘As wy det dogge, den is 't gau mei ús dien. Ut hwet wy nou sa njonkenlytsen fen him heard hawwe, kinne wy fêst oannimme, det er syn bidri-

ging útfiert en ús, miskien mei it hiele doarp, fen 'e ierde ôfreaget. Né jonges, wy moatte it sels útfine en wol sa gau as 't kin. Wy hawwe it nou net mear oan tiid, hwent eltse dei, dy't wy forlieze, bringt, ef kin bringe, ûngelok oan in hopen minsken. Mar ien ding moatte wy fêst foar eagen hâlde; de kop koel. Wy ha neat to forliezen, mar alles to winnen. Ja, wy ha de fêstichheit, det wy noch in lyts jier arbeidzje kinne, sûnderdet er ús hwet docht. Dos, oan 't wirk jonges. Jimme wer yn de tsjustere keamer. Hast de mjitter meinomd Haeije?’

‘Ja, dêr ha'k noch al om tocht,’ andert dizze.

‘Prachtich, den gau oan 'e slach.’

Jelle syn wissichheit jowt syn beide maten ek wer moed en hja geane den ek wer yn 't lytse laboratorium om de strielen to sykjen, dy't se nou perfoast fine moatte.

As de doar efter hjarren tichtfallen is, bûgt Jelle him wer oer it blêd pompier út it âlde boek. Al gau is er der sa yn wei, det er alles, hwet er niiskrekt heard hat, al wer forgetten is.

Haedstik 7. *De greate fynst.*

Haeije rint de lêste dagen, krekt as Jelle, earne mei om. 't Is klear to sjen, det hja 't ien ef oar yn 'e holle hawwe, hwêr't swier oer tocht wirde moat. It makket Wibe mar noartich, hwent se binne allebeide sa ticht as in pô. Hwet is der nou ek oan, om mei sokke maten to arbeidzjen? Sels pielt er, de iene dei yn en de oare út, oan it probleem fen de strielen, sûnderdet er folle fierder komd is. Haeije helpt him fensels wol, mar 't is de lêste dagen dochs krekt, eft er der net alhiel mei syn oandacht by is.

Nou, en Jelle is der alhiel net mear mei syn forstân by. Dy docht oars mar neat as sitte to brieden oer det blêd, det se yn it Arabyske boek foun ha. It spyt Wibe tominsten safolle hierren as er op syn holle hat, det er mei Jelle oer det boek praet hat. It liket wrychtich wol eft de beide oaren de Greate Unbikende alhielendal forgotten binne.

Mar hjir is Wibe de planke frij hwet mis. Hwent nou't se wer mei syn trijen yn Jelle syn keammerke sitte, seit Haeije ynienen: 'Jonges, ik ha in theory opsteld, mei help hwêrfen wy miskien yn steat wêze scille, om it loftskip fen X. sjenber to meitsjen.'

'Ik bin bliid to hearren, detst noch tinkst oan

detjinge, hwêr't wy eins mei dwaende binne,' kin Wibe net neilitte to sizzen, al hat er net sa'n great bitrouwen yn Haeye syn theory. As dy nou ek al mei teoriën bigjint, hwêr mei de ein den wol wêze.

'Ik ha de lêste dagen oars nearne oer tocht,' seit Haeije.

'Lit ris hearre, hwet det for in theory is,' moedicht Jelle him oan.

'Sjuch,' sa bigjint Haeije, 'ik ha sà tocht. As X. dêr safier boppe de ierde omsweeft, moat er it wol tige, tige kâld hawwe, as syn skip tominsten net troch de sinne forwaerme wirdt. Is 't net sa?'

'Ja,' knikt Jelle biwûnderjend, 'dêr hast gelyk oan.'

'Mar,' merkt Wibe op, 'it scoe ek mooglik wêze kinne, det X. yn steat is, syn forbliuw elektrysk to forwaermjen.'

'Det is sa,' jowt Haeije foart ta, 'mar tink ris oan, hwet det bitsjutte moat om in konstante temperatûr to ûnderhâlden yn in metalen sylinder, dy't sa'n great ôfkoeljend opperflak hat. Mar, fensels, by X. is alles mooglik.

Mar goed, nim nou ris oan, det X. dy kwesje op de maklikste menear oplost hat troch it hiele ding troch de sinne forwaermje to litten. Den wirdt it loftskip dos wol troffen troch de infra-reade-strielen. As wy dy nou ris transformearje koene, sadet se yn it sjenber part fen it spektrum to lizzen kamen, den wierne wy klear.'

'En ho woest det dwaen?'' freget Wibe binijd.

'Det is 't him krekt, det wit ik net.'

‘Prachtich,’ narret Wibe him, ‘dêr ha wy tominsten hwet oan. Sa aveseart it gâns.’

‘Hast sels sims in better idé?’ freget Haeije kalm.

‘Né, det nou wol net...’

‘En dochts,’ falt Jelle hjir yn, ‘is det de wei dy't wy gean moatte, en hwet mear is, dy't wy gean scille en... kinne.’

‘Kinne, ho bidoelst det?’ freegje syn maten tige binijd.

‘Ja, jonges, 't is hjoed in greate dei. Fennacht ha 'k de kaei foun for dit boek,’ en hjirby wiist er op 't boek fen de Hadschji.

‘Det hat hiel hwet hollebrekken koste, mar... it is nou den dochts safier det ik it foun ha. It wier just dêrom sa biswierlik, om't it sa maklik like en men de formules sa glêd neirekkenje koe. Mar der wier in kaei for nedich om efter de wiere bitsjutting to kommen, en dy ha 'k, sa't ik al sei, fennacht foun. En do't ik dy yn 'e hannen hie, waerd it for my wier in iepen boek. En hwet for in boek.’

Jelle hâldt op en sjucht nei syn beide maten, dy't him mei iepen mûle oangapje. Mar as hja neat sizze en him inkeld fol forwaching oansjugge, fortelt er wer fierder.

‘Jonges, wy tinke nou wol, en hjirmei bidoel ik alle nou libjende minsken, det wy sa tige, tige knap binne; det wy de natûr sahwet al hjar geheimen ûntfytmanne hawwe en det wy better op 'e hichte binne mei alles hwet der twisken himel en ierde bart, as hokfor minskelaech ek, foar ús.

Mar och, jonges, hwet binne wy fier mis. Yn dit

oerâlde boek steane dingen, dêr't ik it bisten fien net iens yn myn dreamen for mooglik hâlde scoe. En nou komt noch it bêste...'

Mei ljochtsjende eagen sjucht Jelle syn maten bar om bar oan en forfettet den, tige de klam lizzend op elts wird: 'Der stiet yn, det, hwet wy sykje...'

Nou kin er himsels net langer hâlde. Hy springt oerein, stekt beide hannen boppe de holle en ropt, as earen de Grykske wysgear: 'Euréka, Euréka.'

Haeije en Wibe springe nou ek oerein en den dounsje se troch de keamer ûnder alderheisliksten gebear en gedoch.

It dûrret mar efkes, den fljucht de doar iepen en komt Jelle syn mem de keamer ynstrûzen en 't earste hwet se freget is eft se nou samar efkes net wiis wirden binne.

Mar, och ljeave stakkert, hja hie better weibliuwe kind, hwent nou moat se meidounsje, eft se wol ef net, ho't hja ek tsjinakselt. De jonges pakke hjar beet en litte hjar net earder wer los, foardet hja thé mei in koekje biloofd hat. Earst den wirdt se wer frijlitten en hja fordwynt noch wol sa hastich út 'e keamer as det hja der earst ynkomd is.

Wibe fynt det in teiken fien foarútgong, hwent it wiist der neffens him op, det hja for gewoane minsken al knap gefaerlik wirde en as Jelle syn mem op 't lêst mei it biloofde komt, kin Jelle net neilitte to sizzen:

'Sjucht mem nou wol, det wy noch sa gek net wierne. Dit ha wy der alteast mar wer mei úthelle.'

‘Dêrom hoechde it noch sa raer net, in bytsje minder hie ek skoan takind,’ fjurret syn mem wer werom. ‘It skeelde de helt net, ef jimme hienen my sa tamtearre, det ik net iens oan théssetten ta komd wier.’

‘Det foel wol efkes ta, Mem. Mar wy hienen ynienen alle trije sa'n goed sin, det wy ús efkes útraze moasten.’

‘Det scil den wol sa wêze, mar hwêrom hienen jimm' eins sa'n goed sin en det sa ynienen?’ freget syn mem wol hwet nijsgjirrich.

‘Ja, Mem, det sizze wy noch net, mar Mem scil mei koarten wol fen nuvere dingen hearre.’

‘As 't den mar net slimmer wirdt as niiskrektsa, hwent oars bin 'k bang, det der neat hiel bliuwt,’ eanget syn mem, wylst se derút giet.

‘Moast ús mem ris witte, hwê't wy mei dwaende binne, den krige hja gjin wink mear yn 'e eagen,’ seit Jelle, neidet syn mem de doar wer tichtdien hat.

Nei dizze wirden is 't efkes stil en alle trije tinke se der oer nei, hwet hjarren miskien noch to wachtsjen stiet. Jelle forbrekt it swijen.

‘Nou jonges,’ sa bigjint er, ‘nou binne wy den sa fier, det wy mei koarten X. syn fleanmesine sjen kinne. Himsels scille wy wol net yn 'e fesier krije kinne, mar det is ek net fen sa'n great bilang, hwent hy is boun oan syn loftskip. Wy moatte nou in apparaet meitsje, dêr't wy de infra-reade-strielen út it spektrum mei skiftsje kinne, om se den to transformearjen nei it sjenber part. Mar det is nou,

neidet ik de kaei foun ha op dit boek, net mear ûnmooglik.

Det is it earste, hwet wy to dwaen hawwe en den, en det is net sûnder gefaer, moatte wy bisykje atomen-energy frij to meitsjen, sa't det oanjown is op it aparte blêd pompier, det Wibe en ik yn it boek foun hawwe. Ik forswij jimme neat. Sa't it dêrop oanjown wirdt, moat it kinne, mar... kinne wy de energy de baes bliuwe, as dy frij komt? Mei dy frage stiet en falt net allinne it hiele experimint, mar ek ús bistan. Untkomt it ús, den farwol X., farwol heit en mem, farwol sé en waed, den is 't út, mei Jelle, Wibe en Haeije en gjin minske scil oantsjutte kinne, hwet der mei ús bard is, hwent der scil gjin sprútsel fen ús oerbliuwe.

Sà, nou witte jimme it. Ik ha dit sein, om jimm' to warskôgjen. Mar werom kinne jimme nou net mear. Meidwaen en meihelpe, det der net sa it ien ef oar bart as ik niiskrektsa sei, det is it iennichste. Wy ha de krêften yn 'e hân, dêr't it minster út 'e stratosfear mei fordylge wirde kin. Dogge wy it net, den forwoest er de ien ef oare tiid de hiele ierde, sa't er nou al docht by lytse stikjes.'

Haeije en Wibe binne bleek om 'e noas wirden ûnder Jelle syn útiensetting, mar oan hjar eagen sjucht er, det er op hjarren rekkenje kin.

'Wy binne yn in raer aventûr bihelle,' seit Haeije op 't lêst, 'mar wy moatte nou folhâlde en sa hird oan 't wirk as wy mar kinne. As wy X. net forneatigje, docht hy it ús.'

'Krekt,' seit Wibe, dy't it net litte kin om Haeije dwers to sitten, ho mâl as 't der ek foarstiet, 'hast

dêr nou sa lang oer dwaen moatten om det út to finen?’ En den seit er tsjin Jelle: ‘Hwêr woest det wirk dwaen; hjir ef op it waed?’

‘Op it waed,’ andert Jelle sûnder him ek mar in amerij to bitinken, ‘hjir scoe 'k it net weagje. Fierstento gefaerlik. En den, wy scoene der nea yn slagje om de boel sa ôf to skermjen as nedich wêze scoe. De hiele boel scoe hjir magnetysk wirde. Op it waed, oan 'e igge fen 'e sé, hat gjin minske der lêst fen en wy ha dêr folle mear ús gerak.’

‘Mar bist den net bang, det X. dy op 'e hannen sjen scil?’ wol Wibe witte.

‘Wy moatte in lyts hokje meitsje neist ús húske en det mei brûns ôfdekke. Yn det hokje moatte wy den it slimste wirk dwaen, det er perfoarst net sjen mei.’

‘Ja,’ stimt Haeije daliks mei, ‘sa scil 't wol moatte, hwent wy meije net mear risiko rinne as heechst nedich is.’

‘Dêrom! Dos, ôfpraet, jonges, moarn de dei bigjinne wy wer yn ús âlde laboratorium en den mar wer mei moed fierder,’ bislút Jelle.

‘My tinkt,’ merkt Wibe op, ‘det wy al aerdich op wei binne om X. op to lossen.’

‘Det liket my ek sa ta,’ stipet Haeije him. ‘Mei koarten ha wy X. útfoun, as 't sa trochgiet.’

‘k Leau ek wol, det wy it safier bringe,’ stimt Jelle mei, ‘mar den hawwe wy it noch net woun, jonges. Hwent den moat blike, hwa fen ús de sterkste is. Nou is hy it, fierwei, en dêrom binne wy nou ek noch wol feilich. Mar hwet der barre scil as er yn 'e gaten kriget oer hokfor middels as wy

biskikke, wit ik net sa lyk. Jimme kinne der mar fêst op rekkenje, det er den neat net to noflik wêze scil. Mar hawar, det komt letter allegearre wol. Dêr scille wy ús nou noch mar net de holle oer brekke. Jongens, moarn nei it waed!' Hy hallet in doaske út 'e bûse en docht it iepen. 'Haeije, Wibe, in sigaret!'

Haedstik 8. *De Man út China.*

As de wyn it malle fel oanhat en oer it wetter beart, den kin it der op 'e Sudermar noch raer om tagean. Det foun tominsten de man yn syn greate oaljejas, dy't mei de bleate holle oan it stjûrrêd stie fen in great moatorjacht, det pûstend troch de weagen syn paed socht.

De man seach skerp út, hwent hy wist det er net fier fen it waed wier. Mar hwêr't er krekt wier, det wist er net. It wier ek al sa folle jierren lyn, det er hjir for 't lêst west hie, wylst der yn dy tiid gâns hwet foroare wier. Hy doarst ek net to fier sé yngean, hwent hy woe it kanael net misse det, nei 't him forteld wier, dwers troch it waed groeven wier. Mar ho't er ek útseach, hy seach neat as de wite skomkoppen fen de weagen, dy't wakker oerstjûr wierne troch de felle wynpûsten.

It wier neare nacht en de loft wier sa ticht as in pôt; der wier gjin stjer to sjen. It waeide det saun divels koenen gjin strie hâlde en de wyn raesde en gûlde en sloech it boat de weagen tomjitte, as moast it moatorjacht bidobbe wirde. Mar it wier in sterk boat en de man oan 't roer koe hiel hwet forneare en 't moast al tige raer gean, woe er krimp jaen. Hy tocht den ek net oan gefaer en stie

dêr sa rêstich, as siet er feilich yn in maklike stoel oan 'e hird yn in geef hûs.

It buiswetter fleach him om 'e earen en nou en den spielden greate tommelweagen oer it skip. Mar de man sloech der net ienris acht op. Hy fortroude op syn boat en op syn masterskip deroer. It wetter spiede fen syn klean en nou en den fage er syn eagen út om goed sjen to kinnen. Mar ho't er ek útseach, it kanael seach er net. Hy bigriep net, det se der nou noch noait wierne. Hy hie dochs al in aerdich skoftsje fearn, neidet se skut wiernen yn 'e greate slûzen op it Sân.

Ynienen bûgt er de holle hwet foaroer en harket skerp. Hwet wier det? Roun de moator net goed mear?

Né, hy moast him forsind hawwe en det scoe neat gjin wûnder wêze by it razen fen wyn en wetter. De moator rint krekt sa't it heart. Syn ear, det oan it rytme dêrfen wend is, heart neat gjin ûngewoans mear.

Mar dêr, né, nou forsint er him dochs net. Der is 't ien ef oar net yn oarder mei de moator.

Efkes drukt er op in knopke, det midden op it stjûrrêd sit.

Nei in lyts skoftsje dûkt der in man op út 'e djipten fen de moatorboat. Greate weagen slaen nou krekt wer oer it skip en de man moat him goed fêsthâlde om der net ôfspield to wirden, as er op de man efter 't stjûrrêd taskarrelt.

It is in hiel krewei om by him to kommen, hwent it boat slingert omraek en almar oan komt der wetter oer hinne setten.

It is in frjemd mantsje, det der hinne skarrelt. Sokken ha der noch net folle op 'e Sudermar omswalke. Lyts fen stik, makket er, mei syn bihindige hannen en foeten en yn syn krap om 'e lea slutende klean, alhiel de yndruk fen in jonge fen sa'n jier ef fyftjin-sechtjin. Mar de troanje wiist wol oars út. Oan it giele antlit mei de skeansteande eagen en it steile, blau-swarte hier is it wol to sjen, det er al moai wis wol fjirtich jier is. Hy mei den al tige bihindich wêze, mar alles wiist der op, det de Chinees, hwent det is it, syn man wol stiet, as it derop oan komt. Sa linich as in iel glydt er nei it stjûrhok, nei de man efter 't roer. Dy sjucht net nei him as er deryn komt, mar seit hwet yn frjemde klanken, dy't djip út 'e kiel skine to kommen.

Hy hat oarder jown om nei de moator to sjen, dy't swietsjes-wei raerdere setten bigjint út to heljen.

Sûnder in wird to sizzen wirdt de Chinees wer wei en dûkt earne nei ûnderen yn it boat.

De man yn 'e oaljejas harket nei it ûnrigelmjittige slaen fen 'e moator.

'Hwet mei det dochs wêze?' tinkt er. 'Dêr haw ik nou mei dit boat hast alle sêen ôfswalke en neat gjin lêst. En nou bin ik omtrint dêr't ik wêze wol, hjir op de âld Sudersé, en nou kriget det ding sokke frjemde oanslaggen. Nuver!'

Krekt as it boat op in greate weach kleaun is, slacht de moator ôf. Foartynienen pakke de weagen it boatsje en smite it oer 'e kant. De man kin it stjûrrêd hast net bitwinge, sa wrikt it hinne en wer.

Mar foartdaliks pakt de moator wer en rint as wier der neat foarfallen. Det dûrret dizz' kear net sa botte lang, hwent al ringen bigjinne de malle gritsen wer.

Dêr komt de Chinees wer nei boppen en glydt nei syn baes ta. Hy fortelt him det der, sa to sjen, neat oan de moator skeelt.

Neat oan de moator skele? Nou bigrypt er der alhiel neat mear fen.

‘Hawar,’ tinkt er, ‘as de moator it den noch mar efkes úthâldt, den rêdde wy 't wol, hwent wy moatte nou sa njonkelytsen ek by it kanael wêze. Hy sjucht op syn polshaloazje om to sjen ho lang as se nou al ûnderweis binne, neidet se fen 't Sân ôfgien binne.

Hwet is det? Stiet syn haloazje nou ek noch. En hy hat it niiskrektsa noch opwoun. Det is ek al wer frjemd! Nou, den mar efkes op 'e chronometer sjen, dêr in eintsje foar him.

Hy bûgt him in ein foaroer om to sjen ho let it dêrop is.

‘Wel fordijd noch oan ta,’ seit er den, ‘det ding stiet ek al stil. Hwet scille wy nou bilibje? It liket wol, eft alles hjir bitsjoend is.’

Krekt hat er det sein ef de moator slacht wer ôf en it boat makket op 'e nij in nuvere gisel.

‘Det is my hjir in rare boel,’ seit er tsjin de Chinees. ‘Der skeelt neat oan de moator en dochs slacht er samar ôf. Ik moat mar ris sjen, ho't wy der eins foar lizze; wy ha sa njuet yn 'e rounte toppe.

Hy sjucht nei it greate kompas, flak foar him.

‘Hm,’ seit er en syn eagen wirde great fen forbazing, ‘nou is 't kompas leau 'k ek noch gek wirden.’

De moator is yntwisken wer bigoun to draeijen, sadet er it boat wer yn 'e macht hat.

‘Efkes sjen,’ tinkt de man, ‘it boat mar in hiele slacht draeije litte. 't Is wol hwet gefaerlik, mar ik wol witte ho't det sit.’

As it boat sûnder ûngemak alle streken fen 't kompas trochroun hat, klaut de man ris yn 't hier.

‘Ho kin det,’ seit er by himsels. ‘Ho't ik ek draei, altyd bliuw ik deselde koers foarlizzen, as ik tominsten myn kompas leauwe mei. 't Is hjir in aldernuverste biweging. Moator slacht samar oan en ôf sûnderdet der hwet oan dien wirdt en sûnderdet der hwet oan skeelt; klokken bliuwe stilstean sûnderdet se ôfroun binne en in kompas, det him fen it noarden neat mear oantsjucht. Hm.’

Mar in bulte tiid om oer al dy útwrydske dingen nei to tinken hat er net, hwent it boat easket al syn oandacht op. De moator is wer ris ophâlden en hy hat al syn krêft nedich om it roer baes to bliuwen.

De Chinees krijt bifel, om wer nei de moator ta to gean en to sjen eft er dy net yn oarder krije kin, mei der den al ef net hwet oan skele.

De Chinees fordwynt wer, mar komt ringen wer nei boppen en fljucht mei kûgelsfeart nei de man oan 't roer. Syn Easterske lykmoedigens hat him forlitten. Syn eagen steane wyld yn 'e holle en hy makket drokke gebearten, wyls pratend yn syn swiere kielklanken.

De man jowt him it roer oer en giet den sels nei

ûnderen ta. Hjir wachtet him in nuver gesicht. In greate moerkaei hinget oan 'e 'bougje' fen 'e moator as wier er der oan fêstlymd. Ho't it boat ek slingere, de kaei bleau hingjen en foel der net ôf. It ark op it ridskipsrak siet allegearre op in bulstje by inoar en, sa't it like, ek al oanelkoar plakt.

De man pakt de moerkaei en docht der in hael oan om him der wei to krijen. Det slagget him ek mar as er den bisykje wol om de bougies los to draeijen, sjit de kaei him omtrint út 'e hannen, sa sterk waerd dy troch it metael fen de moator oanlitsen.

'Aha!' seit de man tsjin himsels, 'is det de forklearring for al dy malle gritsen, dy't it boat hat. Wy sitte hjir yn in sterk magnetsyk fjild. Hm. Hm.'

Hy bitinkt him efkes.

'Mar, de deale, hwêr mei det weikomme. It is hjir...'

Fierder komt er net mei syn riddenaesje mei himsels, hwent it boat kriget sa'n opstopper, det er ûndersteboppe kûgelt. Hy skarrelt oerein en fljucht nei it dek om to sjen hwet der nou wer geande is.

Det hat er gau genôch yn 'e lampe, om't it boat net mear slingert, mar sa fêst sit as in hûs. De weagen slane der mei gewelt tsjin oan, sadet it wetter der yn greate gjalpen oerhinne stout.

De Chinees stiet noch oan 't roer, howol det nou fensels alhiel gjin doel mear hat. As syn baes him oansjucht hellet er de skouders op, as woe er sizze: 'Neat mear oan to dwaen, wy sitte al fêst.'

De baes bigrypt skoan, det de Chinees der gjin

skild oan hat, hwent it scoe himsels krekt likegoed oerkomd wêze.

Mar hwet nou?

It wier in tige sterk jacht, det wol tsjin in stjitsje koe, mar oan 'e skok, dêr't se mei fêst roun wierne, hie er wol fornomd, det de groun, dêr't se nou op fêst sieten, sa hird wier as glês.

Hy seach ris om him hinne oer it wyld wâljende wetter. Oars neat to sjen as de goarwite skomkoppen fen 'e weagen, dy't mei fûle flecht op syn skip tasetten kamen. Greate tommelweagen oerstjalpen it skip en setten alles ûnder wetter. De man seach wol, det it oan board net langer feilich wier. Wol wier it in tige geef skip, mar tsjin dit geweld fen wyn en wetter moast it sterkste boat op 'en dûr krimp jaen.

It giet him wol tige oan om syn boat forlitte to moatten, it boat, det him feilich oer sahwet alle séen brocht hat en hjir nou noch forûngelokje moat op it waed. Hwent dêr is er moai wis fen, det hja op it waed roun binne. As er inkeld mar wist hwêrearne sahwet. Wer sjucht er oer it wetter en wer sjucht er oars neat as skolperjende weagen. Né, dochs... hwet wier det? Seach er dêr net, oan syn lofterhân in lyts ljochtsje, det sa nou en den boppe de weagen út kaem? Hy kuerde oer it wetter. Ja, det koe net misse. Mar hwet wier det? Miskien it ljocht fen in boat ef sa? Né, det koe net, hwent it bleau aloan op itselde sté. Wachtsje ris, efkes mei de radio bisykje eft er ek forbining krije kin. Hastich giet er nei de radio-hut en skeakelt syn apparaten oan, nimt de microfoan fen 'e heak en praet

der yn. Den harket er. It bliuwt ûnhjirmlik stil yn 'e tillefoan.

‘Dêr koe ek wol hwet net mei yn oarder wêze,’ tinkt er en sjucht tagelyk nei de lampen. Den skoert er wyld de tillefoan fen 'e holle en swaait dy yn in hoeke. De lampen binne út.

‘Trochbarnd,’ tinkt er lilck, ‘troch det geheimsinnige magnetyske fjild, det hjir hearsket.’

Wyld stout er nei boppen en ropt ûnderwilens al tsjin de Chinees, det er helpe moat om de sloep yn oarder to bringen.

Beide skrepe se nou mei de sloep om, dy't se den ek al ridlik gau klear hawwe. It to wetter litten moat mei tige omtinken barre, mar dochs leit it boatsje in amerij letter al op 'e weagen to dounsjen. Sels springe se der nou yn en sette ôf, de kant út nei it knypeagjende ljochtsje ta. It wol dy kant wol út, hwent hja ha flak foar de wyn. Hja moatte der inkeld tige om tinke, det it boat net dwers komt to lizzen ef det hja net troch in tommelweach ynhelle wirde, dy't den oer hjarren hinne brekke scoe. Yn beide gefallen koe 't wol ris ôfroun wêze mei de beide mannen.

Sa jeije se in skoftsje foar de wyn del, oant de sloep ek ynienen groun rekket en foartynienen fêst sit. Se kinne net fierder en stappe dêrom mar út en baeije troch it wetter op it ljochtsje ta, det rjucht foar hjarren út skimert. Under it rinnen wei hellet de man út it moatorjacht in kompas út 'e bûse en sjucht der op. De nidle fen it ynstremint wiist rjucht nei it húske ta.

‘Soa, soa,’ seit de man, ‘scoe dêr de boarne fen

it magnetysk fjild wêze. Wy scille it yn elts gefal nou wol gau witte.’

Al sa njonkelytsen ha se nou droech lân ûnder de foetten en binne al flak by it húske oanlânne, dêr't hjarren it ljochtsje út tomjitte skynt.

Hja rinne der togearre earst ris omhinne, mar kinne neat ûngewoans fine. In houten húske mei in hokje der neist. Deagewoan. It iennichste, hwet net sa gewoan is, is, det der alhielendal gjin finsters yn binne, útsein det iene lytse rútsje, dêr't it ljocht trochskynt. En det is noch sa heech fen 'e groun, det in minske der sa, sûnder 't ien ef 't oar om der by to kinnen, net troch sjen kin.

De man bliuwt krekt ûnder it finsterke stean en bitsjut de Chinees, det er him optille moat. It bihindige keardeltsje pakt syn gâns greater baes beet en tilt him omheech, sadet er troch it rútsje sjen kin.

Hwet er nou sjucht, hie er alhiel net forwachte. Hy sjucht trije jongkeardels dy't mei elektryske ynstreminten oan 't pielen binne. Hark, dêr prate se. Mar hy kin sa net goed forstean hwet se sizze en dêrom triuwt er syn ear stiif tsjn it tinne glês-skyfke.

‘Ik leau,’ heart er de iene sizzen, ‘det wy nou op 'e goede wei binne.’

‘Ja,’ andert in oar, ‘wy ha nou de macht yn hannen om X. to oerwinnen, as wy nou it jild mar hienen om it matrejael to keapjen om in loftskip to bouwen.’

‘Det biroerde jild,’ seit de tredde, ‘as wy det net krije kinne, scille wy it noch oansjen moatte, det de Greate Unbikende de ierde stikje by bytsje

forwoesticht. 't Is om út yens fel to springen!'

'Ja,' seit nou wer de twadde sprekker, 'wy binne de iennichsten, dy't it tsjin dy greate forneatiger opnimme kinne, en nou binne wy likegoed noch oan hannen en foetten boun.'

'Kûgelsk scoenen jy wirde,' seit nou de earste sprekker wer, 'nou hawwe wy syn fleanmesine sjoen, wy kinne him nou yn 'e gaten hâlde, mar wy kinne net by him komme, salang as er dêr sa heech boppe de ierde bliuwt.'

'Woestû den...'

Hjir kin de Chinees syn baes net langer mear hâlde en lit him sakje, sadet de baes net mear hearre kin, hwet dy jongkeardel mei det reade hier krekt sizze woe. Alles hat er ek net forstien, hwent it is al safolle jierren lyn, det er for 't lêst de Fryske klanken heard hat, mar safolle hat er der wol fen bigrepen, det er hjir midden yn in great aventûr tolânne komd is. Det is krekt hwet for him en sûnder omtinken stapt er den ek nei de doar en kloppet mei foarse slaggen.

It dûrret al efkes foardet der iependien wirdt, mar de ûnbikende man hie it ek net oars forwachte en waerd dêrom ek net ûngedildich, mar wachtet bidaerd ôf, det der iependien wirde scoe. Op 't lêst gyng de doar iepen en in great, bonkich jongkeardel mei ljocht hier, stapt nei bûten. Det wier Jelle. Hy freget, hwet det bitsjutte moat.

De man andert him, det er mei syn boat op it waed fêstrekke is en det er nou net wit hwêr't se earne binne. Mar, om't se hjir in ljocht seagen,

wierne se der op taset, mei it risseltaet, det se hjir nou dweiltrochwiet foar de doar stienen.

‘Kom der den earst mar efkes yn,’ noeget Jelle de beide mannen, ef, sa't hy tocht, de man en de jonge.

Det litte de frjemden hjar gjin twa kear sizze en stappe yn 'e hûs.

De jonges seagen forheard op, do't de beide mannen yn 't folle ljocht kamen. De blanke, in bienbitich man mei in skerp, fen wyn, wetter en sinnebrân forhirde troanje, dêr't de ljochte blauwe eagen tige eigenaerdich yn oandienen en de Aziaet, in bihindich, linich mantsje, mei it giele oantlit, dêr't de donkere, skeansteande eagen yn glinsterje. De jonges en de frjemden minsterje elkoar in amerij en den giet de blanke sitten op 'e stoel, dy't Wibe him oanbiedt. De Chinees wegeret de stoel, dy't Haeije him jaen wol, mar giet flak efter syn master stean, as moast er dizze hoedzje for it iene ef oare gefaer.

Jelle is der suver mei oan, nou't er sjucht ho troch en troch wiet de beide frjemden binne.

‘It spyt my tige,’ sa bigjint er tsjin de man op 'e stoel,’ det ik jimme gjin droege klean oanbiede kin. It iennichste, det wy hjir hawwe, binne ús wollen swimklean.’

‘As jimme ús dy efkes ôfstean wolle, den scoe ik det tige op priis stelle,’ seit de man mei hwet in frjemde tongslach. ‘Mar mei ik mysels efkes foarstelle: China-Pier en dizze man is Tong Fo, myn feint, dy't fen alle merken thús is.’

Neidet de jonges do ek hjar nammen neamd

hiene, skrepten hja wakker om de swimklean for de beide frjemden to krijen. It dûrre den ek mar in amerij ef China-Pier siet yn Jelle syn swimpak en syn feint yn it pakje fen Haeije.

China-Pier joech him noflik del yn in stoel, frege om hwet to smoken, om't syn eigen dweiltrochwiet wurden wier, en fortelde do fen it ûngemak mei syn boat en fen alles hwet der mei gearhong. Mar hy sei der net by, det er wol wist, ho't det kaem.

Nei't er útforteld wier, frege Jelle eft it in great forlies for him wier, det jacht.

De man lake.

'Oh,' sei er, 'it is gjin forlies, inkeld in ûngemak. As moarn de stoarm útraesd is, helje wy it boat der wer ôf.'

Jelle seach syn beide maten ris oan, mar sei neat mear, wylst China-Pier om him hinne seach en krekt die as foun er it alhiel sa't it hearde, det er yn in soarte fen laboratoarium forsyld rekke wier.

Op 't lêst gyng er oerein, wiisde op 'e jonges en sei ernstich: 'Jimme witte like goed as ik, det it Jimme skild is, det myn skip dêr nou op it waed sit. Efkes foardet it ûnk barde, sloech de moator ôf, bleauwen de klokken stean, wiisden myn ynstreminten forkeard oan en forbaernden myn radiolampen en der wier fensels net sa folle ynsjuch for nedich om to bigripen det soks kaem, trochdet it boat yn in ôfgryslík sterk magnetysk fjild rekke wier. En de boarne fen det fjild is hjir, yn dizze ûneachlike klinte. Ho't Jimme it klearspile hawwe, om sok in fjild to meitsjen is my net alhiel klear,

mar kin my ek net folle skele. Sa gau as it dei is, scil ik myn biklach yntsjinje en forgoeding easkje for de skea, dy't ik hjirtroch oproun ha.'

De trije maten bilitsen alhiel ûnder it forhael fen China-Pier en sieten him forbûke oan to gapjen. Dit wiisde raer en as de man dwaen scoe hwê't er mei driigde, den wist fensels mei koarten eltsenien, hwê't hja mei dwaende wierne en den koe soks ek for Dr. X. net forhoalen bliuwe. Hwet der den barre scoe, dêr woene hja ljeaver net oan tinke. Det moast yn elts gefal foarkommen wirde, hwent det scoe ûnk bitsjutte for it hiele minskdom.

Op 't lêst naem Jelle it wird.

'Det kinne Jo net dwaen, Jo witte net, hwet der fen ôfhinget, en net allinne for ús. Wy wolle Jo oeral mei helpe, mar siz foaral neat tsjin de minsken oer Jou aventûr op 'e Mar. Gjiniën wit, hwet wy hjir dogge en ek mei gjiniën it witte.'

En as China-Pier him yn 'e reden falle wol, giet er hastich troch: 'Oh, it is net allinne for ús, det ik Jo det freegje, it is yn it bilang fen alle minsken.'

'Soa, soa,' seit China-Pier nei in skoftsje, 'yn 't bilang fen alle minsken; dos ek yn myn bilang.'

'Ja, krektlike goed,' foel Wibe hastich yn.

'Nou, det scil den wol sa wêze, mar ik kin det net ynsjen.'

'Jo moatte ús leauwe,' pleite Jelle, 'wy meije en kinne Jo der neat mear oer sizze.'

'Ha, ha,' lake China-Pier, 'mar det hawwe Jimme al dien.'

Do't de trije jonges him alhiel forheard oanseagen, forfette hy: 'Foardet ik der ynkaem, ha'k

heard hwêr't Jimme it oer hiene. Oer X. en de Greate Unbikende.'

Skerp seach er de jonges oan, dy't net wisten ho't se hjarren hâlde moasten.

'Do kaem my daliks in plan yn 't sin, det ik Jimme nou foarslaen wol,' giet er troch, neidet er earst in skoftsje wachte hat op hwet de jonges nei syn wirden sizze scoene. Mar dy seine neat en dêrom leit er hjarren nou syn plan bleat, hwêr't er net folle wirden for nedich hat. 'Jimme nimme my oan as maet yn Jimme bidriuw. Wolle Jimme det net, den fortel ik moarn, hwet hjir sa al omhear giet. Jimm' ha dos mar to kiezen ef to dielen.'

China-Pier swei en seach de trije jonges om bar oan.

Jelle forbrekt it swijen. 'Ja,' sei er, 'as 't sa stiet, scille wy Jo wol as maet oannimme moatte, hwent it is gâns better, det ien it wit, as allegearre. Mar Jo witte net hwet Jo fen ús freegje en hwet Jo ús, en Josels miskien, dêrmei oandwaen kinne.'

'Oandwaen kinne,' lake de frjemdling, 'kom, kom, sa slim scil 't dochs wol net wêze. Mar dêr komt noch by, Jimme witte ommers net iens hwet for in bêste maet Jimme oan my hawwe kinne.'

'Det kin nou allegearre wol wêze,' miende Jelle, 'mar, howol't Jo josels as maet opkrongen ha, fiel ik my dochs forplichte om Jo to fortellen hwêr't it om giet en hwet for risiko Jo rinne, troch ús helpe to wollen.'

En den forhellet Jelle de nou stil harkjende man it forhael fen Dr. X., de Greate Unbikende.

Nei't er útforteld is, freget China-Pier: 'En

binne Jimme nou net bang, det dy mynhear X. nou sjen scil, det Jimme bisiik hawwe en det er dêrút opmeitsje scil, det Jimme help hawwe?’

‘De diveker, ja,’ skrikte Haeije, ‘dy kâns is der ek noch. Scoene wy hjarren net better hjirneist hinne bringe kinne, Jelle? Den kin er hjarren tominsten net sjen.’

‘Ja, det is grif it bêste, nou't mynhear China-Pier...’

‘Pardon!’ foel dizze him yn 'e reden, ‘inkeld China-Pier, sûnder mynhear.’

‘Safollesto better,’ miende Jelle en forfettet den: ‘nou't China-Pier ús dochts helpe scil, kinne hja dêr better hinne gean. Hja komme de boel nou dochts to sjen. Wy kinne den likegoed wol prate, hwent wy kinne de skúf wol iepen stean litte.’

Hjirmei drukt Jelle op in knop en in skúf yn 'e mûrre giet omhegens. Utneogjend wiist er op 'e iepening dêrefter en freget: ‘Scoene Jimme dêr miskien yngean wolle?’

Sûnder omtinken foldocht hjarren nije maet oan it forsiik, folge fen syn feint. Sa gau as se der goed en wol yn binne, bigjint China-Pier: ‘Ik hearde Jimme praten oer jild, det jimme brûke moasten. Nou't ik dochts ek yn 't komplot bin, wol ik fensels ek helpe en dêrom, siz mar hofolle as Jimme brûke moatte.’

‘Det is mear as in bytsje,’ seit Jelle, en it scil wol gâns mear wêze as de priis fen in moatorjacht.’

‘Och,’ laket de man út China, ‘jild telt net

mei. Jimme moatte jimm' al raer tjirgje, as jimme my dêrtroch hinne helpe.'

De jonges witte net hwet hja hearre. 't Is hast to moai om wier to wêzen. Den scoene se dochs noch hjar plannen trochsette kinne en sadwaende X. forhinderje om alles to forneatigjen, hwet er yn 't sin hat.'

'Ja,' weaget Haeije op 't lêst to sizzen, 'mar 't scil wol in hiele slompe jild kostje.'

'Mear as tsien miljoen?' freget China-Pier.

'Den scoe't net bêst wêze,' seit Wibe, 'tsien miljoen!'

'Nou, ha den mar gjin noed. Dit bilooft ien fen de moaiste aventûren fen myn libben to wirden en ik ha oars al hiel hwet bilibbe. Dêr scil ik jimme skielk wolris hwet fen fortelle. Lit it jimme nou genôch wêze om to witten, det ik as jongfeint hjir út dizze oarden weireizge bin en sawet de hiele wrâld sjoen ha. Mar ik woe wer ris werom nei 't rêstige âlde Heitelân, it lân fen de freedsume evenredigens, en sjuchdêr, dêr kom ik midden yn it greatste aventûr det in minske mar bilibje kin. Jonges, op my kinne Jimme rekkenje. For 't aventûr ha'k alles oer. En lykwols, as it is sa't Jimme sizze, en dêr twifelje ik net oan, den scoe 'k mei koarten dochs neat mear oan myn jild hawwe.'

De jonges springe omtrint oan 'e souder ta fen blidens, nou't der oplêst by hjarren yngiet, det hja wier, wier hjarren plannen útfiere kinne. Mar gjin sterveling mei der eat fen witte fensels.

Hja prate ôf, om sa gau as wyn en wetter it talitte, nei it moatorjacht to gean, om der ôf to heljen,

hwet hja nedich hawwe en om den de sloep ûnderste-boppe driuwe to litten, sadet, as ien en oar foun wirdt, men der út opmeitsje scil, det de eigner fordronken is.

Fierder wirdt der ôfpraet, det China-Pier mei de Chinees yn it lytse húske mei it brúnzen dak bliuwe scille en det Jelle-en-dy soargje for iten en drinken. Meiinoar kinne se den de plannen opmeitsje en de tekeningen meitsje en sa gau as alles fêststiet hwet se ha moatte, scil det bisteld wurde. En sa bart it ek. As de trije jongeljue yn 'e iere moarntiid nei hús swalkje is alles útfierd, sa't it ôfpraet is en lizze China-Pier en syn feint rêstich to sliepen yn 't húske ûnder de brúnzen platen.

Haedstik 9. *Nachtwirk.*

It is hast al wer hjerst; de simmer lûkt al aerdich nei de ein. Swiere wolken komme út sé oandriuwen en sûzjend kletterje swiere reindrippen yn it wetter en oer it waed. Linkendewei wirdt de wyn fûleindiger en sims giselt hy it wetter, det it skom wech-ende-wear fljucht.

Sa'n echt hjerstige joun is it nou wer. De jonges sitte mei syn trijen yn it laboaratorium en prate oer detjinge, hwet hjarren sa heech leit.

Se hawwe yn 'e simmermoannen net stil sitten. Plannen binne der makke en wer ôfkard, opnij makke en forbettere. China-Pier hie it biwiis levere, det er in maet wier, hwêr't men hwet oan hie. Net allinne, det er for alle kosten stie, mar ek hie it bliken dien, det hy in handich konstrukteur wier. Sûnder syn help wierne se fêst net sa gau en sa goed rékaem mei de plannen en teikeningen for it loftskip, det se bouwe scoenen.

Nou wier China-Pier der mei syn feint op út om alles to keapjen hwet der brûkt wurde moast. Hy hie forstân fen it matrejael, hie er sein, en ek koe er goed mei de fabrikanten omgean, sadet det wirk by him yn fortroude hannen wier.

Hy wier nou al ryklik in moanne op reis en de jonges hienen tael noch teiken fen him heard. Hja

waerden al in bytsje ûngerêst oer him, al wisten se wol, det hy it losrinnen wol fortroud wier.

Det hie oars in opskoer west, do't de minsken it forlitten stielen moatorjacht en de omkearde sloep foun hienen. Alles hie men ôfsocht om de drinkeldeaden to finen, mar sûnder det it hwet oplevere fensels. De kranten hienen der fol fen stien en de minsken bitochten de nuverste dingen om to forklearjen, hwêr't de fordronkenen wol net bilânne wêze koenen. Mar do't men der fierder alhiel neat mear fen hearde, swijden de kranten der oer en waerd it hiele foarfal wer forgetten. Allinne yn 't doarp tocht men der inkeld noch wol ris oan, as de stoarm oer de waed bearde. Den sei de iene ef de oare: 'Dit is nou krekt sa'n nacht as do't det jacht op 'e waed bleaun is.'

De jonges hienen al de praetsjes stikum oanheard en wierne stil hjarren wegen gien. Do't men sei, det de liken wol troch de spuislûzen nei bûten dreaun wêze koenen, knikten hja ris en seinen det soks miskien net ûnmooglik wier. 'Yn elts gefal,' hienen se sein, 'it skynt wol det se noch altyd ûnder wetter binne.'

Mar nou waerd der net mear oer praet, namsto mear net, omdet der wer hwet oars kaem wier, det de oandacht fen de minsken fêsthâldde. Der gyng in grizen troch de wrâld. Oeral op ierde kamen mear ef minder greate ûngelokken foar, dêr't de oarsaek net fen nei to sykjen wier, oan't der op it lêst grute waerd fen in X., dy't det allegearre op syn kape hawwe scoe. It woe de minsken earst mar min oan, hwent de ûngelokken barden sims

op twa ef trije sa fier fen elkoar lizzende plakken, det it alhiel ûnmooglik like, det in minske der de hân yn hawwe scoe. De kranten skreauwen der earst net sa folle oer, mar sa njunkelytsen wisten se al mear to fortellen. De meast fantastyske forhalen waerden der dien, mar net ien wist it rjuchte derfen.

Sims waerden de minsken, dy't nei de radio sieten to harkjen tige kjel makke, trochdet der in stimme, dwers troch it programma-nûmer hinne, fortelde, det der krekt op det stuit en dêr en dêr, in ûnk bard wier. En den hearden se ôfgrysluk laitsjen, hwêr't hja kâld fen waerden.

En altyd kaem it krekt út, sa't de stimme sein hie.

Mar fen hwa wier dy stimme? Sims neamde de eigner himsels X. ef Dr. X., mar det wier den ek alles hwet men wist.

De bidrigingen fen X. hongen altyd yn 'e loft en forsteurden de wille en de blidens fen de minsken. En neat wier der oan to dwaen. De geleardste koppen sieten der nacht en dei oer to pikerjen, sûnder ek mar in grevel fierder to kommen. De himel waerd ôfsocht mei de teleskopen fen de greatste stjerrewachten, mar alles om 'e nocht. Fleanmesinen krústen by hûnderten oer de ierde, om to bisykjen it skûlplak fen X., fen boppen ôf, fine to kinnen.

It joech neat. X. gyng mar troch en fierde bidriging nei bidriging út.

Hy hie it drok nei't it like, hwent mar hiel inkeld praette hy noch wolris mei de jonges en den romme

hy op syn dieden fen fordjêr. De jonges waerden der den kâld fen en wisten net hwet hja sizze moasten.

Sa hie 't nou de jouns ek wer west, mar lokkich wier er nou wer foart.

‘O,’ seit Jelle, ‘as wy him binei komme kinne, den moatte wy him sûnder genede forneatigje.’

‘Ja,’ seit Wibe der oer hinne, ‘as wy de kâns dêrta krije.’

‘Ho bidoelst det?’ freget Haeije en den foart der oer hinne: ‘Sa gau as China-Pier wer werom komt, den meitsje wy ús loftskip en scille den forgoed mei him ôfrekkenje.’

‘Det is't 'm nou krekt,’ seit Wibe wer, ‘as er mar net foar dy tiid mei ús ôfrekkent.’

Sa swier sjucht Jelle det net yn.

‘Ja, de kâns is der fensels, mar wy ha in reed op him foar. Hy wit net hofier't wy binne en hwêr't wy ta yn steat binne.’

‘Sjuch!’ ropt Haeije en wiist op in apparaatsje, det boppe op it radiotastel stiet.

‘Dêr is ien op ús weachlingte, litte wy ris hearre.’

It is in tige nijsgjirrich apparaatsje, det dêr op it radio-tastel stiet. Det is in útfining fen Wibe. It jowt oan, as der op hjarren weachlingte seind wirdt. Net mei in lampke, lyk as by X., mar mei in mjitter, sadet hja ek noch oan it biweegjen fen de nidle sjen kinne eft it tillefony ef tillegrafy is.

Se sjugge, det der nou tillefonearre wirdt. Jelle springt der foart op ta en set in tillefoan op 'e holle om dêrnei it apparaet oan to sluten. Sa gau as er

det dien hat, heart er in stimme: ‘Hallo, hallo, hallo, hjir China-Pier, hjir China-Pier!’

‘Jonges! pak in tillefoan; it is China-Pier!’ ropt Jelle mei in bliid gesicht.

‘Hallo, hallo!’ seit er den yn 'e mikrofoan, ‘hjir Jelle mei syn maten. Hwet is der for nijs? Hwêr binne jo? Ho is 't dermei? Binne jo...’

‘Hou, hou!’, laket de stimme yn 'e tillefoan, ‘net sa'n soad tagelyk, maet. Ik liz hjir mei myn skip flak foar jimme oer, oan 'e kant fen it waed en ha alles oan board, hwet wy nedich hawwe. It moat fennacht allegearre noch oan 'e wâl brocht wirde. Meitsje jimm' dos mar klear. Hjir oan board is ek hout for in flot, hwêr't de boel op laden wirde moat. 't Scil wol in hiel krewei wirde, mar it moat. Tong Fo is al nei jimme ûnderweis mei in platboaijem moatorboatsje. Hy hat der in knoarre ynstreminten yn. Help him om dy to bergjen en kom den ek mei nei board. Ik gean oan 't wirk, jonges, oan't sjens!’

De jonges smite de tillefoan op 'e tafel en stouwe nei bûten ta, hwêr't de stoarm hjarren foartdaliks in flinke trewinkel jowt en omtrint ûndersteboppe smyt. Mar dêr slane se mar kwalik acht op. Se fierkje oer it wylde wetter eft se it boatsje fen Tong Fo net gewaer wirde kinne.

‘Sjuch! Sjuch!’ balt Wibe tsjin 'e stoarm yn, ‘dêr is in ljochtsje!’

Syn hân wiist earne yn 'e ierdetsjustere nacht.

En ja, wrychtich, dêr dounset in ljochtsje oer it woeljende wetter, det mei greate flecht rjucht op hjarren ôfkomt.

Efkes letter hearre se it gnoarjende lûd fen in swiere moator boppe it geraes fen wyn en wetter út. Suver op itselde stuit sûzet der in greate raceboat út it tsjuster it strân op. De flecht bringt it boat omtrint oan it húske ta.

Tong Fo sit efteryn en skeakelt de moator út. Hy is alhiel klaeid yn in tige glêd oanlizzend rubberpak, hwêr't it wetter ôfstreamt. Hy springt oan lân, makket in lichte bûging for de trije jongkeardels en seit mei syn djip kiellûd: 'Hullo!'

De jonges fleane him omtrint om 'e hals, mar hy skout hjarren kalm fen him ôf en wiist op it boat. Den springt hy der wer yn en rikt de jonges forskate pakken oer, dy't allegearre yn oaljedoek sitte, sadet de ynhâld net wiet wirde kin.

Hastich bringe de jonges it spil yn 'e hûs, hwêr't se noch al in kearmannich for hinne en wer moatte, hwent der komt gâns hwet út it boat. Mar einlings is it den dochs leech. Nou jowt Tong Fo hjarren elk mis noch in pak en bitsjut hjarren, det se it iepen meitsje moatte. De jonges binne fensels tige binijd, hwet der wol yn sitte mei en witte net ho gau as se it iepen krije moatte.

Nou, China-Pier biwiist der al wer mei, det er oeral oan wit to tinken, hwent út it oaljedoek komt for elk fen hjarren in rubberpak, krekt allyk as Tong Fo ek oanhat.

Gau geane se efkes yn 'e hûs om hjarren to forstrûpen en al ringen steane se wer bûtendoar yn hjar rubberpak, det gjin drip wetter trochlit. Fen top ta teil binne hja nou yn rubber klaeid. It pak slút hjarren as in bos om 'e lea en it hat ek noch

it greate foardiel, det se der hjarren sa maklik yn biwege kinne, as hienen se inkeld hjarren swimklean mar oan.

Nou gau Tong Fo helpe, om it boat wer flot to krijen. Det scil wol in dreech stikje wirk wirde, mar it falt hwet ta. It is in saneamde gliidboat mei in alhiel platte boaijem. Fong Fo giet efkes yn it boat om de moator oan to setten en op efterút. Den springt er der wer út om de trije maten to helpen it boat yn djipper wetter to krijen.

Earst fljucht it net sa hird, mar as Jelle de maet oanjowt en se mei syn fjouweren tagelyk tsjin it boat triuwe, hwêr't se mei wachtsje, oant der krekt in greate weach oanrôljen komt, giet it al ringen de goeije kant út. Se steane fensels yn 't wetter, mar fornimme der net folle fen, om't de klean, dy't se nou oanhawwe, gjin drip wetter trochlitte.

De moator gounzet, de jonges en Tong Fo skouwe en den ynienen kriget de fin fen de moator wer genôch wetter om krêft to setten.

Hja wierne der net iens op fortocht, do't it boat ynienen in hael die en hjarren alle fjouwer it wetter ynskoerde. De trije maten lizze yn 'e weagen to sparteljen, mar Tong Fo hinget oan it boat, det mei gang út ein set. It linige Chineeske wit him der handich yn to slingerjen en giet den foardaliks nei de moator. Hy pielt der efkes mei om en stjûrt den it raceboat mei in greate bocht nei de wâl ta, hwêr't de jonges alwer klear stean, neidet se oerein skarrele binne.

Kalm stjûrt Tong Fo it boat by hjarren lâns, dêr't se nou alle trije yn wippe. Sa gau as se deryn

binne, set de Chineeske stjûrman it boat mei de kop op 'e weagen. En den giet it, dwers tsjin wyn en weagen yn mei boarsten gewelt dwers it waed oer. De stoarm gûlt al tige, mar kin it mei kûgelsflecht tsjin 'e weagen ynbrûzende boat net keare. Jonges, hwet giet det der omwei. It wetter fljucht himelshichten. De jonges steane der midden yn. Foar hjarren út wâljende weagen, efter hjarren wieljende weagen, bisiden hjarren wyld bearende weagen en yn it boat sels driuwt alles fen it buiswetter. It is in wylde tocht oer de balstjurrige Sudermar.

De jonges kure oer de wite skomkoppen fen 'e weagen om to sjen eft se it skip fen China-Pier ek gewaer wirde kinne. Mar it sjucht sa min, det se it net earder yn 'e gaten krigen, as do't se der al flak by wierne. It is in lang skip, det plat op it wetter leit en yn greate skomwolkens foar syn ankers leit to riden. Gjin minske is er op it dek to sjen.

Tong Fo stjûrt syn boat om it iensume skip hinne en kin sadwaende in bytsje yn 'e lijte krûpe.

Amperoan roert it boat de hûd fen it skip ef in stimme klinkt boppe it geraes fen 'e wyn út.

‘Moai waer, old boys, for ús wirk. Koe net better. Nou scille se ús tominsten net op 'e hannen sjen.’

It is China-Pier. Hy bûgt him nou oer de reling en helpt de jonges oan board. Hy is krekt allyk klaeid as de fjouwer oaren.

‘Hallo, jonges,’ seit er hertlik, ‘ho giet it dermei? Alles noch goed?’

De jonges fortelle him nou hwet der allegearre, sûnt syn foartgien, bard is, mar folle bisûnders hat det net west, tominsten net, det Pier sels net witte koe.

‘Nou,’ seit er, as it forhael út is, ‘safollesto better. Ik ha in goeije reis hawn en alles krije kind, hwet wy mar brek wierne. Ik leau net, det der hwet forgetten is. Mar jonges, wy moatte nou gau oan 't wirk om to bisykjen de boel oan lân to krijen. Sjuch, it flot is al sawet klear. Det liket jimme nou wol in hiel krewei ta, mar det foel hwet ta, hwent alles wier kant en klear makke en 'k hoechde it allinne mar yn elkoar to skroeven en det ha 'k dien.

Wy kinne nou earst it flot wol sawet fol lade en it den bûten board draeije. Der binne hjir in pear knapen fen kranen oan board, hwê't Tong Fo en ik wol aerdich handich mei binne, sadet det ek wol yn oarder komme scil. Dos, jonges, oanpakke!’

Us maten litte hjar det gjin twa kear sizze. Se arbeidzje det de lidden der hjarren fen knieze. Mar dêr wirdt net om tocht, der moat avesearre wirde en se binne net bang fen in hântaest wirk. Se switte as oandragers yn hjar rubber klæijing.

Det is nou wol to bigripen, hwent it is swier wirk op it glêdde, wiete dek to sjouwen mei izeren platen, pakken bouten, moeren, ringen, moatorûnderdielen ensfh. En den is it fensels oppassen, hwent it dek leit gjin amerij stil, mar giet op en del en hinne en wer, wylst it wetter hjarren om 'e

earen stout, eltse kear det de weagen tsjin it skip bounzje.

China-Pier set de boel fêst op it flot, sa gau de jonges it oanbrocht hawwe. Sadwaende aveseart it knap, mar se sjugge al ringen, det se de hiele fracht net yn ien kear hâlde kinne; se scille noch in reis dwaen moatte.

As it flot alhiel fol laden is, sette se der mei syn fjouweren in great seil oerhinne, det oan alle kanten fêst komt to sitten.

Sjesa, nou kin de boel oer board.

Der binne swiere ringen oan 'e balken fen it flot fêstmakke, dêr't nou heakken ynslein wirde. Oan dy heakken sitte stielen keabels, dy't nei de beide kranen rinne. As alles tige sekuer bifêstige is, geane Pier en syn feint elts nei in kraen.

'Ut 'e wei,' boldert de man út China tsjin it lawaei fen it kletsende wetter yn.

De jonges springe oan 'e kant. De kranen bigjinne to kriteren en to stinnen. Súnstjes, súnstjes, giet it flot mei syn swiere lêst omhegens. Nou sweeft it alhiel frij yn 'e loft.

De jonges hâlde hjar hert fêst. Ho scil dit ôfrinne. Scoene de stielen triedden it hâlde kinne? As der nou ris hwet briek, den hie alles om 'e nocht west, om noch mar net to praten fen de ûngelokken dy't der fen komme koene.

Mar it spil brekt net. Pier hâldt net fen heal wirk.

Stadichoan draeit it flot bûten board. De stoarm bisiket syn krêft der op. It hiele gefaerte skommelt. Men kin it fornimme oan it skip, det alhiel nei de

kant fen it flot oerbûgt en eltse skommel-biweging folget.

De jonges hâlde de siken yn.

It flot hinget nou alhiel bûten board yn 'e stielen keabels. It sakket al; it roert it wetter. Noch efkes steane de keabels strak, mar den giet de spanning derút en hingje se slop. It flot driuwt.

Pier ropt tsjin de jonges det se de heakken losgoaije en it flot fen it skip ôfhâlde moatte. Hja springe op it wibeljende flot en meitsje handich de heakken los út 'e ringen en meiens sûzje de keabels alwer binnenboard.

China-Pier springt nou ek op it flot en makket de tros ré, wylst de lytse Chinees yn it moatorboat giet. Hy fart deun by it flot lâns en wit de tros op to pikken, dy't him troch syn baes tagoaid wirdt, wylst de jonges kâns sjugge om oan board fen it moatorboat to klauterjen, folge fen China-Pier, dy't noch krekt mei in fikse sprong it boat wit to pakken. Hy hinget oan 'e rânne oan 'e bûtenkant fen it raceboat en de jonges, dy't him it wetter yntrûzeljen seagen, wurde forheftige kjel. Mar dêr swaeit Pier him al mei in krêftige swaei oer 'e rânne. Hy laket as er de forhearde gesichten fen syn maten sjucht.

Tong Fo hat der, sa't it liket, op wachte oant syn baes wer goed en wol oan board is, hwent foartdaliks set er de gong der yn op 'e waed ta.

Tong Fo stjûrt wer. It is him ek wol tabitroud. Hy hâldt rjucht op it ljocht fen hjarren laboaratoarium oan, det fier fen hjarren ôf boppe de weagen skimert.

It boat fljucht nou wol net sa hird as op 'e hinnerreis, do't it net sa'n swiere sleep efter him hie, mar dochs giet it der noch aerdich om wei. Se binne den ek al ridlik gau by de waed. Tong Fo jowt noch hwet ekstra gas, sadet se mei in knappe foarsje op 'e waed tastouwe.

Syn baes sit klear by de sleeptros. Tong Fo jowt him in teiken en as de tros efkes slophinget, trochdet it flot krekt op in weach omheechgiet, goait China-Pier los.

Krekt op 'e tiid. It wier mar goed, det dy twa tige oan inoar wend wierne, hwent nou kin de Chinees it boat noch krekt mei in skerpe bocht foar it flot weihelje. De jonges hiene der alhiel net op rekkene en waerden suver út it boat slingere, do't it sa hommels fen rjuchting foroare.

It wier wol tige nedich, det de stjûrman sa'n skerpe bocht naem, oars hie it flot it boat oan spoennen fearn. Troch de flecht, dy't it swier ôfladen flot hie, roun it in hiel ein de waed op. Tong Fo stjûrde it boat nou ek op 'e wâl, deun njunken it flot.

Nou moast der wer hird arbeide wirde. Alles moast der ôf en den sa gau as it koe it oare helje, det noch op it skip bleaun wier.

It lossen gyng gâns flugger as it laden, om't der nou neat fêstset wirde moast. Alles, hwet der op it flot wier, waerd dellein oan 'e lije kant fen it húske op 'e waed, en do hommels werom nei it skip. It boat waerd foar it flot spand en skoerde it wer fen 'e waed ôf. Mei it lege flot efter hjarren to dounsjen gyng it wer op it skip ta.

Earst waerd it wer oan board hyst en do op 'e nij folladen. Dizze kear koe it der sahwet allegearre op en it lytse bytsje det der noch oer wier, koe yn it boat meinaem wirde.

Wer pipen en krietten de kranen, wer sakke it flot kalm op 'e wylde weagen en wer setten se ôf nei de waed, hwê't se ek dizze kear wer bihâlden oankamen.

Mei syn fiven arbeiden se do sa hird as 't koe om it flot wer leech to krijen. Sa gau as det bard wier, waerd de Chinees mei it flot nei board stjûrd, om it wer op it skip to bringen.

De jonges seagen China-Pier wifeljend oan. Scoe det lytse keardeltsje him der allinne mei rêdde kinne?

China-Pier lake.

‘Tong Fo hat wolris swierdere kreweikes opknapt. Lit dy mar gewirde. Wy hawwe noch gâns hwet to dwaen, foardet alles yn oarder is en men mei ús net oer it mat komme. Wy moatte de izeren loads noch opsette, foardet it dei wirdt. Howol alles sa mar yn elkoar set wirde kin, scil it dochs net tafalle mei dizze stoarm.’

Né, det hienen de jonges ek wol yn 'e gaten. In loads to bouwen mei sa'n stik wyn wier wrychtich gjin berneboarterij.

Mar Pier joech it goede foarbyld en dos setten sy de lea der ek ûnder. Do't Tong Fo mei it boat weromkaem, wierne se al aerdich opsketten en nou't de linige Chinees der ek noch bykaem, gyng it det it slydjage. Dochts moasten se avensearje, hwent de dei wier al op komst en gjin minske

mocht sjen, hwet der op 'e waed útfierd waard.

It bigoun al knap to skimerjen, do't de boel einlings stie. Nou noch al de spillen der yn en 't wier wer bard for hjoed. Ek det krigen se foarelkoar.

It wier sa njonkelytsen al aerdich ljocht wurden; se wiernen mar krekt op 'e tiid.

China-Pier joech de jonges de hân en sprong yn it race-boat, folge fen syn feint, dy't dalik it boat wer mei de kop op 'e weagen sette, neidet er de moator oanset hie. Efkes swaaiden se noch goendei mei de earm en do wierne se ek al wer fordwoun yn skom en wetter. In wolk fen griis skom tsjutte oan hwêr't se hinne stouden.

It wier nou sa ljocht al, det se, al wier it ek noch ûndúdlik, it skip op 'e weagen riden sjen koenen.

Lang tiid om dêrnei to sjen hienen se net, hwent der moast noch in tige bilangryk wirkje opknapt wurde. De pas boude loads moast... noch ûnsichtber makke wurde.

Wibe en Haeije groeven triedden yn 't sân fen 'e waed, fen it laboaratorium nei de loads en makken dy deroan fêst.

Jelle wier tige drok dwaende yn it lytse hok, det se neist it eigenlike laboaratorium makke hienen.

As Wibe en Haeije op 't lêst klear binne, komme se der ek yn en freegje Jelle hofier't dy is.

‘Klear,’ seit Jelle, ‘Gean ris gau nei bûten en pasje op, hwet der bart.’

De beide jonges stouwe wer nei bûten.

Jelle skeakelt hoeden de stream yn. Dit is in gefaerlik eksperiment, hwêr't it slagjen fen hjarren ûndernimmen fen ôfhingje kin. Scille de transformatoa-

ren it hâlde? Is alles goed birekkene? Ien flater yn 'e birekking en it rint forkeard ôf. Hy allinne wit det. Syn wangen gloeije fen ynspanning. It izer fen de transformatoaren bigjint to triljen. Hy heart in sêft sjongende toan.

Scoe it gean?

Wibe en Haeije stean bûtendoar en sjugge fol oandacht nei de loads. Yn 't earst sjugge se neat, mar den is 't krekt as komt der in sêdamp opsetten om de loads hinne. It gebou wirdt stadichoan waziger en op 't lêst lûkt de mist wer omheech en... de loads is foart. Hja wisten det dit komme moast, mar steane dochs mei de mûle iepen nei it wûnder to sjen. It wirdt hjarren bang om it herte. Se stouwe nei Jelle ta en roppe:

‘Jelle, de loads is foart!’

Jelle siet oer in mjitter bûgd. In skoftsje bliuwt hy sa sitten; syn eagen wolle de wizers net loslitte. De spanning wier him hast to mânsk wurden.

Op 't lêst giet er rjuchtop sitten en sjucht syn beide maten glimkjend oan.

‘Gelokkich,’ seit er mei in heas lûd.

Haeije fljucht op him ta en slacht de earm om syn skouder.

‘Jelle, Jelle! Hwet is der oan!’ ropt hy.

Jelle syn antlit is suver ynfallen. Djippe tearen lizze der om syn mûle. Greate switkobbels pearlje him op 'e foarholle. Hy sjucht Haeije oan en laket wirch. ‘Neat, Haeije,’ seit er op 't lêst. ‘t Is al wer oer.’ Hy faget syn foarholle ôf en giet nei bûten om mei syn eigen eagen it greate wûnder to sjen.

Der is neat to sjen, alhielendal neat. Jelle such-

tet noch ris en giet den yn 'e hûs en jowt him del op it bêd, hwêr't China-Pier op sliedt hie, do't dy him noch yn hjarren laboaratorium beskûl hâldde. It dûrret mar in amerij, den sliedt er as in roas. Haeije en Wibe lizze in tekken oer him hinne. Nou pas tsjusse se hjarren rubberpakken út, berchje dy op, tsjusse hjarren gewoane klean wer oan en jowe hjarren ek del. As hja lizze, fiele hja pas ho wirch se eins binne. Ek mei hjarren dûrret it net lang ef se binne ûnder seil.

Underwyls hat China-Pier de ankers ynhelle en fart nou in knap ein út 'e wâl op Amsterdam ta.

Sa gau as er oan board wier, hat er in fjerrekiker helle en seach der mei nei de waed. It dûrret efkes, den sjucht ek hy de mist en efkes letter it oplûken dêrfen, en den sjucht ek China-Pier de loads net mear. Hy knikt foldien mei de holle, giet nei Tong Fo, kloppet him frjeonlik en kammeraetskiplik op it skouder en seit yn it Ingelsk: 'O-K so far, old boy!'

Haedstik 10. *Wûndere Forhalen.*

Der gongen wûnderbaerlike forhalen yn it lytse plakje oan 'e waed. Tsjeard Priuwer wier der for 't earst mei op de lappen komd. Do't er de earste kear yn de ljeagenbolle syn nuver forhael die, lake eltsenien him út. En det wier nou ek net sa'n great wûnder. Tsjeard Priuwer seach de wrâld wolris mear for in doedelsek oan, binammen as hy ris hwet tige ryklik fen it tinne gûd preaun hie en det barde noch alris. Ho hie det do west, do't er oer de goaterânne kneppele, dy't er op in hiel oar plak forwachte hie. Do't de minsken him oerein holpen hienen, hie er sein: 'Ei ja, it doarp leit der bytiden ek sa raer hinne.' Né, Tsjeard Priuwer koe men altyd net leauwe. Ho't er it oars yn 'e harsens krige, bigriep gjin minske. In hûs op 'e waed, det sa mar weiwirdt, 't wier om yen dea to laeitsjen. Né, Tsjeard, nou kaem it wol hwet to bot oan.

Sa hie it forhael west: 'Ik wier de moarns iere bytiid op 'e Syl, om ris yn 't waer to sjen. Nou, it waer wier min. Fiskje koe neat fen komme en bûtsiikjen is net de moeite mear wirdich, neidet de ôfslútdyk der kaem is. Ik tink sa by mysels: Kom ik krûp noch mar efkes ûnder de foddren, do't ik ynienen in hûs stean seach, op 'e waed flak by de keet fen dy healgeare jonges mei hjarren radio. It wier

noch wol hwet skimerich, mar ik koe my der net yn forsinne. Ik tink: de deale, hwêr komt det sa gau wei en hwa scoe dêr nou wenje wolle, sa'n ein út 'e wrâld. Mar do kaem der ynienen in damp opsetten en waerd it hiele hûs wazich; ik koe 't mar kwalik mear sjen. Ik forwûndere my der al oer, hwêr't dy damp samar ynienen weikaem mei sok stoarmwaer, do't dy mist ek wer foartgyng. Mar it alderfrjemdste wier, det dy mist tagelyk it hiele hûs meinaem hie. Ik seach neat mear en 't wier sa njonkenlytsen oars ek al hwet ljochter wurden.'

De harkers laken fensels, foaral om dy mist, en hja tochten, det de drank der wol net alhiel ûnskildich oan wêze scoe. Tsjeard Priuwer hie der gâns hwet oer hearre moatten.

Ien sei bygelyks: 'Scoe it hûs al forhierd wêze?'

'Ei, né, ju,' sei wer in oar, 'it is der to damp.'

'Ja, ja, laitsje jimme mar,' sei Tsjeard do lik, 'mar hwet ik sjoen haw, det haw ik sjoen.'

Nou dêr koe men fensels neat op sizze. Mar do kaem in oarenien mei noch in folle frjemder forhael. Det wier Sytse Bûtsiker.

Fen him koe men net tinke, det hy dronken west hie, hwent de man brûkte nea in drip sterke drank. Mar syn fantasije wier tige bikend. Sytse den kaem op in goeije moarn yn 'e ljeagenbolle stouwen, alhiel oeral.

'Hwet skeelt dy?' fregen de inkelde fiskers dy't dêr wiernen.

'Och hea,' sei Sytze, mei in kleijende stimme, 'hwet my dêr niiskrektsa oerkomd is, forjit ik myn hiele libben net.'

‘Det wol noch al hwet sizze,’ sei ien fen de fiskers.

‘Och myn ljeave man, it is ek hast net to leauwen,’ sei Sytse wer op syn gûlderige manear. ‘Ik swalkje dêr by it strân lâns en scil in eintsje efter det houten húske fen dy jonges, de waed op. Ik sjuch neat gjin bisûnders, dos panderje ik op 'e dyk ta. En do ynienen, fleach ik mei de kop earne tsjin oan, det 'k alle stjerren, dy't men mar bitinke kin, foar myn eagen dounsjen seach. It wier as hie ik mei in hammer in fûleindige slach foar de kop krige. Och man, ik gûlde it út.’

‘Nou, mar hwa hie det dien?’ fregen de fiskers binijd.

‘Gjin minske. Der wier wech-ende-wear neat en nimmen to sjen.’

‘Det liket frjemd,’ mienden de fiskersljue.

‘Jimme bigripe, det ik my hast dea skrikte. Sa gau as ik by myn sûpenstút kaem, bin ik der útnagele fensels.’

De minsken founen it tige frjemd, mar tochten, det hy net in klap mei in hammer mar mei in moalpûde hawn hie. Sytse bûtsiker waerd den ek danich útlake. Sytse prottele wakker en winske de lakers stik foar stik ta, det se ek sa'n klap foar de kop krije scoenen.

It wier tige bêst bidoeld, mar de oaren fielden der neat for, seinen se.

De forhalen fen de beide manljue wierne hast al wer forgetten, do't der wer ien mei in bjusterbaerlike skiednis oansetten kaem. Dizze kear wier it Meindert Fûgelsjitter, dy't hwet frjemds bilibbe

hie. En nou wier it noch nuverder as de oare beide kearen byelkoar.

It roun al knap tsjin 'e joun, 't waerd al skimerich yn de ljeagenbolle do't Meindert der ynsetten kaem. Hy wier sa oerstjûr as de minsken him noch nea sjoen hiene, hwent Meindert wier de evenredigens yn persoan.

‘Meindert, hwet skeelt dy? It liket wol eftst in spoek sjoen haste!’ waerd der roppen.

‘t Is noch folle slimmer,’ sei Meindert, ‘k ha wol gjin spoek sjoen, mar dit siz ik jimme, it spoeket al op 'e waed.’

Dy't der wierne, krongen allegearre om Meindert Fûgelsjitter hinne, om gjin wird to missen, fen it forhael, det der nou grif komme moast. Der moast wol hiel hwet bard wêze, as Meindert oer spoeken praette, hwent hy hie altyd de earste west, om der de gek mei to hawwen. Meindert leaude der alhiel net oan, sei er altyd, en nou scoe hy it sels bilibbe hawwe! Det koe moai wirde.

‘Jimme moatte rekkenje,’ sa bigoun Meindert, ‘ik kaem fen de kant fen 'e Koai. Ik hie der west, om't ik sa tocht, det der wolris in pear einen oersetten komme koene. Nou, det hie ek sa west, en dêr roun ik den mei in stikmannich einen oer it iene skouder en de riem fen myn gewear oer it oare. Jimme witte, ho't ik altyd rin mei myn gewearriem oer 't skouder en de hân oan 'e hoanne, for 't gefal der ûnforwacht hwet foar de loop komme scoe. Nou den, dêr roun ik den, flak oan sé, mei de hân oan 'e hoanne en de loop nei ûnderen ta. Ik kaem sa njonkenlytsen al moai ticht by det

radio-húske fen Jelle-en-dy, do't it my krekt wier, as woe myn gewear omheech. Yn 't earst sloech ik der gjin acht op, mar op 't lêst koe ik it mar kwealik mear hâlde. Ik tocht by mysels, hwet scille wy nou bilibje, bin ik nou gek ef it gewear. Mar *ik* wier 't net.

Ik roun troch, mar it waerd tinken mei myn âld spuit. Do krige ik it in bytsje binaud, det doar ik gerêst to sizzen. It wier krekt as skoerde der hieltyd mar ien oan 'e loop om my it gewear út 'e hânnen to lûken. Mar der wier fensels gjin sterveling to sjen. It swit briek my út. Ik forhâldde my en roun wer fierder do't ynienen, sûnder det ik earne oankaem, it skot derút fleach. Ik miende to hearren, det de hagel tsjin in izeren plaet oanfleach, mar det doar ik net fêst to sizzen, it kin ek wol it laitsjen fen it ien ef oare ûnhure wêzen west hawwe. Ik waerd sa kjel, det ik it gewear losliet, det my do mei foarsje út 'e hannen fleach en sa mar de loft troch sylde, oan't it, sa't it like, earne tsjinoan stuitte. Mar it frjemde wier, det it net op 'e groun foel, mar kalm yn 'e loft hingjen bleau, det wol sizze, de kolf, hwent de loop en 't oare spil wierne fordwoun.

Ik doarst der fensels for gjin jild efteroan, en ik hie dochs ek neat oan in kolf sûnder gewear.'

'En do, en do?' fregen de minsken om him hinne, do't Meindert Fûgelsjitter ophâldde.

'Hwet do? Nou, hwet scoene jimme dien hawwe. Ik tocht fen krekt itselde as ik. Ik smiet de einen oer 'e waed en roun sa hird as ik mar rinne koe nei de dyk ta.'

Det foel syn gehoar raer ôf, dy hiene noch gâns hwet mear forwachte.

‘En hwêr is dyn gewear nou?’ frege ien fen de snoadsten.

‘Det scil dêr noch wol earne yn 'e loft hingje, for 't neist,’ andert Meindert noartich.

‘Sjuch! Sjuch!’ ropt ien fen de mannen, ‘dêr komme Jelle-en-dy oan mei in gewear en in keppel einen. Hwêr scoene dy det wei hawwe?’

Meindert sjucht ek ris efkes. Amper hat er de jonges sjoen ef hy slacht de hannen gear en ropt: ‘Mar nou is de wrâld dochs fêst ek op 'e ein. Dy knapen hawwe myn einen en myn gewear.’

Hy ropt al fen fierren: ‘Ho divel, komme jimme oan myn spillen!’

‘Foun!’ seit Jelle, sa gau as se by de mannen binne.

‘Wy hoege net to jeijen,’ komt Haeije smout út 'e hoeke, ‘wy fine de einen deasketten en wol mei in gewear der by.’

‘Ja,’ docht Wibe ek noch in duitsje yn 't ponkje, ‘en den sjugge wy fen fierren de goederjowske man, dy't it spil sa kreas for ús dellein hat, rinnen as in hazze. For 't neist, om't er oars bang is, det wy him de boel werom jaen scoene.’

Meindert rint ris om de jonges hinne, mar bliuwt for alle feilichheit op in lytse distânsje.

‘Nou, pak mar oan,’ seit Jelle en stekt Meindert it gewear ta, ‘it is net bitsjoend!’

Mar Meindert makket alhiel gjin risselwaesjes om it gewear oan to krijen. Hy hat in skalk each op it spil en sjucht fen it gewear op Jelle en fen

Jelle op it gewear. Oan gjin ien fen beiden kin er hwet bisûnders ûntdekke.

‘Wirdt it noch hwet?’ laket Jelle, ‘myn earm is gjin úthingboerd.’

In bytsje skrutel noch nimt er it gewear wer yn 'e hannen. Nou't der alhiel neat bart, wirdt er dryster en bisjucht it nou fen alle kanten.

‘Neat oan to sjen!’ forklearret hy op 't lêst oan de omstanders, dy't der tige nijsgjirrich by steane.

Det koe ek wol útkomme, det der oan 't gewear neat to sjen wier.

Neidet de jonges it skot heard hiene, wierne se op oanrieden fen China-Pier, hwê't se yn 'e loads mei oan 't wirk wierne, nei bûten gien en hiene Meindert foartrinnen sjoen as siet him de tsjoede efternei. Do founen se de einen en seagen it gewear frij yn 'e loft sweevjen, sa't it like. Mar hja wisten fensels wol better. It hong oan it magnetyske metael fen de loads en it stielwirk fen it gewear wier ek ûnsichtber wurden, sadet it krekt wier as hong der allinne mar de kolf en de riem. Mei syn trijen hiene se it gewear der wer ôfskoerd en it do yn it laboaratorium wer demagnetisearre.

‘Nim it spil mei nei 't doarp!’ hie China-Pier sein, ‘en jow it dy man wer werom, oars krije wy hjir strak al de manljue op bisite, om it wûnder to sjen. Jimme dogge nou mar krekt eft it allegearre forbieliding fen de man west hat. Sokke ûngemakjes scoene ús op 't lêste momint alles noch bidjerre kinne. Wy binne nou hast ré en kinne gjin mot om 'e teannen brûke.’

Do wierne de trije maten derop úttein en nou hie

Meindert syn âld spuit, sa't er syn gewear neamde, wer yn 'e hannen.

‘Det is nou allegearre tige goed en aerdich fen jimme, mar ho binne jimme der nou einlings oankomd, det scoe ik wolris witte wolle,’ seit Meindert foars, bang det er útlake wirde scil. ‘Do't ik it gewear for 't lêst seach, sylde it troch de loft en in hoartsje letter, wier it inkeld noch mar in kolf. En nou bringe jimme it hiele spil wer werom. Det giet boppe myn forstân.’

‘Hwet jo dêr allegearre fortelle, klinkt wol in bytsje eigenaerdich,’ seit Jelle op 't lêst, ‘mar wy hawwe mei syn trijen gjin silend gewear sjoen. Do't wy, neidet wy in skot hearden, nei bûten gongen, seagen wy oars neat as in keppel einen en in ein dêrôf in gewear.’

‘En net to forjitten,’ ûnderbrekt Wibe him, ‘in man dy't wakker hastich wier.’

‘Hawwe jimme den alhiel gjin bisûnders sjoen?’ freget Meindert, tige yn 't ûnwisse, sûnder op Wibe syn útfal acht to slaen.

‘As jo it hwet gewoans fine, det jy der útnaeije, as hiene jo in skot piper yn 't gat krige, né, den hawwe wy gjin bisûnders sjoen,’ falt Haeije, dy't him noch hwet narje wol, nou út.

De oaren, dy't eins alhiel net witte, hwet der krekt bard is, laitsje om Haeije syn set. Meindert, dy't op 'e flecht giet, ja, det is wrychtich om to laitsjen, hwent hy fiert oars noch al in steil wird.

‘Mar ik gean dochs net for neat op 'e flecht,’ ropt Meindert tsjin it laitsjen yn.

‘Miskien wierne jo hwet yn 'e war, do't jo by forsin jou gewear ôfskeaten,’ mient Jelle.

Ek det falt yn goeije ierde, sadet de ljeagenbolle stiet to triljen fen it geijen fen de minsken.

‘O, stakker,’ bâlt der ien ûnder it laitsjen troch, ‘hy tocht fensels, det der ien op him skeat. Syn gewisse is net suver!’

‘Det is ek gjin wûnder,’ oppenearret in oar, ‘as jy sa faek ûnder it koairjucht komme.’

‘Forhip allegearre,’ seit Meindert lik, pakt syn gewear en de einen en makket det er foartkomt.

De jonges geane nou ek wer fierder en fine, det se it der mar gnap ôfswitten hawwe.

De minsken yn de ljeagenbolle laitsje noch efkes nei en bigjinne den op 'e nij alles wer ris op to heljen, hwet se oant nou ta oan frjemde forhalen al heard hawwe. It eintsjebislút is, det sy net mear laitsje, mar sa linkendewei de iene nei de oare, nei hûs ta geane, derfen oertsjûge, det der dochs wol hwet geande wêze moat op 'e waed by it radiohúske fen Jelle, Haeije en Wibe.

Haedstik 11. *Op 't kantsje ôf.*

De ljue yn it gea binne hwet skrutel wirdden fen Jelle-en-dy, en sjugge hjarren mei in skean each nei. De jonges fine det net sa slim, hwent nou hawwe se ek gjin lêst fen de nijsgjirrigens fen de ljue. Se hawwe ek gjin tiid for alle mooglike praetsjes, hwent it loftskip is hast ré en mei koarten kin de greate reis bigjinne. Jelle hat alles, mar den ek alles, nochris en nochris wer op 'e nij trochrekkene. Né, der wier gjin flater yn, it moast útkomme, China-Pier hie 't opsicht hawn by 't wirk en dy wier der izerfêst fen oertsjûge, det alles yn oarder wier.

Dr. X hie de lêste tiid wer tige warber west en hie hjarren al mear as ienris warskôge, det de tiid hast om wier. It skynde him to forfelen, hy woe der mei koarten in ein oan meitsje.

It wier dos heech tiid, det se ré kamen mei hjarren wirk.

China-Pier hie for alle wissichheit in hiele biskriuwing makke fen hjarren wirk en fen it doel, wylst hy der teffens byskreaun hie, hwet se fen Dr. X. wisten.

Dit skruuwen hie er oan in stikmannich greate banken yn forskate lânnen stjûrd, hwêr't it opbirgen wirde moast yn in safe. Hy hie der de op-

dracht by dien, det de brieven oan de boargermaster fen dy ûnderskate stêdden brocht wurde moasten, as de stikken tominsten binnen it healjier net wer troch him opfrege wierne.

‘Sjuch,’ hie China-Pier útlein, ‘as ús nou hwet oerkomt, den witte se sawet mei in healjier, hwet der mei ús bard is en kinne de minsken prikken yn 't wirk stelle om mei alles hwet se den to witten komme, ús wirk ôf to meitsjen.’

De jongens wierne der al efkes stil fen wurden, hwent China-Pier hie mei dy wurden hjarren op 'e nij oantsjut, ho gefaerlik hjarren ûndernimming wier.

‘Wy scille mar hoopje,’ hie Jelle op 't lêst sein, ‘det soks net nedich wurde mei en det wy sels mei him ôfrekkenje.’

Mear wurden wierne der do net om smoarch makke.

Nou't se dêr wer yn 'e loads kamen, sloech it hert hjarren tige heech. Dêr laei it stielen loftminster op syn skammels. It hat frijwol deselde foarm as Dr. X. sines, om't det de gaedlikste útfiering blykt hie to wêzen.

China-Pier en Tong Fo binne deryn oan 't wirk, dermei dwaende om de ûnderskate ynstreminten to plak to setten.

Der rint in brêge fen de groun ôf oer it hiele bouwirk hinne, dêr't Jelle en dy nou by opgeane om by it mangat to kommen, det oan de boppekant fen 'e stielen sylinder oanbrocht is. Hjir litte se hjarren trochhinne sakje om China-Pier en syn feint by it lêste wirk to helpen.

Fen binnen sjucht it der gâns ienfâldiger út, as by Dr. X, hwet fensels ek gjin wûnder is, om't hja net fen plan binne om lang dêr boppe to bliuwen. Inkeld sa lang as nedich is om Dr. X. to finen en mei him ôf to rekkenjen... ef det hy mei hjarren ôfreckent.

Jelle bisiket hjir in mesyntsje, dêr in moator, dêr in mjitter. Hy sjucht de sûrstofflessen nei, yn ien wird, hy kontrolearret de boel.

Hjir en dêr moat noch it ien en oar neiregele wirde, mar yn 't generael is alles tige yn oarder. Det mei fensels ek wol, hwent it bliuwt in noedlike ûndernimming en it stiet tige to bisjen eft hja it wol weage hiene as de needsaek hjarren der net ta twongen hie.

Fen binnen is hjarren skip gâns oars as Dr. X. sines. Hat de Greate Unbikende it hiele wirk kardanysk oanbrocht, by hjarren binne it inkeld in stikmannich ynstreminten dy't sa oanbrocht binne. Hja hawwe ek gjin mesinen for it op peil hâlden fen de loftdruk en for de farske loft ensfh., det moat hjir foun wirde mei sûrstôf-apparaten en mei in chemyske stoffe, dy't de forbrûkte loft opnimt. Ek oan 'e radio hawwe hja net sa folle dwaen kind as X. Mar hwet hja oan radio oan board hawwe, is goed. Hja hawwe ek gjin teleskoopeagen, mar gewoane ruten fen tige sterk glês. Der binne saun fen sokke finsters oanbrocht. Trije by de stjûrstoel. Ien rjucht derboppe en ien oan eltse kant. De fjouwer oaren binne yn it fortrek efter it stjûrhok. Ien fen boppen, ien fen ûnderen en oan beide kanten ien. It skip hat mar twa ôfdielingen.

It stjûrhok, dêr't alle mesinen for de oandriuwing en for it bistjûren yn oanbrocht binne en in greaterere romte der efter hwêr't it radio-spil en fierdere ynstreminten, de sûrstofapparaten en sa in plak foun hawwe.

Howol't hja yn 't generael lang net safolle spillen oan board hawwe as de Greate Unbikende, ek gjin televisy-apparaet lyk as X. hat, hja hawwe dêr in tasteltsje for, det der wol tsjin op kin en det Dr. X. net hat. Det is it apparaet, hwêr't hja it ûnsichtbre loftskip fen Dr. X. mei sjen kinne.

Dêr komt China-Pier op Jelle ta.

‘Myn ôfdieling is yn oarder,’ seit er, ‘det om my kinne wy wol omheech.’

‘Moai,’ seit Jelle, ‘myn ôfdieling is ek yn oarder. Mar ik scoe earst dochs noch wolris in drukproef nimme wolle om to sjen eft de stielen wanden de druk, dêr't se oan bleat steld wirde, wol forneare kinne.’

‘Nou, det is net nedich,’ leit China-Pier der tsjinyn, ‘hwent ik haw alle matrejalen, foardet ik it koft, ûnder myn eigen tafoarsjuch, ûnder druk sette litten. Ho goed en ho foarsichtich det ek fen dy is, Jelle, nedich is 't wier net. Ik scoe sizze, litte wy mar avenseare, foar det X. ús op 't lêste eagenblik noch oer 't mat komt.’

‘To den mar,’ jowt Jelle ta, ‘hwet hawwe wy noch nedich oan iten, drinken en sa?’

China-Pier, dy't faker op ekspedysje west hat, neamt in knoarre dingen op, dy't Jelle allegearre opskriuwt.

‘Sjuch,’ seit er, as alles opskreaun is, ‘nou helje

de jonges en ik det spil en den moat it mar wêze.’

Hy ropt Haeije en Wibe en mei syn trijen meitsje hja de lêste reis oer det part fen it waed nei it doarp ta.

In pear ûre letter geane se, gnap ôfladen, wer nei hjarren laboaratoarium en de ûnsichtbre loads mei hjarren loftskip.

It is al let op 'e joun en as se ûnder de ljochten fen it doarp weikomme, sjugge se earst gjin hân foar 'e eagen, sa tsjuster is it. Det dûrret lokkich net sa lang, hwent de moanne kipet efter swiere wolken wei en nou kinne se wer hwet sjen. It is wol net sa slim, al is 't hwet to tsjuster, hwent se kinne it paed mei de eagen ticht ek wol fine. Hja sjugge ris nei de loft en merke, det se noch wol in skoftsje moanneljocht hâlde scille, hwent al jeije de wolkens mekoarren ek efternei, dêr, hwêr't de moanne is, is't aerdich helder en hjir en dêr flikkert in stjerre. Sa swalkje se for de safolleste kear oerde waed, mar 't is nou dochs hwet oars, hwent nou scil it greate aventûr bigjinne. Scille hja it der goed ôfbringe?

Scil it stielen minster forneare kinne, hwet der fen him frege wirdt. En as it skip it hâldt, scille sy it winne kinne fen de Greate Unbikende? Scille hja as oerwinners hjir wer op 'e waed delsaaije ef scille se nea dizze ûnbidige, keale sânflakte, mei syn skilpen en de jeijende loftten dêrboppe, weromsjen? Hwa scil dêr earne, tûzenen meters boppe de ierde, de striid forlieze? Hwa scil as in meteoarstien nei de ierde slingere wirde ef yn stikken en

brokken út mekoar skoerd yn 'e kosmos to'n ivige dage dêr hingjen bliuwe?

Sokke fragen tochten de jonges oer, do't se dêr swijend op hjarren húske tastapten. China-Pier en de ûnforsturbere Tong Fo stienen al op hjarren to wachtsjen. Der waerd gjin tiid forlern mei praten; alles waerd foart yn it loftskip opbirgen.

Ré for de start.

Allinnich moast it stielen gefaerte noch bûten de loads brocht wirde.

Mei syn fiven brochten se nou swiere izeren tsjillen ûnder de silinder.

Dy tsjillen wierne troch in bôgefoarmige as forboun, dy't mei in elektro-moator omheech brocht wirde koe.

Foar en efter waerden der fen dy tsjillen ûnderset. Do sette Jelle de moator oan en de assen kamen omheech en tilden it loftminster op, sadet it krekt frij fen de skammels kaem to lizzen, dy't der hastich ûnderwei helle waerden. En nou wier it safier, det it nei bûten brocht wirde koe.

Mar dêrfor moast earst de loads iepen en dy koe net iepen foardet it magnetysk fjild derôf wier. Fen binnen yn de loads wier der troch de brûnzen ôfskerming wol net folle fen to fornimmen, mar as dy der weihelle waerd, den safolleste better.

Jelle gyng dos nei it laboaratorium en skeakele de elektryske stream ôf, dy't sa lang tsjinne hie om de loads foar minske-eagen to forbergjen.

Do't Jelle wer bûten kaem seach er de loads stean, dêr't se al dy tiid yn arbeide hiene sûnder him to sjen. It waerd him suver hwet frjemd om

't herte. Mar for frjemde fielingen wier nou gjin tiid. Der scoenen noch wol frjemder komme en den moasten se ek de kop koel hâlde kinne. Hy gyng nei binnen en rôp de oaren om mei to helpen om de greate skoudoarren iepen to meitsjen. Mei syn fiven setten se de skouders der tsjinoan en stinnend en rotteljend gyngen de doarren langsum iepen. Do't det bard wier gyngen se allegearre efterelkoar de brêge op en troch it mangat nei binnen, det ôfsletten waerd mei in skúf, dy't mei swiere bouten fêstset waerd Om't de druk fen binnen nei bûten kaem to stean, wier de skúf oan de binnenkant fen de stielen hûd makke.

Jelle gyng nei it stjûrhok en joech him del yn 'e stjûrstoer hwêr't er fen de oaren mei omwoelle riemen fêstset waerd. Do't er sa goed fêstsiet, det er der net ôffleane koe as it lofskip ûnforwacht in greate flecht krige, gyngen de oare fjouwer nei it greate fortrek en dienen elk mis in pak oan, det derop birekkene wier om alle stjitten to brekken, dy't se opdwaen koenen.

Haeije gyng yn 'e stoel sitten foar it apparaet dêr't it skip fen X mei to sjen wier en waerd ek fêstset. China-Pier en Tong Fo namen in sit foar in tafel dêr't forskate hânsels op wierne, hast lyk as yn in spoarwachtershúske, mar den folle lytser. Al dizze hânsels wierne elektryske skeakelders. As dy oerhelle waerden, foel der in lyts kûgeltsje út ien fen de rige gatten, dy't ûnder it hiele skip lâns rounen.

Wibe hie it tafoarsjuch oer de radio en in stikmannich ynstreminten.

‘Alles ré!’ rôp Jelle út it stjûrhok.

‘Ja,’ rôpen fjouwer stimmen tagelyk.

Jelle draeide oan in knop en foartdaliks bigoun der in moator ef sawet to gounzjen. Det wier de ynrjuchting, dy't it skip ûnsjenber makke. De moator roun amper ef Haeije joech in gjalp.

‘Hwet is der oan?’ fregen de oaren, tige kjel.

‘Dêr komt X. oan!’ ropt Haeije.

‘To Jelle, ju! To nou, hy komt rjucht op ús ôf!’

Hja waerden allegearre sa wyt as sûpe, sels Tong Fo waerd bleek. As hja hjir nou net hommels weikamen, wierne hja forlern. Dr. X. scoe nearne foar stean, mar hjarren sa fen de ierde ôffeije. Alles kaem nou op Jelle oan.

Jelle wier ek jammerdiedige kjel wurden. Hy gappe nei de siken.

‘Sterk wêze,’ seit er tsjin himsels en hy byt de tosken op inoar, det it knarset. Mei in foarse hael hellet er it hânsel fen de raketten oer.

Suver op 't selde stuit sjit it loftskip foar as waerd it fen in reuzehân yn 'e romte slingere.

Jelle hie it hichteroer op omheech set, sadet de stielen silinder, nei in eintsje oer 'e waed skeard to hawwen, him rjucht nei de stjerren keart.

Haeije hat mear dea as libben foar syn apparaet sitten. Hiel heech seach er, alhiel ûnforwacht, de silveren snoek fen de Unbikende forskinen. It wier him as griisde de dea him oan do't dy snoek syn ôfgryslke eagen rjucht op hjarren rjuchte. Oan it mei ûnbidige gang greater wurden fen dy freeslike kop, seach er, det it minster rjucht op hjarren ôfkaem. Haeije achte alles al forlern. Hy wier suver

lam slein, koe gjin hân ef foet mear forwege, do't er ynienen mei sa'n flecht foartskoerd waerd, det hearren en sjen him forgyng. It sûze him yn 'e earen en do't er wer hwet ta himsels kaem, mirk er, det it bloed him út 'e noas roun. Hy seach ris om him hinne nei de oaren, ho't dy der ôfkomd wierne. China-Pier en Tong Fo sieten noch oan hjar tafels, howol't hjarren antlit wol útwiisde, det hja tige to lijen hawn hiene. Lykwols skynden hja der it bêste ôfkomd to wêzen, hwent der wier gjin spoar fen bloed by hjarren to sjen. China-Pier seach krekt op en sjucht Haeije oan.

‘Tsjonge,’ seit er den, ‘det gyng mâl, net? Det hoopje ik tominsten net wer mei to meitsjen.’

Hy is ûnderwilens oerein komd en giet nei Haeije ta en faget him it bloed fen 't antlit, wylst er trochpraet.

‘Knikkert op 'e kant, hwette! Net iensris tiid om it spil nei bûten ta to riden. Samar mei fûle flecht de loads út sûnder kantroeden en sûnder ûngelokken.’

‘Ho komt it,’ seit Haeije hwet moeilik, ‘det ik út 'e noas blied. Bin ik earne tsjinoan flein?’

‘Né,’ andert China-Pier rêstich, ‘det komt fen de foroaring fen loftdruk. It gyng ek wol hwet rimpen.’

‘Mar Jo en Tong Fo bliede net, al sjugge jimme der al hwet frjemd út,’ konstataret Haeije.

‘Wy hawwe wolris mear yn tinne loft forkeard,’ leit China-Pier him út. ‘Moatst mar hwet flugger sykhelje, den krijst likefolle sûrstof as oars. Det is wol net sa maklik, om't der gjin oandrang ta is,

mar dochts mei alle krêft bisykje. Sjésa, dou bist nou wer it feintsje.’

‘Hwêr is Wibe?’ freget Haeije, dy't Wibe nearne gewaer wirde kin.

‘Stakker,’ seit China-Pier hwet forheard, ‘dy is der, leau 'k, sa goed net ôfkomd. Sjuch, dêr leit er,’ en hy wiist nei in hoeke, dêr't Wibe leit yn de tsjokke klean mei de falhelm op. It liket neat to bêst, hwent it bloed rint him út mûle, noas en earen.

‘Tong Fo!’ ropt China-Pier en hy wiist nei Wibe, wylst er der noch it ien en oar by seit yn djippe kielklanken.

De Chinees springt oerein en giet nei Wibe ta. China-Pier bringt him in kistke mei medesinen, sjucht den skerp ta op syn lytse feint, dy't oer Wibe toset giet mei fêste, flugge hannen. Hy wasket him ôf, wringt den Wibe syn tosken fen elkoar en jit der in pear drippen út in donker fleske yn. Den set er him, neidet er Wibe de falhelm ôfset hat, in greate metalen kape, hwêr't fen foaren in tsjok glêzen finsterke yn is, oer 'e holle, dy't om 'e hals hinne suver ôfsletten wirdt. Den skroeft er in sûrstof-apparaet oan 'e kape en lit foarsichtich sûrstof ynstreamme. Al gau slacht Wibe de eagen op, dy't er al dy tiid noch ticht hawn hie. Mei moeite giet er oerein sitten en taest nei syn holle. Haeije hat himsels losmakke en is der ek by stean komd, en sjucht mei eangstme yn 'e eagen nei de lytse Chinees en nei Wibe.

China-Pier tikket him op it skouder.

‘Det is ek al wer yn oarder,’ seit er bimoedig-

jend. ‘Hy scil earst noch wol in bytsje slop wêze, mar det giet fensels wer oer. Kom mei, maet, den scille wy ris by de bistjûrder sjen, dy't der ús sa moai trochhinne skoerd hat.’

Togearre geane se nou nei it stjûrhok. As hja der ynkomme, faget Jelle him krekt it lêste bytsje bloed fen 't gesicht. Ek him wier it ta de noas útkaem. Hy fielde him noch wol hwet slop, mar oars wier er wol aerdich by 't spil.

‘Ho liket it dêr?’ freget hy en wiist nei it fortrek, hwêr't de oaren weikomme. ‘Is alles dêr noch hiel?’

‘Ja, hear,’ andert China-Pier en kloppet him op 't skouder. ‘Det wier moai dien, Jelle. Det hie 'k dy net neidien, samar mei fûle flecht út 'e loads wei. De deale, det gyng der efkes omwei.’

‘Ik koe net oars,’ wart Jelle dy lofreden ôf. ‘Hie 'k it net dien, den hie 't nou net mear nedich west. It scil my alris binije eft X. ús ek sjoen hat en hwet der fen de loads oerbleaun is.’

‘Det scille wy letter wolris gewaer wirde,’ mient China-Pier, ‘ik scoe sizze, wy moatte earst mar sjen om Dr. X. wer yn 't fesier to krijen. Wy hawwe it noch net woun, al wier it bigjin lang net min. Foart Haeije, dou wer nei dyn plak,’ en mei iens triuwt er Haeije wer werom nei it greate fortrek. Sels giet er ek mei en jowt him wer del foar syn skeakeltafel.

Tong Fo sit al wer to plak en ek Wibe hat syn post wer opsocht, howol't it klear to sjen is, det er noch net alhiel wer bikomd is. Hy sjucht troch ien fen de finsters nei bûten. Der is net sa folle to

sjen. Unbidich ljochtsjende stjerren tsjin in ynswarte eftergroun. It liket nou krekt op in lape swart flewiël dêr't gatsjes yn knipt binne en dêr't men in fûleindich ljocht efter set hat.

Haeije siket mei syn apparaet alles ôf, mar sûnder de Greate Unbikende fine to kinnen.

It is nou stil yn it stielen loftskip, det der op út is om de minske to bifrijen fen de greatste pleage, dy't der ea yn de persoan fen in minske west hat.

It ûnsichtbere loftskip sûzet troch de romte, ûnder it stjerreljocht en dêrbinnen gounzet de mesine dy't it ûnsjenber makket. De stjûrman sit oan 'e stjûrynrychting, tige op syn iepenst, wylst de oaren mei al hjar oandacht dwaende binne mei hjarren apparaten; allegearre der op út om de Greate Unbikende to finen.

Haeije skerpet him tige op, mar forearst sjucht er noch neat fen Dr. X. en Wibe ropt om 'e nocht. Hja miene dêr út opmeitsje to meijen, det er fen hjarren start neat mirken hie.

Alhiel ûngemirken wier hjar foartgean oars net west en det kaem sa:

Forskate minsken hiene Jelle-en-dy mei hjar spil dy jouns de Waed opgean sjoen en fensels waerd der oer praet, hwet dy jonges dêr nou sa let noch dwaen moasten en hwet hja dêr allegearre wol meitôgen. Op 't lêst wier men bisletten om de jonges ûngemirken efternei to gean, ef ljeaver, om't de jongens sa ûnder de bidriuwen wei allang to plak wierne, om ris to sjen hwet dy jongens dêr sa al útheedfen yn det húske dêr op 'e Waed.

Under oanfiering fen Tsjoard Priuwer, Sytze

Bûtsiker en Meindert Fûgelsjitter setten se ôf. Amper wierne se bûten it doarp en op 'e Waed, do't der immen rôp: 'Sjuch dêr ris! Sjuch dêr ris!'

Allegearre seagen se de kant op, dy't de man oanwiisde. Se krongen allegearre byinoar en gappen as bitsjoend nei det plakje fen 'e Waed, dêr't it iensume húske stie. Mar nou stie it der net sa iensum mear. Deun derefter seagen de forbûke ljue in great hûs stean, det glimmere yn it moanneljocht.

'Ha 'k it net sein,' flústere Tsjoard Priuwer, 'nou sjugge jimme it sels.'

Mar gjinien sloech acht op him. Hwet hja dêr seagen, naem hjarren fierstentofolle yn bislach. Hjarren forstân koe det wûnder net omfiemje. Niiskrektsa stie der noch neat en nou ynienen in hûs, kant en klear. De bygelovichsten woenen der wol graech útpike, mar doarsten hjarren allinne net ôf to jaen.

En do, sûnder foarôfgeande warskôging, barde it freeslike.

In ûnwitend hirde plof waerd der heard en foartynienen deroer hinne noch ien. De loads fleach oan splinters en ek it húske waerd útelkoar slein. In greate lôge skeat in amerij nei de himel, mar dôve krekt like hird wer út as det er ûntstien wier.

In gûlen en razen as fen in fûleindige stoarm bearde oer de forbûke en stomsleine minsken hinne. Do wier it krekt as waerden hjarren allegearre de foetten ûnder 't gat wei skoerd en rôllen se troch en oer elkoar hinne op it sân fen de Waed.

Sa gau en ûnforwacht det allegearre barde, sa gau wier it ek wer oer.

De fiskers, jagers en bûtsikers skarrelen wer oerein, taestten do earst foarsichtich oer hjarren lea om út to finen eft dy allegearre noch wol hiel wier en setten do de sokken der yn, op nei it feilige doarp ta.

Mar hjir wier it ek net sa stil en fredich as oars. De ynwenners rounen yn alle mooglike frjemde klaeijings lûd bearende oer de strjitte. De iene frege de oare hwet der krekt bard wier, mar nimmen wist in goed biskeid to jaen, oant de mannen it doarp ynstouwen kamen en alles hwet hja sjoen en bilibbe hiene yn geuren en kleuren forhellen.

Yn it doarp wier hast gjin rût hiel bleaun. De ûnbidige lofddruk, dy't de strúnders ûndersteboppe keild hie, hie sawet alle glêzen yndrukt.

Do't de measte drokte sawet oer wier en de minsken wer hwet ta hjarsels komd wierne, waerd der hjir en dêr alris nei de jonges frege. Mar fensels, gjin minske hie se sjoen. Al ringen waerd it stil. Hwa moast det boadskip oan de âlden oerbringe? Folle ljeafhawwers wierne der net for. Mar op 't lêst kamen der dochs in pear en do gyng it yn optocht nei de wenten fen de jonges.

Hwêr't de minsken do wer oer bisouden wier de kalmte, dêr't de ûngelokstynge fen de âlders mei opnomd waerd.

Det wier nou wol net sa'n great wûnder, om't de âlders fen de jonges alle trije in brief foun hiene fen hjar soannen, det se hjarren net ûngerêst meitsje moasten, hwet der ek barre scoe en hwet for wûnderlike forhalen men hjarren ek dwaen scoe.

De oare deis iere-bytiid wierne der al forskate

nijsgjirrigen op 'e Waed op wei nei it plak, der't it húske stien hie.

Det it der raer omwei gien wier, blik al ringen. Net allinne, det it húske foart wier, mar ek in part fen de Waed, dêr't it stien hie. Weagen fen de Sudermar wâllen oer it plak, dêr't safolle plannen útbret en útfierd wierne.

Let op 'e neimiddei kaem der tyngge, det der twa pear swiere tsjillen forboun troch bôgefoarmige assen, sahwet in ûre geans fen it doarp op 'e Waed foun wierne.

Haedstik 12. *Dr. X. is forbjustere.*

Dr. X. sweefde wer fier, fier boppe de ierde. Hy hie krekt wer in fyt útheefd. Driuwende boppe forskate minen, wier der it divelske plan by him opkaem, om de dêryn wrottende minsken to fordjerren. Hy woe wer minsken rinnen sjen mei wanhoop yn 'e eagen en antlitten forwongen yn lêste libbensstriid.

Syn forstân rekke ho langer ho mear yn 'e war. Syn macht ta fordjer wier him nei de holle slein. It wier syn idé-fixe wirden. Sa dizze kear nou ek wer, do't er dêr sylde oer 'e mynstreek, hwêr't de minsken wrotten om it swarte goud nei boppen to bringen.

Lyk as in forsteurd eameldersnêst woe er it sjen en dêrom rjuchte hy in soarte striel-útstjûrder op ien fen de minen. Earst barde der neat, mar do't er de energy fordûbele, skeat der ynienen in lôge omheech. Hy hie syn doel wer birikt; it myngas wier yn 'e brân stitsen.

Freeslike toanielen hiene hjar ôfspylle, hwêr't hy mei in divelske laits op syn giele troanje nei lein hie to sjen. Mar op 't lêst forfeelde it him en hie er syn skip wer omheech brocht. Nou sweefde er wer op greate hichte boppe de ierde en wol boppe it plakje, det Eryslân hjit.

Ynienen krijt er yn 't sin om wer ris by syn 'jonge frijeonen' to sjen. Earst skeakelt er syn radio-útstjûnder yn en bisiket den fieling mei de jonges to krijen, hwet him lykwols net slagget.

Dr. X. wirdt lilck. Hy is baes, as hy ropt, den moatte se andert jaen. Dêrom wol er nou ris sjen, hwê't se nou wer mei piele. Hy wol, det se inkeld en allinne mei him dwaende binne en det se al hjar tiid deroan bisteegje om út to finen hwa't hy is. In pear kear hat er hjarren al warskôge, det se avensearje moatte en det er oars in ein oan hjar ûndersikingen meitsje scil.

De Greate Unbikende skeakelt syn televisy-apparaet yn en siket om it húske op 'e Waed. Yn 't bigjin is er der noch al in eintsje nêst. Op it skerm sjucht er fredige doarpkes, hwê't hjir en dêr in ljochtsje barnt, iensume boerepleatsen hwê't alles tsjuster is, dy't dêr tige forlitten lizze ûnder it moanneljocht.

X. draeit fierder oan de ôfstimknop fen syn apparaet.

Nou sjucht er in sliepend lyts stedtsje, det rêstich leit yn de earm fen in âld bolwark, hwêrfen de swiere beammen hjar stil spegelje yn it wetter fen 'e grêft oan syn foet.

Fierder draeit X.

It oansjen fen it lân foroaret. Nou is it net mear sa flak, mar wirdt bultiger. Hjir en dêr is hwet bosk to sjen det stadichoan tichter wirdt, oant it op 't lêst ynienen ôfbrekt om oer to gean yn silverich skitterjend wetter.

De Sudermar.

Noch is X. net hwêr't er wêze wol. De skientme fen it lân, det dêr foar syn eagen foarbydraeid is, hat him kâld litten. Hy siket de Waed mei it húske fen de jonges.

Mar wer draeije, de kust hâlde, den komt hy der fensels.

In great part fen de Súdwesthoeke fen Fryslân fljucht foar syn eagen foarby. Dêr springt in stêdtsje in ein foarút yn 'e mar. Hynljippen.

De sédyk bûgt him werom it lân yn. Al wer in plakje. Warkum. Aha, dêr hat er den einlings de Waed.

Fierder draeije, nou moat it gau komme hwet er siket. Earst is de Waed bigroeid, mar al sa njonkelytsen wirdt it kealer. Nou is der al gjin plantsje mear to sjen. Oan de lânskant stean yn einleaze rige de forware peallen op wacht foar de Waed. Hja hoedzje it lân tsjin it wetter, det der oan de oare kant fen de Waed silverich dinet ûnder de oantrún fen de wyn.

Tsjin it wetter kinne dy trouwe wachters it lân hoedzje, mar net tsjin Dr. X.

X. bitinkt det en hy glimket.

Mar syn glimkjen dûrret net lang.

Hwet is det?

Hwet stiet dêr to glinsterjen oan 'e igge fen de mar?

Dr. X. flokt âlderheislikst, nou't it him klear wirdt hwet det is.

In loads for it bouwen fen loftskippen.

De deale, hwet hawwe dy jonges yn 't sin; hwet moat det bitsjutte?

‘Ha, ha,’ laket de Greate Unbikende skril, ‘in fleanmesine wolle de hearen bouwe. Ha, ha, det scil ik gau in skoatteltsje foar stekke. Mei fiif minuten is det spil der wei.’

Hy fljucht nei syn stjûrstoel en hellet in hânsel oer, hwêr't er in raket mei ôfsjit. It skip sûzet foarút en bûgt him ûnder de twang fen syn roeren nei de ierde.

As in forslinend minster gounzet it rjucht op 'e loads ôf.

Dr. X. sit foar de linzen fen syn teleskoop. Yn 't earstoan sjucht er neat, dêr is de dystânsje noch to great for. Det wit X. en hy wit ek, det it mar hiel koart dûrje scil oant er de loads sjucht.

It dûrret den ek mar in amerij ef hy sjucht in ljocht stipke tsjin in tsjustere eftergroun.

De loads.

Mei fûleindige flecht fljucht it fordjerbringende minster derop ta. Dr. X. skoddet fen ynderlike wille as er bitinkt, det er dêr, for eltsenien ûnsichtber, troch de loft jaget om dea en fordjer to bringen oan syn trije ‘jonge frjeonen’, dy't him fensels alhiel net forwachtsje en it ek nea to witten komme scille.

For 't earst fen syn libben is de Greate Unbikende der in hiel ein nêst, ek al wit er dit nou noch net.

Mei sa'n feart sjit er op de loads ta, det it wol liket eft dy him tomjitte fljucht. Dr. X. birekkent hiel suver de dystânsje, den smyt er it roer wer omheech en drukt op itselde stuit op in knopke. In lyts kûgeltsje, fen gjinien sjoen, fâlt ûnder it stie-

len loftminster wei. Troch de flecht fen de metalen sylinder fljucht it noch in hiel ein mei en falt den mei in greate bôge nei ûnderen ta.

Wol hat de Greate Unbikende it suver birekkene. In ûnbidige lôge flamme in amerij nei de himel, mar dôve krektlike hird wer út asdet er ûntstien wier.

Mei in raket, ôfsketten troch ien fen de kanalen oan de foarkant fen syn skip, remt er de fûleindige flecht en set de moatoaren for de finnen oan. Noch efkes en it skip leit, net sa heech boppe de ierde, stil yn 'e loft.

De Mongoal giet wer foar syn linzen sitten en sjucht nei it plak det er sa faek mei syn televisyapparaet opsocht hat. It oansjen is nou gâns foroare. Ynpleats fen it lytse houten húske, det dêr sa iensum en fredich oan de kant fen de mar stien hie, wier der nou in wyld wieljende wetterpoel, troch de eksplosy fen it lytse kûgeltsje ûntstien.

Dr. X. laket lûd. Wer hat er forneatige, wer hat er woun. Det moat er fortelle! Mar oan hwa?

Dyjgingen, tsjinoer hwa't er oars altyd pronke mei syn kinnen, binne nou sels dêr it slachtoffer fen wurden.

De Greate Unbikende wirdt stil. It wirdt him al ringen klear, det er hwet stoms dien hat, troch de iennichste minsken to forneatigjen dy't mear fen him ôfwisten as al de oaren mei elkoar.

It bigreatet him neat om de jonges, dêr tinkt er net ienris oan. Né, mei eigen hannen hat er syn boartersgûd koart en klien slein en det is him yn 'e wei.

Pûr wirdt er op himsels en lûd ropt er: ‘Mar den scille de oaren it dochs witte!’

Hy springt op it skeakelboerd ta en lûkt wyld in pear hânsels nei ûnderen, hwêr't er in sterke radio-útstjûrder mei yn bidriuw brocht hat, dy't ôfsteld is op de weach fen ien fen de greatste omropstasjons.

‘Hallo, hallo!’ ropt er yn de mikrofoan, ‘harkje nei my, jimme neazige ierdwjirmen. Harkje nei my, nei Dr. X. Ik bin baes oer jimme libben, oer jimme hawwen en hâlden, oer al detjinge, hwêr't jimme greatsk op binne en hwêr't jimme fen tinke, det it jimmes is. Niiskrektsa ha'k forgoed fen dizze wrâld ôffage de minsken dy't hwet tofolle fen my wisten. Lêz moarn yn jimm' kranten en jimme scille it witte. Nimmen kin my sjen, nimmen kin my fine, nimmen my efterhelje en nimmen kin my hwet hjitte. Trilje en forblik, as jimme de stimme fen X. hearre!’

Geijende fen satanyske wille smyt er de mikrofoan wer op 'e heak en slacht de hânsels wer nei boppen.

Alhiel oerstjûr jowt er him del op 'e divan, lûkt in smel taffeltsje nei him ta, nimt der in piip mei in hiele lange stâlle en in tige bihindich koperen kopke ôf en helle den út in doaske in bytsje gûd hwêr't er in soarte pil fen draeit en docht dy yn 'e pipekop. Nou nimt er it stêfke mei it swarte hânsel, drukt op it knopke det der yn is en hâldt it gleon wirdende stêfke boppe de kop fen de piip. Dr. X. sûgt oan 'e piip. In mjitske rook driuwt der nou troch syn salon. Nei in pear fikse halen leit er

de piip wer del en jowt him efteroer op 'e divan. Syn tinzen driuwe wei yn it dreamlân fen in opiumsliep.

In hiel, hiel skoft giet syn geast troch de dellingen fen Opiumlân, oan't op 't lêst it forgif útwirke is.

Dr. X. slacht de eagen wer op. Langsum wykt de fordôving wer fen him ôf. Hy komt oerein en set meiens syn automatyske ûntfanger oan.

De ljochtsjes boppe it skerm flikkerje, howol hy der net folle acht op slacht. Mei in bipaelde bidoehie er den de ûntfanger ek net oanset; it hie mear út gewoante west.

Hy rikt nei in sigaret, mar syn hân komt net oan it kistke ta. Mei de hân noch yn 'e loft bliuwt er stean en sjucht mei greate eagen nei de ljochtsjes boppe it skerm.

Hwet wier det?

Ho koe det?

Wier er noch ûnder ynfloed fen de opium, det er dingen seach, dy't net bistan koenen?

Né, nou koe er net mis wêze. Dêr wier it al wer, det sa goed bikende flikkerljochtsje.

As in wyld bist springt er op de skeakelder fen de lûdsprekker ta, draeit dy om en harket, op 't uterste spand, nei hwet der komme moat.

Hark, dêr komt in stimme út 'e lûdsprekker.

‘Hallo, hallo, hallo! Hwêr is X., de Greate Unbikende? Hwêrom jowt er gjin andert? Is Dr. X. bang wirden?

Wy siikje nei X. út 'e formule; wy wolle de rekken ôfslute!’

Mei glêzige eagen stoarret Dr. X. nei de lûdsprekker. For it earst fen syn libben kin syn brein eat net bifetsje. Dit giet boppe syn bigryp. Hy hat se forneatige en dochs roppe se him. Né, daegje him út.

Hy taest nei de holle. Sliipt er noch? Wel né, hy is wekker, klear wekker. Den ynienen, laket er lûd op.

‘Ha, ha, dêr scoe ik my wrychtich bang meitsje litte troch dy apen fen jonges. Wachtsje mar, nou scil ik forgoed mei jimme ôfrekkenje. Dit rint oer de hege skoen.’

Hy grypt nei de mikrofoan.

‘Hallo!’ ropt er lûd, hjir is Dr. X., de Greate Unfyndbere. Hwet scoene jimme, jonkjes, tsjin de machtige man út Thibet?! Pas op! Sa gau as ik jimme gewaer wirde kin, is 't mei jimme dien! Gjin macht op 'e wrâld scil jimme den hoedzje kinne!’

Alhiel efter de siken hâldt er op en harket hwet de jonges dêr wol op sizze scille. It andert bliuwt net lang út. Wer komt der in stimme út 'e lûdsprekker.

‘Hallo! Machtige man út Thibet. Hjir de jonges fen de Waed. Siikje ús, wy scille jo siikje. Tink net, det jo ús bang meitsje kinne. Wy scille it mei jo útfjuchtsje.’

Nou wirdt Dr. X. alhiel pûr. Rimpfen skeakelt er syn televisy-apparaet yn en siket dêr de Waed mei ôf. Mar hwet er siket, fynt er net, mar wol in heapen minsken, dy't mei eangstme en ûntsach yn 'e eagen nei it wetter sjugge, det wâllet op it plak

hwêr't earder it laboaratorium stie fen Jelle en syn maten.

Fierder siket X. mei syn elektrysk each, mar de trije maten sjucht er net. It wirdt him al ringen klear, det se der net binne en det er earne oars siikje moat, as er se fine wol.

Wer klinkt der in stimme út 'e lûdsprekker, sa tergjend, det it bloed him nei de wangen fljucht.

‘Wachtsje mar,’ blaft hy der út, ‘noch efkes prate, myn frjeonen, en ik ha jimme!’

Rimpen nimt er in bihindich apparaetsje en draeit oan in knop, wylst er nou en den andert jowt op de útdaegjende wirden, dy't noch altyd út 'e lûdsprekker komme.

Hy is nou oan 't peilen en wol de jonges oan 'e praet hâlde, om út to fiskjen hwêr't se binne. Nei in lyts skoftsje hat er útfoun fen hokker kant de radio-stimme komt.

Gau nou wer it televisy-apparaet ynskeakelje en op it plak rjuchtsje, hwêr't it lûd fendinne komt.

‘Nou ha 'k se den!’ tinkt X. lûdop, ‘dy eigenwize broekjes, dy't my driigje doarre.’

Hy draeit en draeit, mar ho't er ek siket, hy sjucht neat. En 't alderfrjemdste is, det er gjin groun sjucht. Hy sjucht nochris nei syn peil-apparaet, draeit der nochris oan, siket, mar né, det is yn oarder.

‘Dy deale, den moat ik se dochs sjen,’ tinkt Dr. X., al net sa wis mear as earst.

Hy siket alles ôf mei 't apparaet, dêr't hy mei troch hout en stien, mar net troch it magnetysk pantser fen 'e jonges hjar loftskip hinne sjen kin.

Ynienen komt der in freeslik tinken by Dr. X. op. Ja, sa moat it wêze, det kin net oars, der bliuwt gjin oare mooglikheit oer. It stiet him nou dúdlik foar 'e eagen. De jonges binne net mear op 'e groun, mar sweevje lyk as hysels earne boppe de ierde.

As Dr. X. dit bitinkt, rint it him kâld oer 'e rêch. Den scoenen hja dos yn syn gebiet trochkrongen wêze, hwêr't hy oan't nou ta allinne hearske hie. En hwet yette slimmer wier, hja sochten om him, en, to oardieljen nei't hwet hja fen him wisten, scoenen se net mijend wêze, as se him troffen.

Nou ja, as se him troffen, mar det koe ommers net. Hy wier net to sjen en dos oars net to treffen ef hy moast it sels wolle. En as hy it woe, nou, nammesto slimmer for hjarren. Hwet scoenen dy jonges him dwaen kinne. Hy bleau de master, al wierne se him nou ek efkes ûntkomd. Det scoe hy wol gau wer foroarje. Hy foroaret fen tinzen en glimket. Hy scil se earst stikum hwet siikje litte, wylst hy bûten de greep fen de swiertekrêft hjarren leit to biloeren as de kat de mûs.

Ja, det is in goed plan. Hy scil mei hjarren boartsje as de kat mei de mûs. Hy scil se jeije fen de iene kant fen de wrâld nei de oare, fen poal ta poal, om de ierde hinne, omheech en omleech. Hy forgappet der him al op. Det kin moai wirde. Det wirdt in spil, syn krêften wirdich. Prachtich!

Hy giet nei syn stjûrhok, neidet er de radio-apparaten ôfset hat, hellet it rakettenhânsel oer en sjit himsels wer nei boppen ta. Der is noch in raket nedich om him safier to bringen, det it loftskip net

mear troch de ierde oanlitsen wirdt. As op 't lêst de flecht der út is, bliuwt it minster stil lizzen. It is krekt eft der gjin libben mear yn is. De ûnbidige greate eagen, dy't oan it loftskip sa'n forskoerrend oansjen jowe, stoarje yn 'e kosmos. Efter dy eagen sit de Greate Unbikende mei syn smelle giele hân oan de knop fen it televisy-apparaet. Hy draeit en draeit en siket yn 'e romte om de fleanmesine to finen fen Jelle-en-dy, om den syn spil fen kat en mûs mei hjarren to bigjinnen.

Hy siket forgees, mar noch wol it der by him net yn, det de rollen ek wolris omdraeid wirde kinne.

Haedstik 13. *De striid yn 'e Stratosfear.*

Uren oanien hienen hja socht om it loftskip fen X. Haeije siet foar syn apperaet en socht dêr de hiele Stratosfear mei ôf, sûnder det er de Greate Unbikende yn 't fesier krije koe. Wibe rôp forskate kearen yn de mikrofoan oan Dr. X, sûnder andert to krijen.

Jelle stjûrde it stielen mûnster troch de Stratosfear, hinne en wer en op en del, mar der wier neat to bikennen.

Dit hoechde gjin nij to dwaen, hwent se bleauwen fierstento heech. Kilometers ûnder hjarren laei de man, dy't se sochten syn opium-roes út to sliepen.

Tige ier yn 'e moarn seagen se de sinne opkommen, dy't earst inloedrich read, mar al moai gau in forblynjend wyt ljocht yn hjar loftskip forspraette. Se wierne den ek forplichte om de ruten oan de sinnekant ôf to dekken, sadet se allinne noch mar útsicht hiene oan de fen de sinne ôfkearde kant. Folle wier der lykwols net to sjen, howol it útsicht hiel oars wier as hja tocht ef ea earder sjoen hiene.

Ynpleats fen in blauwe himel, sa't men det mei sok moai sinneskyn waer forwachtsje mocht, seagen se in djip swarte himel, hwêr't, al wier it ek ljochtskynde, yet forskate stjerren to sjen wierne.

Howol dit wol to forklearjen wier, founen hja it dochs in nuvere gewaerwirding en bigriepen der den yn 't earstoan ek net folle fen. Mar China-Pier, dy't net sa min wier, lei it hjarren út sa as 't neffens syn bitinken wêze moast.

‘Sjuch,’ sa forklearre hy, ‘op dy greate hichte, hwêr't wy nou binne, is gjin loft mear, dy't it blau út it sinneljocht hellet en rounstruit. Dêrtroch is de himel nou sa swart. En det wy nou noch stjerren sjugge, scil der wol oan lizze, det it stjerreljocht nou fensels ek net mear troch dyselde lofdieltsjes opnaem wirdt.’

‘Hwet is 't oars hjoed moai waer,’ seit Wibe, ‘det like der jisterjoun oars net folle op.’

Nou kin Haeije him net mear stil hâlde.

‘Det is ek snoad fen dy. Wy binne hjir dochs fier boppe wolken en winen út; ho kin 't hjir den min waer wêze.’

‘Dêr hast gelyk oan,’ jowt Wibe ta, ‘dêr hie'k sa gau net om tocht.’

‘Tonei earst tinke en den prate,’ ûnderrjuchtet Haeije him.

‘Tink dou mar om dyn apparaet,’ falt Wibe út, dy't der in hekel oan hat fen Haeije to plak set to wirden.

China-Pier is ek fen bitinken, det Haeije noch mar ris bisykje moat om de Greate Unbikende to finen.

Haeije siket wer forgees alles ôf, der is gjin spoar fen 'e silveren snoek to bikennen.

‘Sjuch,’ wiist China-Pier nei bûten, ‘wy geane wrychtich troch wite wolken. Ho kin dit nou?’

Alle fjouwer sjugge se nei bûten, mar kinne gjin forklearring fine for dit nuvere forskynsel.

‘Forhip,’ seit Wibe opiens, ‘det is iis!’

En wrychtich, nou't se goed sjugge, merke se, det it hiele wolken fen iis binne, hwêr't se trochhinne farre.

Ho't se hjarren de kop dêr ek oer tobrekke, se kinne de oplossing fen dit riedling net fine. Jelle wier der de skild fen, ek al wist er it sels net. It kaem, trochdet hy safolle leger gien wier en nou op in hichte kaem, hwêr't noch wol loft wier, al wier 't mar in hiel lyts bytsje. Troch de flecht fen it troch de sinne forwaerme loftskip waerd der in loftstream omheech twongen, dy't dêr wer ôfkoelle, hwêrtroch it bifrear.

Se seagen der noch efkes nei, mar do gyng elts wer op syn plak.

Wibe skeakele for de safolleste kear syn radio-apparaeten wer yn en rôp op 'e nij om de man dêr't se op út wierne.

‘Aha,’ seit er, ‘der ha'k him einlings. Haeije, sjuch him nou ek to pakken to krijen.’

Wibe slagget der, sa as wy witte, tige goed yn om Dr. X. lilc to meitsjen.

Mei Haeije syn apparaet giet it net rjucht sa't er it hawwe wol. China-Pier komt by him to stean, mar kin him fensels net helpe, hwet him danich yn 'e wei is.

‘Ik haw 'm,’ ropt Haeije op 't lêst en bûgt him daliks oer de sprekbus, dy't flak nêst him stiet en dy't nei Jelle tarint.

‘Jelle!’ bált er yn 'e sprekbuiss, ‘dou giest krekt de forkearde kant út, hy is rjucht efter ús.’

China-Pier fljucht wer nei syn tafel. Nou scil it der op oankomme. Nou scil blike moatte, hwa fen beiden it sterkste is. De jonges kinne hjarren hast net kalm hâlde: Wibe fjûrret Dr. X noch hwet oan, wyls't Haeije gjin each fen it loftmûnster, dêr efter him, ôfhâldt.

Jelle manipulearret mei de stjûrynrychting. It skip draeit. Haeije kin it skoan fornimme. Ja, dêr hat er him al rjucht foarút.

‘Hou, Jelle,’ ropt er, ‘sa is 't goed, in bytsje mear nei ûnderen, wy binne to heech.’ It skip dûkt.

‘Ja,’ ropt Haeije, ‘sa binne wy krekt noch hwet heger as hy, scoe'k wol sizze.’

Efkes sjucht hy op nei China-Pier en Tong Fo om to sjen eft dy wol ré binne.

China-Pier sjucht det en jowt him in wink det alles yn oarder is.

Haeije sjucht efkes yn syn apparaet. Omtrint jowt er in gjalp. Hy draeit en draeit, mar der is neat mear to sjen. Dr. X is fordwoun.

‘Hy is foart!’ skreaut Haeije, ‘ik sjuch him net mear!’

De oaren spatte oerein. ‘Hwet? Foart! Ho kin det?’

‘Ik wit net,’ seit Haeije alhiel forslein. ‘Niiskrektsa wier hy der noch en fleagen wy rjucht op him ôf en nou is er foart.’

‘Ik hear him ek net mear,’ bifêsticht Wibe. ‘Hy skynt derút pykt to wêzen.’

‘Hwêr is hy den bilânne? Wy moatte him wer-

fine, sa gau as 't kin,' seit China-Pier tige ernstich. 'Wy kinne it hjir gjin dagen úthâlde en om earst wer werom to moatten nei de ierde, liket my ek net goed ta.'

Det liket de oaren ek neat to bêst ta. Mar dêrmei hawwe se X noch net wer weromfoun.

Se kruse hinne en wer en stelle alle prikken yn 't wirk om him wer foar 't apparaet to krijen. In pear ûre geane der mei hinne en de stimming yn 't loftskip wirdt der net better op, oan't Haeije ynienen ropt: 'Dêr is er wer! Hy komt regelrjucht op ús ta.'

Den ynienen bâl Haeije yn 'e sprekbuis: 'Foarút, Jelle, foarút! oars fljucht er dwers troch ús hinne.'

Haeije trillet as in blêd oan 'e beam nou't hy der oan tinkt, hwet der elts amerij barre kin, as it hjarren net slagget om der op 'e tiid foarwei to kommen. Hy kin syn eagen net fen it mei kûgelsfeart greater wirdende gefearde ôfhâlde.

Jelle is jammerdiedich kjel wurden fen Haeije syn razen. Hy wier der sa fêst fen oertsjûge west, det X. hjarren net sjen koe, det it gjin amerij by him opkomd wier, det de Greate Unbikende op hjarren ôfkomme scoe.

Syn hannen wierne suver forlamme; syn forstân stie hast stil.

Lokkich dûrre dit mar in amerij, do skoerde hy in raket-hânsel oer en dêr sûzen se al wer hinne. Haeije seach it.

Rjucht efter hjarren del skeat de silinder fen Dr. X. as in wjerljochtstriel nei ûnderen ta. Det wier

for de twade kear op 't kantsje ôf. Haeije moast der net oan tinke hwet der bard wêze scoe as det ris rekke west hie.

Mar ho yn 'e goedichheit wier it dochs mooglik, det Dr. X. hjarren sjoen hie. Biskikte hy ek oer in apparaet lyk a hja hienen? Det wier hast net oan to nimmen, om't der for X., oan't nou ta, gjin inkelde reden for wier om sa'n apparaet to meitsjen, om't er alles hwet er sjen woe, mei syn televisy-apparaet wol sjen koe.

Wibe sit forslein nei bûten to sjen en sjucht sûnder der by to tinken nei de greate, wite iiswolken dy't hjarren skerp ôfteikenje tsjin it swart fen 'e himel. Ynienen skoert er syn eagen safier iepen as er se mar krije kin en slacht him mei de hân foar de holle. 'Ik haw it? Ik haw it?' skreaut hy.

'Hwet hastou?' freget Haeije mear noartich den nijsgjirrich.

'Ho't Dr. X. ús fine kind hat. Wy litte in spoar efter fen wite wolken lyk as in skip in spoar fen kylwetter.'

Ja, nou seagen se it fensels allegearre wol. Det wier klear genôch.

Mar hwet der oan to dwaen?

China-Pier giet nei Jelle ta en leit him it gefal út en freget him eft hy der ek rie op wit.

Jelle biriedt him in skoftsje en seit den: 'Iis, dos wetterdamp. Kin allinne bistan hwêr't loft is. Dos...'

'Krekt,' ûnderbrekt China-Pier him, 'det is it. Wy moatte omheech.'

Haeije hat ûndertwisken de Greate Unbikende

net út it each forlern. Hy sjucht it stielen gefaerte hird lytser wiriden.

‘Lokkich,’ tinkt er, ‘dy binne wy forearst wer kwyt.’

Amper hat er det tocht, ef hy merkby, det it loftskip, det sels yn syn apparaet mar in stipke mear wier, hingjen bliuwt en net mear lytser wirdt. Unbiweechlik skynt it dêr hingjen to bliuwen, oan't it linkendewei wer greater wirdt. Haeije bigrypt, det X. omkeard is en it nou wer op hjarren forsjoen hat.

‘Jelle, gau, hy komt der wer oan!’ ropt er hastich yn 'e sprekbus.

Jelle siet noch mei China-Pier to praten. China-Pier hie ek heard, hwet Haeije roppen hie.

‘De deale,’ seit er, ‘dy lit der ek gjin gêrs oer waekse. Foarút, Jelle, omheech, nei 't spoarleaze gebiet.’

Jelle stjûrt it loftskip rjucht omheech. De foroaring is sa ûnforwacht, det de oaren allegearre sawet ûndersteboppe rûgelje.

Ho bryk as Haeije der ek foarsit, hy hâldt nou de Greate Unbikende yn 'e gaten. Hy is fêst bisletten om 'm nou net wer ûntkomme to litten. Fier efter hjarren sjit it skip fen Dr. X. omheech, dwers troch de iiswolkens. Haeije moat de bistjûnder fen dy stielen kûgel biwûnderje, eft er wol ef net, hwent de silinder skeat frijwol dêr lâns, hwê't se noch krekt efkes fen tofoaren west hienen. It wier wrychtich tige tûk birekkene. Mar by syn gefoel fen biwûndering kaem ek ien fen eangstme. Ien, dy't sa goed sa'n loftskip bistjûre kin, is tige ge-

faerlik om as fjân to hawwen yn 'e Stratosfear ef mooglik noch dêrboppe.

Ho't dit ek wier, der wier nou neat mear oan to dwaen, hy siet der mei yn en moast meifarre. Utstappe koe net.

Wer konsintrearret er al syn oandacht op de biwegingen fen X. Suver nêst elkoar sjitte de beide loftminsters omheech, al mar heger. Op 't lêst lizze se allebeide suver stil, inkelde kilometers fen elkoar ôf, op deselde hichte.

It wirdt Haeije al ringen dúdlik, det X. net rjucht wit hwet er der oan hat.

Steesoan hâldt Haeije de oaren op 'e hichte mei de biwegingen fen hjarren fjân. Nou binne de freeslike eagen lyk op hjarren rjuchte en den liket it krekt eft de snoek hjarren strak oansjucht. It liket wol tige raer, mar Haeije lit him net mear forbjusterje. Dy eagen sjugge neat, det is klear genôch to sjen, hwent it skip kaem net op hjarren ta, mar draeide him wer ôf. Klear koe Haeije nou de raket-kanalen twisken de roeren sjen. Elts eagenblik forwachtet hy it fjûr derút spatten to sjen, ta'n teiken det X. in raket ôfsketten hat. Mar der bart neat. Wer draeit it skip. Nou pas falt it Haeije op, det se alhiel stil lizze en dochs net nei ûnderen falle. Scoenen se sa heech wêze, det de ierde...

Mar né, det koe dochs hast net. Ja, it moast wol sa wêze.

Haeije kriget in wé fielen yn 'e mage as hy dêroan tinkt, ho ûnmjitlik fier se den wol fen de Waed

ôfwêze moatte. Den bitinkt er det se hjir dochts net to'n ivige dage lizzen bliuwe kinne.

‘Hwêrom dochst neat?’ freget er yn syn sprekbuis.

‘Ik kin neat dwaen,’ komt it andert.

‘As ik in raket ôfsjit krije wy fierstentofolle feart om 't der gjin wriuwing mear is mei de loft. En him ramme, doar ik net, hwent it scoe biteare kinne, det wy den likefolle skea oprounen as X. Soks scoe 'k net jerne aventûrje wolle, hwent stel dy ris foar, det wy in lek krigen. Den spatte ús hiele loftskip útinoar, en wy der by.’

‘Né,’ seit Haeije, deabinaud, ‘doch it den asjebljeaft mar net. Ik ha 't der neat op stean om yn stikken en brokken nei ûnderen to fallen.’

Wibe, dy't dy lêste wurden heard hat, fynt nou in moaije gelegenheit om Haeije syn wize wurden fen saps mei rinte werom to jaen.

‘Hwet bistou oars noch ûnnoazel,’ sa narret hy, ‘wy kinne ommers net iens nei ûnderen falle, al woenen wy noch sa graech. Wy scoenen hjir for ivich omhingjen bliuwe.’

‘Dou hast al aerdich leard,’ jowt Haeije ta biskie, ‘mar der moat dochts hwet dien wirde, wy kinne hjir dochts ek net lizzen bliuwe.’

‘Né, det is nou wol sa,’ is Wibe ek fen bitinken, ‘mar hwet kinne wy dwaen? Dou hast it nou sels heard. Ik haw it tominsten hjir wol hearre kind. It is ek in raer spil, earst kinne wy lang net hird genôch en nou kinne wy wer net sunich genôch. Sa is der ek altyd hwet.’

China-Pier kin der alhiel net oer det se nou

twongen binne om neat to dwaen. Hy rint op en del yn djippe prakkesaesjes wei, mar hy kin ek neat fine. Hwet hawwe hja dêroan as se al oer him hinne fleane. Se kinne net iens in kûgeltsje op him falle litte, hwent it kûgeltsje scoe net nei ûnderen falle. En den, al scoe it wol falle, den scoe it noch tûzend om trjettjin wêze, as se him rekken. Né, det wier ûnmooglik. En him ramme wier fensels fierstento noedlik. Wachtsje oan it X. oanstie wer hwet leger to gean? Mar ho lang koe det noch wol dûrje. As dy Dr. X. it yn syn holle krige om hjir hwet lizzen to bliuwen, den moasten hja it noch forlieze, hwent sy koenen it salang net mear úthâlde. Him tergje, det wier it ienichste en den mar ris sjen hwet de Greate Unbikende dwaen scoe.

China-Pier stapt nei Wibe ta en seit: 'Slút de radio ris oan, den wol ik ris mei him prate.'

Wibe docht sa't China-Pier it freget. Sa gau as it spil oanset is nimt China-Pier de mikrofoan en ropt om Dr. X.

Hy hoecht net lang to roppen, hwent suver op itselde stuit krijt hy andert.

'Hallo,' ropt China-Pier, 'it falt net ta wol, om mei eigen wapens bistriden to wirden. Jonges kinne it yen mar lêstich meitsje, net?'

Hy wachtet efkes om to hearren hwet Dr. X. dêrop anderje scil.

Aha, dêr is er al.

'Bistean it ris,' sa heart China-Pier him sizzen, 'om werom to gean nei de dampkring. Dêr scille wy den ris sjen, hwa't de sterkste is. Dr. X. lit net mei him boartsje.'

‘Haha,’ andert China-Pier him, ‘pas mar goed op, strak sjugge jo ús wer yn 'e dampkring.’

Hjirnei hinget er de mikrofoan wer op en ropt de jonges by elkoar.

‘Jonges,’ sa bigjint er, sa gau se alle trije yn it greate fortrek binne, ‘der moat hwet barre. Hjir bliuwe kinne wy net, alteast net lang mear. Dr. X. leit op 'e loer, mar kin ús net sjen en dêrom bliuwt er, dêr't er is. Der moat in ein oan komme, oars moatte wy nei ûnderen en den kinne wy wol sizze, det wy it forlern hawwe. Nou daget Dr. X ús út om nei de dampkring werom to gean, dêr wol er ús bistride. Ik moat sizze, det is ek for ús it iennichste. Hwent strak moatte wy der dochs troch. Binne jimme it dêrmei iens? Jonges, it is noedlik, hjir binne wy forearst noch feilich, mar hwet scil der barre as straks ús sûrstof oprekket? Hwet sizze jimme?’

China-Pier hâldt op en sjucht syn maten oan.

‘Is der oars gjin wei?’ freget Haeije, dy't it neat útlokket om wer troch X. efternejage to wirden.

‘Safier ik sjen kin, net,’ andert China-Pier, ‘ef jimme moatte hwet oars witte.’

Der wirdt al wakker oer Bret, mar hwet oars wirdt der net foun.

Op 't lêst wirdt der den mar bisletten om it to weagjen. For alle feilichheit scoenen se sa heech mooglik bliuwe, om hjar spoar net al to dúdlik oan to jaen.

Jelle giet wer nei syn plak en ek de oaren geane wer oan hjarren apparaten sitten.

Kwalik sitte se ef dêr dûke se al wer werom nei

de dampkring, hwêr't de striid útfochten wirde scil.

Haeije hâldt X. goed yn 'e gaten, hwent it slagjen fen hjarren ûndernimmen scil nou for in great part fen him ôfhingje. Hy wit det en is him ek tige biwust fen it gefaer dêr't se nou wer yn komme to forkearen. Mar hy is oer syn eangstme hinne en is tige kalm nou. It dûrret net sa botte lang, den sjugge se wer de iiswolkens efter en nêst hjarren.

‘Heger, Jelle, sa krije wy tofolle fen it goede.’

Jelle giet hwet heger. De iiswolkens wirde tinder en driuwe nou as fine wielen efter hjarren oan.

Haeije kin noch krekt it loftskip fen de Unbikende sjen. In hiel lyts stipke yn syn apparaet. Al ringen komt der foroaring yn it stipke. It bliuwt lyts, mar 't is net mear sa ûnbiweeglik. It komt wer út it steed. Haeije forbyldt him nou det it stipke wer greater wirdt, hwet der op wize scoe, det it loftskip fen X. hirder giet as hjarres.

Nei in hiel skoft blykt him, det er goed sjoen hat. It stipke is nou al in stip wirden. Al sa njonkelytsen bigjint de stip foarm oan to nimmen. Dr. X. giet frij hwet hirder as sy. Hy skynt der op to rekkenjen, det se in rjuchte koers hâlde scille, hwent hy stout wer rjucht op hjarren ôf. It liket Haeije ta, det X. heger fljucht as sy en ek det blykt al gau wier to wêzen.

Det kin noedlik wirde, hwent nou kin hy wol in kûgel op hjarren delgoaije. Net det soks sa maklik for him wêze scil, hwent hy moat mar riede, hwêr't se krekt binne. It iennichste, dêr't er in bytsje hâld-

fêst oan hat, is it spoar. Dochs koe it tafallich treffe en det kinne hja der net op weagje.

Hy is nou al gefaerlik tichteby komd. Jelle wol krekt omheech gean as Haeije ropt: 'Utwike, Jelle, hy wol ús ramme. Hy hat noch in raket ôfsketten!'

Jelle skoert it roer om, sadet it skip in skerpe bocht makket. X. sjit oer hjarren hinne. Hy skynt der alles op set to hawwen om hjarren mei syn eigen loftskip oan grús to jeijen. Alle foarsichtigens hat er út it each forlern. Sa gau hat er net sjoen, det it spoar in skerpe bocht makket, ef hy remt syn flecht mei in tsjinraket ôf en is foart wer efter hjarren oan.

It wirdt in wyld jeijen hinne en wer. Dr. X. hat it foardiel fen syn folle greatere flecht, wylst Jelle-en-dy it foardiel hawwe fen for him ûnsichtber to wêzen.

Dit dûrret sa in pear ynspannende ûren sûnder det Jelle-en-dy ek mar in skyn fen kâns krije om Dr. X. binei to kommen. Lang kin dit net mear dûrje. De atmosfear yn de stielen silinder wirdt der net better op. Sy krije tige lêst fen pine yn 'e holle. Ek de eagen bigjinne hjarren sear to dwaen en it liket wol eft se in swier gewicht op it boarst lizzen hawwe. Se moatte op 'e toskten bite om it út to hâlden. Ho lang scille se dit noch folhâlde kinne? Haeije kin X. mar kwalik mear sjen, sa'n lêst hat er fen syn eagen. Hy sjucht him as yn in dize. Hy hat krekt in gefoel eft er mei stoel en al op en del yn it fortrek sweeft. Den is 't him wer eft syn holle in ballon wirden is, dy't mei alle geweld omheech

wol en den wer is 't him as liet men der in blok lead op sakje, stadichoan.

Mei de oaren is 't net folle better, mar by hjarren komt it der net sa folle op oan, útsein Jelle fensels.

Haeije byt syn lippen stikken om baes fen himsels to bliuwen. Hy sjucht wer efkes skerper út.

Yntwischen hat Dr. X. gebrûk makke fen det amerij fen swakkens en is nou rjucht boppe it tergjen de spoar komd.

‘Dûke, Jelle, dûke!’ ropt Haeije mei ynspanning fen al syn krêften, mar gjin lûd komt der oer syn lippen. Syn tonge liket wol fordroege en fielt as in stik lear yn syn mûle, dêr't er gjin biweging yn krije kin.

Al hie er al roppe kind, den hie Jelle dochs neat dwaen kind. It stie der mei Jelle noch slimmer foar as mei Haeije. De greate spanning fen de lêste ûren en de minne atmosfear, wierne him to mânsk wurden.

China-Pier, dy't it net earlik sa slim hat as de jonges, sjucht oan Haeije, det er hwet sizze wol. Hy komt mei earmoed oerein en stroffelt op Haeije ta. Hy pakt him by it skouder en skoddet him hinne en wer. Haeije wiist nei boppen, hwêr't China-Pier út bigrypt det Dr. X. boppe hjarren is. Hy wol nei Jelle ta fleane, mar hat der net de krêft mear ta. Foaroer slacht er tsjin 'e flier. Hiel efkes bliuwt er lizzen, den skarrelt er wer oerein, him fêsthâldende oan de stoel, hwêr't Wibe, mear dea as libben yn hinget. Hy is nou flak mei syn eagen foar 't rût.

Tafallich sjucht er nei bûten. Hy gappet nei de siken.

Hwet is det?

Hy jowt sa'n mâl lûd, det Tong Fo, Wibe en Haeije, ho min as hja ek binne, alletrije opsjugge. Mei wiid-iepen eagen wiist China-Pier nei bûten.

Se forjitte hjarren swakkens en bâlte om it lûdst. Sa mâl giet it der omwei, det ek Jelle nei hjarren ta krûpt. Den lizze se mei syn fiven op in bultsjie foar it lytse finster en sjugge mei greate eagen nei bûten.

Hwet mei der wol to sjen wêze oan 't uterste rântsje fen de dampkring, det it hjarren allegearre suver wer nij libben yngetten hat?

Hja dikerje, yn folslein net bigripen nei... it loftskip fen Dr. X.

Det is it greate wûnder. Mei hjarren eigen eagen sjugge se nou it stielten loftmûnster mei de freeslike eagen. It magnetyske pantsjer is forneatige, mar ho? Det der mei X hwet net yn oarder is, wier klear genôch. It skip sweefde hwet hinne en wer, den kalm en den mei skerpe, greate halen. It like wol eft de eigner it bistjûr oer syn eigen skepping kwyt wier.

Do, ynienen, joegen se alle fiif in gjalp en seagen elkoar forwêzen oan.

Hja wierne der op útgien, mar nou't it barde, sloech it hert hjarren yn 'e kiel.

De Greate Unbikende wier op syn lêste reis. It skip die noch in skerpe hael en sette do de kop nei ûnderen en skeat mei net to stuitsjen feart, nei de ierde. Mar it scoe de groun net birikke.

Troch it boaijem-finster seagen se earst noch in stip en do... in lange wite streek.

It loftmûnster fen Dr. X., det as in swart skaed hongen hie oer de minskewrâld, wier troch de wriuwing fen de loft yn lôgen opgien en mei it skip it learde mûnster, det it bouwd hie.

Do't se wer hwet bikomd wierne, moasten se ek sjen sa gau mooglik wer nei ûnderen to kommen, oars koe it hjarren wol ris krekt sa gean as X.

Jelle gyng tige hoeden wer nei syn plak en skeat hjarren skip wer nei de ierde, hwêt' se ek wer bihâlden oankamen al wierne hja ek mear dea as libben.

Bislut.

Fen Dr. X. waerd nea wer hwet heard. Gjin minske bigriep hwê't hy bidarre wier. Inkelden woene syn fordwinen yn forbân bringe mei de meteoar dy't sjoen wurden wier op 'e dei dy't folge oan 'e nacht, do't der earne yn Fryslân in great gat slein wier yn 'e waed, hwê't sokke frjemde forhalen oer gien wierne.

De measten founen det klearebare fantasije, howol der nea net in goeije forklearring for jown waerd.

Sa bleau Dr. X. in namme, oars neat.

Yn it doarp oan de Sudermar hie men raer opsjoen, do't der op in goeije dei fiif ynpleats fen trije minsken weromkamen.

Nou bliek it, det China-Pier der noch gâns kinde hie. In hiel soad fen 'e âlderein koe him noch wol, al seach er der nou ek al hwet frjemd út. As jongmaetsje wier er de wrâld yntein, as de man, dy't nearne for doogde. Yn al dy jierren hie men sa goed as neat mear fen him heard. En dêr wier hy wer.

Der waerd fensels al wakker oer dy fiif praten mar it krechte kamen se dochs net oan 'e weet. Det wisten ek allinne de fiif maten mar. Ho't hja it loftskip wer demontearde hiene en op it skip fen China-Pier nei Amsterdam ta brocht, hwê't it nou

ûnderbrocht wier yn in fen China-Pier for det doel koft pakhús.

As dy fiif wol ris byinoar wierne, en det barde noch alris, den praetten hja faek oer Dr. X. en oer de freeslike menear, hwêrop dy oan syn ein komd wier.

In goeije forklearring hawwe hja der net for fine kind.

Se koene ek net witte, det X. tofolle fen syn strielenútstjûnder ferge hie, hwêtroch hy de elektryske ynstallaesje fen syn loftskip fornielid hie. Howol't er noch genôch raketten oan board hie, wier er net mear yn steat west om dy ôf to sjitten, om't syn apparaten net mear arbeiden.

‘Nou bistou sa goed thús yn 'e wiskinde,’ sei Haeije ris op in kear tsjin Jelle, ‘mar dochs hastou de Greate Unbikende X., ek net yn formule toplak sette kind.’

‘Haeije, dou hast gelyk. X. scil altyd “De Greate Unbikende” bliuwe.’

Ut!